

It jonge Fryslân

Sangen en rimen fen jonge Fryske skriuwers

Pieter Jelles Troelstra en Onno Harmensz Sytstra

bron

Pieter Jelles Troelstra en Onno Harmensz Sytstra (eds), *It jonge Fryslân. Sangen en rimen fen jonge Fryske skriuwers*. Hepkema, Heerenveen 1881

Zie voor verantwoording: http://www.dbnl.org/tekst/troe002itjo01_01/colofon.htm

© 2008 dbnl / erven Onno Harmensz Sytstra



Oan de Lêzer.

‘IT JONGE FRYSLÂN’, sa ha wy ús boek neamd, om 't de stikken it wirk binne fen jonge Friezen.

Mei hwet doel as wy dit boek yn 't ljocht jowe? - As de stikken goed binne, scille se lêzen wirde, det is dôch it wyt fen elts boek; binne de stikken to min om lêzen to wirden, den kin it wyt fen de útjefte se net better meitsje.

Mar goed of net goed, dit boek kin de Friezen sjean litte, hwet hja ten de jonger ein to wachtsjen hadde; hja scille út dit wirk opmeitsje kinne, ef it jonge Fryslân stride kin for it bihâld fen dy tael, dy Salverda neamt: ‘it erf fen tûznen jierren’, det elts oprjuchte Fries biwarje moat ‘hoask, as 't heilichst pân’.

Wy jowe nou in diel r y m ; oer in great jier komt er licht in diel û n r y m yn 't ljocht, dêr 't wy nou al in pear stikken for lizzen hadde. Mei ús boek blike, it lêzen wirdich to wêzen, det is for ús, de samlers, de bêste foldwaning.

LJOUWERT, Haimoanne, 1881.

P.J.T. en O.H.S.

It jonge Fryslan.

fen

P.J. Troelstra.

Nou wolle wy mei sang en klang
 It bloisel fen ús herte
 Op 't alter fen it heitelân,
 As earstling-offer sette.

Yn d'âlde tiid droech 't jongfolk graech
 De swiere gleaune swiriden;
 't Wier hjar in ear, for 't heitelân
 't Yn striid en noed to hirden.

't Wier hjar in njue, jin oarmans krêft
 For d' erfgroun mânsk to striden;
 It wier hjar rom, for 't heitelân
 Op 't slachfjild dea to blieden.

Yn mylder tiden libje wy;
 Us bloed hoecht net to streamen;
 De frydom fen ús heitelân
 Heart ta forfleine dreamen.

Mar foel it ryk fen Fryslân wei,
 Dêr 't *freamden* lof fen telden,
 Yet libbet yn ús heitelân
 It neiteam fen dy helden.

Yet libbet d' âlde Fryske tael
 Op tûznen Friezne tongen;
 Yn hjar hat mannich Fries fen al
 Hwet goed en wier is, songen.

En wol fen 't Suden ek in sé
 Fen freamdsin ús oerdekke,
 De tael bliuwt ús in fêste hâld;
 Hja scil dy weagen brekke.

Dos wolle wy mei siele en sin
 Us oan dy sprake wijje,
 En - mat it - for hjar rom en ear
 By Fries en Unfries lije.

Sa scille wy, lyk as by âlds,
 For 't lieawe heit'lân fjuchtsje;
 En earst de kâlde, stomme dea
 Scil disse kamp bisljuchtsje!

LJOUWERT, Simmermoane 1881.

Stoarm en Stilte.**fen****O.H. Sytstra.**

Hark, ho 't de stoarmwyn beart!
 Gierend gûlt er troch 't neakene beamte;
 Kreakjend keilt er de keale tûken
 Foars jin de biferzene groun.

Wyld waeit de wite snie
 Dwarreljend dwers oer diken en dammen;
 De griisgraue grime wolken
 Stouwe stoarmeflich foart.

Foart! flean nou ringen nei 't fjild!
 Wraxelje, wrot tsjin de skûrende wyn op;
 Lit wyld de wyn yn dyn hierren heisterje;
 Frees net de fûleindige froast!

Bear, bolderje, byljende stoarm,
 en skodsje de neakene tûken
 Fen 't beamt', det blêdleas stiet,
 yn 't deadske winterkleed.

To, wylder yet, en jei
 de snie út alle hoeken,
 De feart en fjilden oer;
 lit net in stofke op 't steed!

Waei wyld myn hierren út,
 rûs rou my yn it wêzen;
 Wês byld fen 't binnenst my,
 hwêr ek de stoarmwyn beart;
 De kâlde wrede wrâld
 het my it hert biferzen,
 Lyk as dyn izige amme,
 fêstfrear grêft en sleat.

As m' oeral yn de wrâld
 neat fynt as leed en lijen;
 As yen de lêste ûntsinkt
 op hwa 't me rekk'ne hie;
 As libbenssêd en wirch
 me 't libben scoe forfije;
 As me, yn yens ûnk fortiisd,
 nin útwei wit ner rie -

Den is 't, ef 't moaije waer
 faek gnysket om yens rampen;
 De sinneskyn is 't byld
 fen d' ûnforskill'ge wrâld;
 En wylst min hast biswykt
 troch tsjin yen sels to kampjen,

Forwaermt er 't lichem wol,
mar 't hert wirdt dûbeld kâld!

Né, den is 't de kamp der natûr,
dy 't de striid yn 't gemoed docht forjitten;
Yn 't wrax'ljen tsjin waer en tsjin wyn
wirdt de striid yn it binnenste stild;
As de striid fen it lichem bigjint
het yen d'ûnrêst fen binnen forlitten;
Yn de striid jin de krêft der natûr
wird' de wounen fen binnen net field.

Blaes den en bolderje, byljende stoarmwyn!
Waei den en wynderje wyld troch myn hier!
Reagje en rûs my rou yn it wêzen;
Byld fen myn binnenst, wês woest nou, wês wyld!

Wreed wier him de wrâld wêst;
Tsjuster wier syn takomst;
Swier woech op him it wicht fen syn ûnk;
Mar om him hinne
Lake de sinne;
't Wier ef elts antlit fen libbensnocht blonk.

Lokkich! syn lijen naem'h ein; hwet in wille
Sjocht er tomjitte, hwet njue, hwet in nocht!
Mar gûlend giert wer de stoarmwyn;
Boijen beare en bold'rje;
Skiere wolken skouwe hjar foar 't sinneljocht.

Natûr, sa is neat for dyn nukken to hillich?
 Lakest om lijen, en skriemst om ús nocht?
 Fynste faek freuchde yn it spotten en pleagjen? -
 Oars hiest' my *nou* dôchs wol sinneskyn brocht.

Winter joech jamk wylde boijen;
 Hirde wyn en kâlde snie;
 Tsjustre loft en tsjokke dampen;
 Fûle froast, det 't sahwet die.

't Wier, ef woe natûr forstearre;
 't Lieawe sintsje bleau mar wei;
 Fûgelstimme wier forstomme;
 't Wier, ef 't al op stearren lei.

Ek yn 't herte fen it minske
 Wier de deadske winter kaem;
 Kjeld en froast en tsjustre wolken
 Hien' ek dêr de fleur ûntnaem.

Wylde hie faek de stoarm dêr boldre;
 Near en tsjuster wier it dêr:
 En de kâlde wrâld dêr bûten
 Foun syn weargea binnen wer.

Sims den scoe min hast bitwiv'lje,
 Ef de hird biferzen groun
 Ea wer scoe ûntteije kinne,
 Det it blomte plak er foun.

Einlings dôchs - dêr kipe 't sintsje
 Efkes troch it wolkneswart,
 En dy bliere waerme strielen
 Foelen ek yn 't minskehert.

En dy sinne fage ringen
 Al dy tsjustre wolken wei,
 Lake alles blier tomjitte,
 En yn 't hert wier 't ek wer dei.

Waechsdom brocht it sintsje oan d' ierde.
 Blomte sierde wer de groun;
 En de sinnestriel dêr binnen,
 Spraette'r ek syn sein yn 't roun.

Weitein wierne soarch en lêsten;
 Lieafde sinne naem se wei;
 En, hwa 't yn dy fleur nou rounseach
 Wel, dy soarge 'r hast wer wei.

Blaue, klare loft dêr boppe;
 Helder ljocht oeral yn 't roun;
 Grien en blommen, sjongend fûgelt
 Ha 't in himelsk oansjean jown.

Skimerjounje.**fen****T.E. Halbertsma.**

't Is winter, en wy bliuwe
Smûk mei 'noar yn de hûs;
De bern boartsje om ús hinne;
Ha wille by de rûs.

Dy rydt op 'Pyt' nei beppe,
En set it bist sa oan,
Det, as it libbe en fielde,
It wier al lang bidoarn.

Hy moat er ringen hinne,
En net to let werom,
En den nei oarreheit ta...
Sa praet dy lytse blom.

By 't naentsje sit syn sister,
En widzet, hwet hja kin;
Sjongt dêrby 'suze nane'
For 'Lys', hjar lêstich bern.

O jiffer Fantasye,
Hwet jow jy hjir in nocht!
Jy spriede oer dit toanieltsje
Jou waerm en hearlik ljocht.

Jy meitsje it deade libben,
En jowe oan 't stomme lûd;
Hwet bern yn hannen hadde
Det kriget krêft en gloed.

Strak, as it poarpren sinke
Yn 't Westen leger glydt,
En mem hjar naeiwark del leit,
En hwet oan 't breidsjen giet,

Sjoch, den leit heit de pinne
Mei 't oare skriuwark wei;
'Non skimerjounje, berntsjes!'
Sa ropt er, 'hwa wol mei?'

'Ik, ik wol!' skreaut de ruter,
En rôllet oer de groun;
In amerytsje letter
Het boi syn plak al foun.

En sy dêr by de nane
Forjit hjar 'Lys' alhiel;
Hja wjukkelt nei hjar heit ta,
En wol ek graech hjar diel.

En op de selde knibbels
Dêr eren 't fanke siet,
Det sint fiif jier syn wiif is,
Klinkt nou it berneliet.

Dêr giet it: 'foart mar, hynke;
Mar hird nei Dockum ta;
Wy moatte in botsens koeke
Mei ulevelen ha.'

En strak, as heite hynzers
Hwet wirrech binne en loai
Fen 't felle hossebossen,
Den wirdt it earst nôch moai!

Den moat er oan 't fortellen;
Fortelle, hwet mar past;
It smakket altiid lekker,
Al is 't ek âlde kost.

Allinne it knapprich fjurke,
Dat mei syn dounsjend ljocht
Us skaed op 't bêdsket teikent,
Hwêr 't famke graech nei sjocht,

Allinne 't knapprich fjurke,
Dat heart me nou en den,
As heit fortelt oan 't boike
Fen 't swiet Loaillekkerlân,

Of fen dy earne jonge,
En fen de rike hear,
Of fen 't meilijich hintsje,
Fen 't kouke, en sa al mear.

En jiffer Fantasye
Dy spilet ver hjar rol:
Hwêr heite bylden stykje,
Dêr teikent hja se fol.

Hja lit de bisten sprekke,
Jowt nammen oan de kij;
Neat is er, ef hja dielt it
In fielber wêzen mei.

En bûkemantsje harket,
De lipkes op in kier,
Mei eachjes, nou ûndogens,
Den trienjend, den wer blier.

En 't moantsje foar it finster,
Mei 't bleke silv'ren ljocht,
Det glimket om dy wille,
En dielt ek yn de nocht.

En memme wêzen strielet
Fen súvre sillichheit,
En sûnder dat hja 't útsprekt,
Wit heit wol, hwet hja seit!

O mantsje yn de moanne,
Bring dit toaniel yn print,
En stjûr, as d' âlde dei komt,
Dy den oan ús presint.

En, lieawe skimerjounen,
Kom jimme faek werom!
Jimm' jowe nocht en wille;
Jimm' meitsje ús goed en from!

TERNAERD, 3e fen Selle, 1880.

Snieklokje**fen****T.W. Sytstra.**

As Rûchbird mei syn yskâlde amme
For 't foarjierssintsje wike moat,
En as er, kampjend for syn namme,
Yet strydt, as scoed er nea wer foart;

As hy yn Maert mei kâlde fleagen
Fen heil en snie him jilde lit,
En dôchs ek oare, bliere dagen
Us sizze; 'o forjit, forjit!'

Den komt in blomke wei út d'ierde,
De snie allyk sa wyt en skjîn;
Det wol by Rûchbirds ôfskied liede,
En 't bringt ús nije libbenssin.

It docht ús kjeld en snie forjitten;
It leit de takomst foar ús bleat;
Gau hat de winter ús forlitten,
En preallet d'ierde yn nije steat.

Hja scil mei nije pracht wer pronkje,
En komt op nij yn fleur en tier;
Det scil yn 't minske 't fjûr ûntfonkje;
Hy wirdt op nij wer soun en blier.

It fûgelt is ek wer to hearren;
It tsjottert, tsjilpt en sjongt sa blij;
En al hwet like wei to stearren,
It libbet alles wer op nij.

Sjoch 't, Snieklokje út de snie wei kypjen
By stoarm en heil of sinneskyn;
It ropt ús ta om ús to stypjen:
'Ik lied in moaije takomst yn!'

Foarút!**fen****S.S. Koldyk.**

Op, foarút yn 't ierdske libben;
Iwich stribje mar nei mear;
Fier it yn de wrâld to bringen;
Trachtsje altiid nei greater dingen;
Jeije aloan nei rom en ear.

O, lit det myn leuze bliuwe
Op myn hiele libbensrin;
Mei ik moed en krêft bisitte,
'k Scil se net forroastje litte,
As 'k er nut mei stichtsje kin.

Krij ik simmes ûngelokken;
Krij ik tsjinspoed of fortriet;
Mei' my swiere slagen treffe,
'k Wol dêrboppe my forheffe,
En mar hoopje op better tiid.

Giet it my nei 't sin yn 't libben;
 Hab ik folle foar de wyn,
 Dêrom wol ik dochs net rêste;
 Wrotte en stride wol 'k ta 't lêste,
 Det 'k myn lok yn d' arbeid fyn.

Mat ienkear de dei oanbrekke,
 Dy 't myn ierdske libben slút;
 'k Hoopje, ús Lieawen Hear hjir boppe
 Scil my den ek wer ta roppe:
 'Kom, stean op! 't Is wer: *foarút!*'

Moai binne de mieden.

Moai binne de mieden, as 't sintsje yn de dau krûpt,
 En 't ljurkje yn de greppel syn jounlietke sjongt.
 O nocht, dêr to wêzen, fen wyntsjes omwjukkle,
 Wyls 't herte ek in jounsang, né, tankpsalmen sjongt.

Den fleane myn dreamen de himel tomjitte,
 En hwet my ek hindert, dêr fiel ik it net.
 'k Wird optild en opfierd, en treaun nei omhegen;
 'k Fyn God yn de himel, 'k fyn God yn myn hert.

Sa, famke, is dyn hert ek in miede fol blommen;
 Dêr kipet it earnstige mos ûnder wei.
 O dêr mocht ik rêste, o dêr mocht ik dreame!
 Myn inerlik driuwen, myn langstme is dêr nei.

PIETER JELLES.

**De Ule.
fen
lu-Tsen.**

Tsjustere nacht, dy lofsjong ik.
 Dou bist de skrik
 Fen 't warleas fûgelt, det neat het as lûd;
 Nin krêft yn de klau, en yn 't herte nin moed.
 Lit *hjar* forstomje;
Ik scil dy romje!

Tsjustere nacht, dou bist myn frjeun!
 't Sinnefjûr gleaun
 Barnde my blyn, mar dou joechste my earst,
 Dou mei dyn skaed en dyn koelens, wer treast.
 Dy wol ik sjonge
 Mei hert en tonge.

O, blyn fen 't ljocht - 'k flokte myn lot;
 't Fûgelt ta spot
 Siet ik dêr hinne, en det narre en hune...
 Divel! de bek fen in mosk het my woune,
 Toroppe myn fearren.
 Ik mocht wol stearre!

Tsjustere nacht, dou strykste del,
 Myn each strielt hel;
 Krassend skreau ik fen dead en fordearren:
 ‘Krêftleaze húnders, 't is d' ûre fen 't stearren!’
 Sjoch, ho se skrilje!
 Det is myn wille.

Wrâld dêr omleech, haetsje my frij;
 Ik laeits, om dy.
 Priisgje dyn sjongtúch, det flinterkes fret;
 Priisgje de sinne, hja priisget dy net!
 Hûchelje minne!...
 Ik flok de sinne.

Tsjustere nacht, dy lofsjong ik.
 Dou bist de skrik
 Fen 't warleas fûgelt, det neat het as lûd;
 Nin krêft yn de klau, en yn 't herte nin moed.
 Lit *hjar* forstomje;
 Ik scil dy romje!

Fûgelsang
fen
P.J. Troelstra.

K O A R .

Lit ús sjonge, ja sjonge nou 't liet,
De prins fen it ljochtryk ta iuwge priis,
De kening des himels ta tankbewiis;
Lit út sjonge, ja sjonge sa bliid!

M O S K .

As de sinne yn 't Suden stiet,
Komt de stoere wintertiid.
En mei snie en kâlde boijen
Jowt er d'earme fûgels bruijen. -
O, den ha wy 't neat to rom!
Mei de kopkes yn de plom
Sitt' wy skrousk yn 't kâlde nêst,
Piipjend, kreunjend al ús bêst.

En yn sliep as yn dea
 Binn' de lea
 Der natûr,
 Forskronfle en forstiwe,
 Mei 't deakleed er oer.
 Der binne gjin blommen,
 Der waechst ek gjin krûd;
 Gjine sang wirdt fornommen
 Gjine fleurich blij lûd.

Yn it neakne beamte krast
 De swarte roek sa skril;
 De stoarmwyn reaget om yn 't wâld;
 Wy binn' bidest en stil.

Fol langstme wachtsje w'op de tiid,
 Det wer it sintsje skynt,
 Det d' ierde, as s' opstiet út de dea,
 Troch 't hier in blomkrâns wynt.

Oan alle lêsten komt in ein;
 Nei alle leed komt nocht;
 In brilloft komt er nei de dea,
 Nei 't kâlde tsjuster waermte en ljocht.
 Sa sit yn 't libbenskeatting 't goud
 Oan 't donkere izer fêst....
 Jow noait yn 't leed de moed forlern;
 Al kinst ek nou gjin útkomst sjean,
 Der komt wol ljocht op 't lêst!

Yet fiel ik him, dy bliere striel
 Fen 't waerme sinneljocht,
 Dy d' earste tyngje fen de komst'
 Fen 't jonge foarjier brocht.
 Yet wit ik, hwet in njuefol liet
 Myn eang lyts kieltsje song,
 Omdat de bolle foarjierswyn
 Wer yn myn hermtsje krong.
 En do wer 't blomte út de groun
 Syn mûzige eachjes stiek,
 Do wie 'k sa blij, sa waerm en soun,
 De rykste prins to ryk.

K O A R .

Lit ús sjonge, ja sjonge nou 't liet,
 De prins fen it ljochtryk ta iuwge priis;
 De kening des himels ta tankbiwiis,
 Lit ús sjonge, ja sjonge sa bliid!

G E A L .

O ho sillich, ho oanminnich,
 Moaiste tiid fen 't jier, bistou!
 Maitiid, Maitiid, hwet in wille,
 Hwet in libhensnjue jowstou!
 Hwet in fleur en tier,
 As fen alle djier
 't Bloed sa tel troch d'ieren brûst;
 Lieafde 's amme rûst.

Hwet in wille, o hwet in wille,
 Tiid fen lieafde, tiid fen ljocht!
 Yn it boskje lokje 'k 't wyfke
 Ta de skjinste lieafdenocht.

Mei myn moaiste sang
 Rop ik minnedrang
 Yn it hert fen 't wyf ken op;
 Mei myn swietste rop.

Tiid fen lieafde, as 't griene boskje
 Skatterert fen it fûgelliet;
 As it folle, jonge libben
 Dounsjiend troch de fjilden giet.

Hope jaget smert
 Ut elts soargjend hert;
 Hope jowt it libben fleur;
 Jowt it fleur en kleur.

Sjoch dy knopkes, sjoch dy krûdsjes,
 Sjoch dy bledsjes, jong en grien;
 Hark dy blide minnelûdsjes;
 Noait ha wy mei 't sjongen dien.

Wirdt elts knopke in blom? -
 Bliuwt ús 't hert sa rom? - -
 'k Wyt net, 'k wyt net, mar ik sjong!
 'k Wyt net, mar ik sjong!

Hwêrom scoest' ek al tiid soargje
 Tsjin in oare tsjustre dei?

Laitsje, lieawje, patsje, pearje;
 Lieafde jaget soargen wei.
 't Sintsje laket blij;
 't Laket ek for dy!
 Nim syn bliere laeits yn 't hert;
 Stúnje en gnoarje net!

As de jountiid mei syn dauwe
 Rûzend oer de fjilden leit,
 En de sinne yn 't roazich Westen
 D'ierde in smûk 'to rêsten' seit;
 Sjong 'k in ôfskiedssang:
 'Sintsje, bliuw net lang!
 Tink om fûgel, beamte en blom;
 Kom, o kom werom!'

K O A R .

Himmelkening, bliuw net lang!
 Tink om fûgel, beamte en blom;
 Kom, o goudne, kom!

L J U R K .

As de bliere moarn yn 't Easten
 Heal syn eagen iepen docht,
 Skrilt er earst, yn sliep fortize,
 For de glâns fen 't himelljocht;
 Mar hy wirdt al gau to wekker,
 Laket myld de sinne ek oan,

Pronket mei hjar moaiste kleuren,
Om it holke in strielekroan.

En d'ierde, yet sliepend, en 't fjild, yn de dau,
En 't marke, yn de mist wei, hja glânsge nou gau
Yn 't ljocht fen de sinne,
Det as mei 'n pinsiel
Nou ferwe is oer 't marke
En rounom oer hinne.

Nou dogge de blomkes
De knopkes ek iepen,
En fine 't to moai om yet langer to sliepen;
Nou strune de wyntsjes
Troch fjilden en wâlden,
En patsje alle blomkes, en binn' net to hâlden;
De yester is fol fen
De kôgjende kij:
Dy noaskje om hjar hinne,
Dy snuve en dy stinne,
En lûd is 't gerop, en gegûl en gejei.
Nou spat yn de amers
It ynwite skom.....
O, moai is de wrâld, en sa great, en sa rom!

Ut de greppel, hwêr myn nêst is,
Hipje 'k op it dauwich krûd;
'k Amje in boarst fol loft, en rekje
Gapjend den myn wjukken út;

As ik den de wrâld sa wiid fyn,
 En de himel djip en klear,
 Bin 'k my sels sa lyts en neatich,
 Wirdt it my sa eang en near.
 't Is as walje 'r weagen
 Yn myn hertsjen op;
 't Triuwt my nei de himel;
 Tilt myn foetsjes op.

Dêr driuw ik en kliuw ik nei 't iepene swirk;
 Der tsjoch en fljuch ik sa frij;
 It triuwt fen omleech, en it lûkt my omheech,
 En 'k sjong sa ynbljij, sa ynbljij:

Sinne, sinne, himelljocht,
 Dy de dei oan d'ierde brocht,
 En de nacht oerwoun,
 't Wolkom *sjongt* myn sang dy ta;
Blierket dy fen 't marke ta;
Wazemt fen de groun.

Damp en mist binne út'noar skûrd,
 Hingje yn drippen oan it bird
 Fen it griene wâld;
 Tsjuster wier it, stil en near;
 Dou kaemst op - de loft is klear,
 Fleurich is de wrald!

't Fjild is as in blommekroan;
 't Libben as in simmermoarn.
 Troch dyn waermte en ljocht.

'k Tureljurkje - scoe ik net? -
 Mei in triljend, oerfol hert:
 Tank for al dy nocht!

K O A R .

Blommen, alters op de groun,
 Strui jimm' swietrûk yn it roun;
 Priisgje, o fûgels, 't hearlik ljocht;
 Tank for al dy nocht!

S W E L .

Ik bin as 't blomke, det syn kopke flijt,
 Hwêr det it bliere ljocht der sinne skynt;
 Ik bin as 't koarn, det troch de sinne tynt,
 En sûnder hjar net fol en krêftich dijt;
 As 't blomke gean ik, hwêr 't de sinne giet,
 As 't koarn kin 'k dije, dêr 't de sinne briedt.

As it field syn blommeklean
 Wilich flodderje om syn lea;
 As it wâld syn gouden kroan
 Fâlle lit, forsûtre en dea,
 As de sinne in kleed fen mist
 Foar hjar strieljend antlit docht,
 Sûntsjes fen ús fielden wykt,
 En al mear nei 't Suden tsjocht -
 Den forgearje 'k frjeun en sibben,
 En wy gean de sinne nei:
 Dêr 't de sinne is, is ús libben;
 Dêr 't hja net is, stearre wy!

KOAR.

Dêr 't de sinne is, is ús libbén,
Lieaflik ljocht, wy priisgje dy!

DE ÛLE.

Wei mei 't ljocht, it docht my sear;
D'eagen prykje my!
Fen it tsjuster hâld ik mear;
Sinne, ik skoud'rje dy!
Ik sjong d' eare fen de nacht;
Ik forflok it ljocht!

KOAR.

Skyn, iwich ljocht, oer fjild en wâld!
Strui al dyn glâns oer hiel de wrâld,
Dyn waermte yn jong en âlden!
Brek troch de mist, kliuw op nei 't swirk;
Jow d'ierde krêft by 't deistich wirk,
Om 't herte rom to hâlden!

Kring d'ierde troch, o libbensmacht;
Kring 't herte troch, fordriuw de nacht
Ut aller wêz'nen sinnen.
Fier op, hwet leech en moedleas is,
Bring ljocht, jow krêft, hwêr 't tsjuster is,
Krêft, om 't fen 't kwea to winnen!

It ûlebrod, sa skier, sa skou,
 Keart fen dyn lieafflik ljocht him ou:
 It kin dy net forneare;
 Mar wy, as berntsjes fen de dei,
 Wy sjonge, en d'ierde sjongt it mei:
 'Oan dy, o sinne, d'eare!'

Wy priisgje dy, wy libje yn dy,
 Salang wy kinne, scille wy
 Dyn rom en eare sjonge;
 Ja, as de deanacht ús omtsjocht,
 Den romje w' ienkear yet dyn ljocht,
 Mei heal forstiwe tonge!

Dou hieste gâns to fortellen.

Dou hieste gâns to fortellen;
 Hwêroer, det wit ik net mear.
 Myn e a c h hie nocht oan dyn mûlke,
 En det forbjstre myn e a r .

Dyn mûlke bloide as in blomke;
 En ik, as in flitige bij,
 Ha dêr ynswiete hunich út dronken.
 Ho sillich wier ik by dy!

PIETER JELLES.

Ús âlde Toer.**fen****W.G. Hoeneveld.**

Hwa kin dy net, o âlde toer?
 Hwa scoe dy slite wolle?
 Hwa seach noait by dyn mûrren op
 Nei d' âlde skiere holle?
 Hofolle scoestou, stoere reus,
 Us net fortelle kinne,
 Fen alles, hwet sint dyn birstean
 Al bard is om dy hinne?

Ho faek hat net dyn klokkeslach
 Oer greide en wetter klonken?
 Ho mannich is mei dyn gebrom
 Net yn de kûle sonken?
 O siz, ho faek is net de krêft
 Fen stoarmen troch dy britsen?
 Ho folle winters hadde net
 Dyn kop mei snie oerbitsen?

Hwet houden wy as bern fen dy!
 Ho boarten w' om dy hinne!
 Sa blij, sa fleurich koene wy
 Oer gêrs en grêwen rinne!
 Mar as dyn sombre toanen den
 Wer for in deade klonken,
 Den wier 't faek mei ús wille dien;
 It moed wier ús ûntsonken.

Ek ienkear scil dat deadsk bombam
 Us nei de rêstpleats bringe;
 Hwent och, ho goed me 't hjir ek hat,
 De tiid kin nimmen twinge,
 Dy rint, né fljucht mar iwich troch;
 Al mei me suchtsje of grine,
 De Seineman forjit ús net;
 Syn each kin elk hjir fine.

Sa, âlde toer, komt ek in tiid,
 Detstou dyn plak mast' romje;
 Dyn mûrren falle ek ienkear wei;
 Dyn lûd scil ek forstomje.
 En komt in freamde den yn 't doarp,
 Den scil de neiteam sizze:
 Dêr stoe alear ús âlde toer,
 Hwêr 't nou dy gruzels lizze.

GROU, Foarmoanne, 1881.

Kjeld yn Maeije.**fen****O.H. Sytstra.**

Maeije wier 't wirden, 't waer wier lang tsjuster;
 Unlijich waer hie de winter jamk brocht.
 Nou kaem de sinne troch 't wolkneswart kypjen;
 Hiel de natûr blonk fen 't himmelske ljocht.

't Wachtsjende grien, lang yn 't knopke bisletten,
 Weage 't nou ek him der bûten to jaen;
 't Briek út syn tsjerker; hwet smakke 't in wille!
 't Tocht nou oan 't sintsje to goed him to dwaen.

Waermte en ljocht, it foun nou hwet it winske;
 Nou scoe it groije; it foarjier wier komd;
 Klear wier de himmel en sjongende fûgels
 Hiene 't ûntweitsjende foarjier al romd.

Dôchs - der draeit de wyn nei 't noarden.
 't Sintsje woe syn bêst wol dwaen,
 Mar dy kalde, wreede amme
 Woe oan 't grien nin waechsdom jaen.

Eangstich skrilden do de blêdsjes
 Wer tobek, hja stien forstomd;
 Hwent dêr skynde ommers 't sintsje,
 Nou wier ommers 't foarjier komd!

Brocht dy sinne nou nin waernte?
 Wiern' syn strielen nou den kâld?
 Né, det golle sintsje die 't net;
 It wier de amme fen 'e wrâld.

Det wier wreed; it earme bledsje
 Kwynde, as it dêroan tocht,
 Det de wrâld, dy 't hy woe siere
 Him nou neat as lijen brocht.

Net bite.

Wy habbe smûk by'noar sitten
 Oan de komst fen de sinne ta;
 Ik hab ek wol sjoen, me kin it
 By dy wol noflik ha.

It kin ek wol wêze, det ik
 Mei koartens wer by dy kom;
 Mar byt my net wer yn de lippen;
 Den sjochste my noait werom.

PIETER JELLES.

Myn Spyltúch.**fen****M.H. Bakker.**

Klink, myn spyltúch, klink for Fryslân!
For det fette, drege lân.
Klink for rjucht en klink for frijdom,
Klink net for it ûnforstân!
Klink net for it felleas herte,
Det gjin nocht oan sankjes het;
Klink net for dy stiennen bylden,
Hwent hjar earen heare net...
Klink for 't fjild, sa rom en tsjep,
't Plak, hwêr ik myn sankjes skep!
Klink for deugd en minskemin;
Klink for 't folk; for 't húsgezin!

**Twa Minnesankjes.
fen
Nolo.**

I.

Hwêrearne, wol 'k net sizze;
Mar earne yn 't Fryske lân,
Dêr leit in aerdich doarpke,
Sa sindlik as de brân.

En yn det smûke pleatske
Haw ik in famke foun,
Dy het mei tûzen koarden
Myn hert oan hjarres boun.

En net mei stedske streken,
Mei kinstich eachgedraei,
Mei gibeljen en bearen,
Mei gekkens en poehaei

Né, troch hjar djippe ienfâld
 En 't sêft meilijich hert,
 Kriich hja my yn de fûke,
 Fortiisde 'k yn hjar net.

Hwet ha 'k wol by hjar sitten,
 Sa mannich blide joun;
 Dêr fielde 'k my sa lokkich,
 Sa sillich en sa soun.

Den sieten wy togearre,
 Hjar hantsjes yn myn hân;
 Den lústere 'k sêfkes, det hja
 De moaiste wie fen 't lân.

Den seach ik hjar yn d' eachjes,
 En lûk hjar tsjin my oan;
 Ik tútte 't roazich mûlke,
 Sa moai as d' iere moarn.

Ik song hjar Fryske sankjes
 Fen 't Poelke en fen Mary,
 Fen Sytske en hjar forstearren,
 En 't Blomke tink oan my.

Ik song: 'Dou biste myn Anke.'
 Hwet lake hja den blier!
 Ik naem hjar op de skirte,
 En krolde mei hjar hier.

Ik aeide 't mûtle wankje,
En kniep hjar sêft yn 't ear;
Den gong it oan in boartsjen,
En 'k patte hjar nôch mear.

O hill'ge, sill'ge stounen,
O bliuw my jimmer by!
Jow krêft, myn leed to dragen;
Hâld rjucht myn libbenswei!

By 't tinken oan myn Anke,
Oan 't alderbêste bern,
Mat 'k wirkje, mat ik stride,
Giet noait myn deugd forlern.

Fen hjar, dy 'k moast forlieze,
Is net it byld forgien;
It stiet yn 't hert my griff'le
As yn in moarmerstien.

Ik kin hjar net forjitte,
Dy 't alles for my wie;
Dy, do 't hja my farwol sei,
't Ut lieafde for my die.

O, alderlieafste Anke,
'k Ha 't om my sels net dien!
Forjow my, o forjow my!
Myn wille is ek forgien.

II.

Lieafste Anke
 Bêste fanke,
 Dy forjitte kin ik net.
 Dy allinne
 Kin ik minne;
 'k Haw op dy myn sinnen set.

Hjir fen fierens
 Sweeft dyn blierens,
 Spylt dyn gollens my trocht 't sin.
 't Moaije snútsje,
 't Hearlik tútsje,
 Det ik noait wer hawwe kin.

Noait wer gliere,
 Noait wer swiere
 Mei ik mei dy oer de baen;
 Noait allinne
 Mei dy rinne;
 'k Mat dy nou oan oaren jaen!

Hwêr mat 'k hinne?
 Hwet bigjinne?
 'k Haw op dy myn sinnen set.
 O, fen smerte
 Krimpt my 't herte -
 Dy forjitte kin ik net!

Oan it Strân**fen****O.H. Sytstra.**

Oan 't strân stiet in reisger, mei wémoed yn 't herte;
 It libben woech swier him, jamk hird wier syn striid.
 Syn dreamen fen lieafde en fen lok blieken idel;
 Nou fierket syn each oer 't ûnmjittelik wiid.

It byld fen syn libben sjocht hy yn dy weagen;
 Sa rôlle for him ek syn libben foarby.
 De wyn hellet oan; sjoch se rôljen en skouwen!
 'Ja, krekt as myn dreamen fen lok,' mimert hy.

'Hin, dêr! Ja, dy hege! det's't byld fen myn lieafde:
 Sa teach it my sels ek nei boppen, omheech!
 Mar lyk as dy baer, mei syn skomjende krune,
 Sa blik ek myn dream skom, en plofte omleech.'

Der spielt in stik hout op it strân, en hy mimert:
 'Ja, krekt as ik sels. Ienkear foei it yn sé,
 En dy sé fierde 't mei, nou omheech, den omlegens;
 Smiet d'iene weach 't wei, den stoe d'oare wer ré.'

‘Sa doarme it roun op d' ûnrêstige weagen,
 Lyk as my it libben nou hjir smiet, den dêr.
 Oan 't m' ienkear de weagen op 't strân spiele scille;
 Op 't strân fên myn rêst, as ik libbenswîrch stear.’

De sinne sinkt dol yn 'e sé. Tsjokke wolken
 Dy skouwe derfoar, mar it heldere ljocht
 Det seamet mei goud hjar, mei silver en poarper,
 Det de rôljende weagen mei gloedglâns oertsjocht.

‘Myn byld, det 's myn byld wer, sa mimert hy fierder.
 De sinne, dy sinkt is myn lieafde allyk:
 De tsjusterste wolken, dy wist hja to seamjen
 Mei goud en mei poarper: hja makke my ryk!’

Mar nou is de sinne yn 'e weagen forsonken
 En tsjuster en swart sjean' de wolken yen oan.
 ‘Sa is ek de himel for my swart en tsjuster,
 Nou 't ljeafde m' ûntsonk, is myn lok ek forstoarn.’

‘Mar moarn riist de sinne wer op yn it easten,
 Den spraet wer dy goudne syn sein yn't rounom.
 Siz, scil ek myn sinne wer ienkear forrize?
 O, frjeunlike moarntiid, kom ringen dôchs, kom!’

De baren dy skouwe mar steesoan nei 't strân ta,
 Hja rôlje oerelkoarren, en 't ynwite skom
 Det brûst, en de weagen dy boldrje en sjonge
 In sang fol fên wémoed: ‘kom ringen dochs, kom!’

Binnert's sankje**fen****P.J. Troelstra.**

Masters Anke! - det, 's in fanke,
Nuver kwikker, kreas en kein;
Fluch en fleurich as in flinter;
Rêd en derten as in twinter;
Glêd en skjîn as 'n wite ein.

Yn de tsjerke en op de merke,
Anke is rounom goed to plak.
Hjir sa stil wol as in mûske;
Dêr sa boartlik as ús poeske,
Altiid kreas en twang yn 't jak.

En hjar eagen! - as de weagen
Fen de mar, sa blau en klear.
En hjar lûd det is sa suver!
As 'k it hear, ja wol is 't nuver,
Binnert is gjin Binnert mear.

Komt hja sneintomoarns yn tsjerke,
 Mannich mem dy sjocht hjar nei;
 En hja hopet, det hjar fanke
 Krekt sa kreas as masters Anke,
 En sa sedich wirde mei.

Mannich grize is fen de wize,
 As er hjar foarbygean sjocht.
 Mocht syn soan det famke frije,
 Of sa'n nommel wyfke krije,
 O, hwet joech him det in nocht!

Mar binammen d'earme wyfkes
 Sjean hjar bjuster frjeunlik oan.
 'Moai fen *bûten* - moai fen *binnen*!
 Glimkes heste, mar ek triennen!
 D'earme wyfkes witte 't skoan!

Foar myn bank is 't plak fen Anke,
 En hja glimket m' efkes ta;
 'k Scoe det glimke n't misse wolle
 'k Wird er read fen om 'e holle,
 En it hert det slacht my sa.

Domeny kin wakker preekje;
 'k Hear der net sa folle fen,
 'k Leau det Anke's yngol wêzen
 Jowt my moaijer preek to lêzen,
 As ús doomny meitsje kin.

'k Hear hjar sjongen; ingletongen,
 Koene det net súvrer dwaen. -
 As in faem, sa blank fen eare,
 Lof ophellet fer de Heare,
 Moat Him det gjin wille jaen?

Sneintojouns kom ik to hjarres;
 Master woe 't earst lang net ha!
 't Is in hiel gelearde prater,
 En ik meitsje mannich flater,
 As wy 't oer de boeken ha.

Wakker rooke, ysbaerlik smooke
 En dampe kin er út in strie.
 En den kin de reek sa krolle
 Om syn âlde grize holle,
 Ef 't in wolk fen wysheid wie.

En hwet nytlich en hwet styklich
 Is er simmes ek jin my;
 Mar syn Anke is al syn libben;
 Oars den het er ek gjin sibben,
 Hwent syn wiif is lang al wei.

As mei 'n plaster sit sims master
 Oan syn greate briedstoel fêst,
 As er 't het oer d'âlde tiden,
 Do 't wy hjir de Franskes hieden.
 Prate, man! krekt as er 't lêst!

Einlings binne wy allinne;
 En wy lúst'rje en gobje sa!
 Nolker jonnen, sill'ger stounen,
 As twa herten wille founen,
 Kin gjin ien op ierde ha.

'n Bliere sinne is wiere minne!
 Waermte en ljocht struit s'ús yn 't hert;
 Wylde stoarmen meije beare,
 Alles kin dy man forneare,
 Dy 't in wiif as Anke het.

Dou myn Anke, mûtel fanke,
 Bist' my 't bêste fen de wrâld.
 't Herte leit my op de tonge,
 Mar ik kin net sizze of sjonge,
 Faem, ho 'n bulte as 'k fen dy hâld!

Gelove.

Hwet ik leau? - Nou faem, net folle;
 En gjin boeken sizze 't my.
 Hwet ik leau? Oan al, hwet goed is.
 Hwet ik leau? - Ik leau oan dy.

PIETER JELLES.

Rein.

fen

O.H. Sytstra.

Kletterjend kletst de rein jin de ruten;
 Spielt oer ik paed en weaket de wei;
 Fûgeltsjes floitsje nin froalike wizen;
 Heukerjend hokje hja gear yn it grien;
 Stiif en stymisk. as stien' hja to stunen.

Tsjok en tsjuster stiet de loft;
 Skiere wolken skouwe oern'oar,
 'n Hâlde it heldere sintsje biskûl.
 Rûzend reaget de wyn yn 'e blêdden,
 Blaest fen 'e beammen it bloisel yn 't slyk.

Mei 'n somber gesicht sjocht me sims ris ien rinnen,
 Dy 't hird troch de rein hinne 'm haestet nei hûs,
 Wylst de wyn ienteanich blaest yn 'e beammen,
 Dy 't skine to kreunen, swiersettich to suchtsjen,
 De blêdden dolskodsjend as skriemden hja sims.

Maeije wier moai wêst, woe sinneskyn bringe;
 Beammen en blommen, hja bloiden om 't bêst.
 Nou waeit de wyn wreed dy bloisels yn 't, slyk dol;
 Hwêr hja forwirde, bismodze en smoarch.

Forwâdde en forwaeid en fortrape mei foetten,
 Bigreatet it lot fen dy bloisels jimm' net?
 Miskind troch 'e minsken, dy 't blomke fortraepje,
 Is 't ek jamk it lot net fen 't lieawjende hert?

Joun.

It moantsje driuwt oan de himel
 Yn silveren wolkjes om;
 De beammen steane to dreamen,
 As reuzen, stoer, swart en stom;
 It fjild, det dampet fen dauwe,
 Leit del yn in djippe slom;
 Ek de minsken, deadou fen it bodsjen,
 Siikje rêst yn de fredige plom;
 De flaechsblom bloit deis mar allinne;
 Syn bledsjes fâlle of en komnie om;
 Mar bloijend, myn faem, brekt nou iepen,
 De lieafde, dy hearlikste blom!

PIETER JELLES.

Nei de stoarm.**fen****P.J. Troelstra.**

Utboldre binn' de byljende stoarmen;
 Weifage binn' de wramende wolken,
 Dy niis yn neare nacht it swirk,
 Yn swarte rouklean 't loftrom klaeiden.

En heech oan de heldere himel laket
 It maisinke, en klaeit nou de loft yn breidsklean,
 En spegelt him yn de dampjende dripkjes,
 Dy blinkende hingje oan it bûgende gêrs,
 Allyk rjue triljende triennen blinke
 Oan d'eachteisters fen in jongfaem, hwaens leed
 It boarst ûntteach, toraend yn perels.

Moarjer bloije rounom de blommen.
 Hja stekke bitroufol de kopkes omhegens,
 As 't bern, det op memme skirte krûpt,
 En oan it troue boarst him fljijt,
 En yn hjar golle laeits forjowing,
 En yn hjar eagen lieafde lêst.

In wazem fen fleur, fen frede en ten tank
 Driuwt as wiereek de himel nou yn.
 De fûgels krûpe út de smûksmoute herntjes,
 En slobberje en slabberje 't wiet út de goatte,
 En wjukkelje en boartsje yn de wetterdobbe om,
 En dûkelje en tripkje, en hja skodsje de plom út.

Den riist er ringen in lofliet
 Fen tûzen tankbere tongen,
 En d' ierde ropt, yn in hearlike koarsang,
 De sinne 't wolkom ta.

Ek dou, myn hert,
 Och stúnje net,
 Lit troch dy fleur dy liede;
 Ut neare nacht
 Kaem lieaflik ljocht -
 In paradiis is d' ierde.

Al is dyn leed
 Ek wyld en wreed,
 Al wol dyn sinne n't skine;
 Al toarkest stom
 Yn tsjuster om,
 En kinst gjin útwei fine;

Al stoarmet fel
 De heil ek del,
 En wirdst toknoeid, toplettre;

Al hat de blits
 Mei flits op flits
 Dyn moaiste dream toknnette. -

O, stúnje net!
 Fortwiv'lje net,
 Wol net yn 't leed forsinke;
 Al beart it mâl,
 In sé, sa hôl,
 Lit net troch 't kwea dy winke!

Al broeit nou ek
 It wolkethek
 Dy driigjend oer de holle -
 Dêr boppe stiet
 De sinne yet,
 Dy mylde, libbensfolle!

Is earst de rein
 It swirk ûnttein,
 Den scil dy 't hert optille:
 Den struit oer dy
 Wer myld en rij
 De sinne in séfol wille.

It fûgelkoar
 Sjongt dy tofoar:
 Wês man; dou sciste winne!
 Hark det gerop,
 En stean wer op!
 Kom, sjoch 'is om dy hinne!

Boppe yn it swirk,
 Gods moaiste wirk,
 Stiet de iwich ljochte sinne;
 En njunken dy
 Blinkt d' ierde blij -
 Kreas as in Keninginne!

Simmermoanne, 1881.

By 't Keatsen.

Ik wie by it Frjentsjerter keatsen,
 En hie det maar net foar 't forstân;
 Mar ien treast - der wieren ek frouljue,
 De pronk fen it Fryske lân.

En hie 'k gjin begryp oer de ballen,
 Lyk as Bonnema en Van der Wal,
 By de fammen, dy 't ik dêr sjoen ha,
 Wierne moaije, sa wiis wie 'k al.

Ien wie der mei wite fearren,
 Dy waeiden hjar op de hoed.
 Dy wie dêr de aldermoaiste,
 Det seach ik tige goed.

Mar ek fen it keatsen hab ik
 In bytsje sjoen en heard;
 Ik wit, ho 't de ballen hiette,
 En nou ha 'k er dit fen leard:

Det famke mei wite fearren,
 Mei hjar glimkes, yn al hjar dwaen,
 Det is for my in p r i p p e r :
 Dy binne net út to slaen.

PIETER JELLES.

**Ier fortige.
fen
lu-Tsen.**

Der wier in famke yn ús gea
Mei 'n kearsread mûlke en kante lea:
Hja wie sa gol, hja wie sa goed,
En - modder siet er oan de kloet.

Faek barde 't, det by disse faem
Op Sneintojoun in frijer kaem;
Mar hwa 't er kaem fen fier en hein,
Gjin ien kaem wer in twadde Snein.

Do kaem en frijde om hjar de Dea;
Hy patte hjar de wankjes rea;
En nei 't er 't famke grien oanseach,
Do flikkren stjerkes yn hjar each.

Ho 't famke 'm kearde, en suchte en bea,
Net wike woe de hirde Dea;
Och, as er yn hjar earmen fleach,
Den roun 't hjar iiskâld oer de rêch.

Syn amme krong hjar skerp troch 't boarst;
 Sa kriget hja in droege hoast.
 As hy hjar triuwt - hy triuwt forwoed! -
 Den brúst er op in gjalp fen bloed.

Ho 't heit ek bidt, en mem ek kryt,
 Hja moatte 't bern, hjar alles, kwyt.
 Ien hearde al yn de jountiid, let,
 Det timre waerd hjar houliksbêd.

En 't famke keart mar altiid jin,
 En laket mei dy kâlde min;
 Mar einlings fielt se, hja moat mei,
 By mem, by heit, by alles wei.

O, 't skieden falt hjar earst wol hird,
 Mar treaste fynt s' yn 't Heilich Wird;
 Hy, dy 't hjar wei wit en hjar lot,
 Syn dwaen is lieafde - Hy is God!

Hwet mear hja nou de Dead oansjocht,
 Tomear blinkt yn syn wêzen ljocht.
 It ernstich each strielt dôch ek blier,
 En 't skieden falt hjar minder swier.

Sims kin der telle fen in lân,
 Dêr s' ienkear komt oan breegman's hân;
 Hja scil yn súvre sillichheid
 Der wêze as Himelkenings breid.

Hjar ûre sloech; de Breegman kaem,
 Det hy syn breidsje ta him naem;
 Hy lústre súntsjes: ‘Teare blom,
 Bloi yn myn hôf; lieaf famke, kom!’

En do 't hja nei hjar Breegman seach,
 Stoe Jezus selme foar hjar each.
 Hy hie hjar hert, hy naem hjar hân;
 Hy brocht s' as breid yn 't Faderlân.

't Jonge libben mat 'is rûze.

't Jonge libben mat 'is rûze,
 Brûze, skolperje yn ús om.
 Sjoch de wrâld, sa wiid en rom!
 Lit ús net mear sitte en soeze.

Lit my sile oer Fryslâns marren,
 As de stoere hearstwyn rûst;
 As 't oer alles hinne brûst,
 Hwet in wille, den to farren!

Lit my mei de fammen djoije,
 Boartsje, frije sûnder ein;
 Lit my lieawje, goed en rein,
 For it moaije en wiere gloeije!

O, de moaiste tiid fljucht hinne.
 Al myn dreamen lykje skom.
 Hast is libbens moarntiid om -
 Heger, heger kliuwt de sinne.
 Lit my laitsje, lit my minne,
 Lit my sjonge, froed en from!

PIETER JELLES.

Sinteklaes.**fen****O.H. Sytstra.**

It roun tsjin Sinteklaes, de tiid, det jong en âld
 Yn 't bliid foarútsicht al it herte rêdder kloppet;
 As hwa 't oan 't jild net leit, de folle winkels roppet;
 As 't binnenst warem is, al is 't ek bûten kâld.

Mar for de âlders f'ral is 't den in blide tiid;
 For hjar binammen, dy om 't jild net hoev' to tinken;
 Hwet sjogg' hja 't berne-each al yn 't foarútsicht
 blinken!
 't Seit hjar in nocht foarút, o, bûtenwenstich swiid.

Mar d' earne bodder, dy for him en 't húsgesin
 Mar krekt genôch hat om it libben by to hâlden;
 Dy brek en lijen by de dei wer nije fâlden
 Bisoarchje, o for dy is den it útsicht min!

Hwet docht it him net sear, as 't berntsje, ienfâldich
 wei,
 Oan heit en mem fortelt, hwet hy tinkt, det mei
 koarten

Hy wol to wachtsjen hat; de bern, dy 't mei him
boarten,
Dy krigen ek in sjou, sa hiene hja him sei'.

Pier Fedzes berntsjes ek hien' thús oan mem en heit
Al nou en den forteld, ho 't hja der nei forlangen,
Det Sinteklaes hast kaem; en kleur kaem op hjar
wangen
By 't praten oer dy tiid sa fol fen sillichheid.

Mar Pier en 't warber wiif, och, 't moed det waerd
hjar fol,
As jouns de berntsjes, foar det hja nei bêd ta gongen,
Mei 'n bliere troanje om hjar stoellen hinne hongen,
En 't hienen oer folop, al wier de mage ek hól.

Hwent wol wier Pier en 't wiif nin wirk to folle wêst,
Mar 't wier in minne tiid, in bytsje waerd fortsjinne.
Hwêrmei scoen' hja hjar bern nou wol bijeft'gje kinne?
Dy stimpers leauden oan dy goede Sint sa fêst.

Mar 'n sinneblink joech dôchs yn d' earne went
wer ljocht;
Hwent op in joun, do 't Pier fen 't wirk wer 't
hûs opsocht hie,
Wier 't ef de goede Sint him al foarút forsocht hie;
Hwent d'eagenfjurken him fenswiid ynwindich nocht.

'Komoan', sei hy jin 't wiif, 'nou sjoch ik den
dôchs kâns,

Det wy to Sinteklaes hwet for ús lieawe bern ha;
 't Is goed, det wy de moed mar net to gau forlern ha:
 In wirkman lyk as ik is dôchs yet wol hwet mânsk!

'Nou hab ik in karwei, det ik, as 't slagje wol,
 Tink' wol foar Snjeuntejoun yet hoopje klear to
 krijen;
 Hâld moed oan 't Snjeuntojoun, den binn' wy út
 it lijen,
 En 'k liz in moai stik jild foar dy op tafel dol.

Moarnier is 't Tongersdei; den mat 'k bytiid
 fen 't bêd;
 Rop m' om seis ûre mar, den kin 'k om saun bigjinne.
 Don wilst' wol, ús karwei is hjir in ein fen dinne;
 In foech healûre gean is 't fen ús on nei stêd.

Ik kom hwet letter thús, dos wachtsje my mar net;
 'k Mat mar hwet mear poat-oan; det leau ik, det
 de baes is;
 Sadwaende scille ús bern, as 't Moandei Sinteklaes is,
 Sjean, det de goede Sint hjar net forgetten het.'

En d' oare moarns wirdt Pier bytiid oan 't wirk
 al foun;
 Al skript er him yn 't swit, hy skynt it net to tellen;
 Hy kriget nije krêft, troch him wer foar to stellen
 De blydskip fen syn bern op Sinteklazejoun.

't Is joun. By Pier oan hûs, dêr skript it warber wiif;
It' wirdt moai let, en nou scil wis hjar man gou
komme.

't Is kâld, en komt er thús, deadou en heal forklomme,
Den het er wis ek graech hwet warems yn it liif.

De bern hadde ek al langst; hja longerje ek op hwet.

'k Woe wol, det heit hast kaem!' - 'Mem, scoe
ús heit hast komme?' -

Mar mem - hja het nou krekt it lytse hert yn
slomme -

Seit: 'Ja, mar stil; jimm' sjogg' det Minke sliepe raat.'

Dêr is ien oan de doar; hja seit: 'Dêr is er fêst.'

Elk sjocht al op; mar né! Hwet scoe dy man
dochs scille? -

Hy liket oandien, en syn lûd niis krekt sa trille...

Hy sjocht hjar treurich oan; 't praet wol, sa 't
skynt, net bêst.

Hja is yn 't earst binijd. - Mar God!... scoe
der meiskien...

Scoe 'r ûnré wêze sims? - Hjar man, hwêr mei
dy bliuwe?

Hat hy - in ûnk meiskien...? Né, hja wol
dôchs net leauwe...

Mar sjocht se dêr net yn dy man syn each in trien?

En nou 't de man op 't lêst sa freamd oan 't praten
giet:

‘Hja moast net skrikke, mar... hjar man...’

O God, nou wit hja,
 Det der in ûnk bard is, en bleek fen kjeltme sit hja
 To harkjen nei de man dy dêr to praten stiet.

Hy seit hjar ho 't hjar man niis krekt sa by it wirk
 Net sjoen hie, ho 't in stien - det bart by 't
 mits'ljen folle -
 Ho 'n stien fen boppen kaem; hy krige 'm op
 de holle,
 Hwent wiken koe net mear, do 't hy 't gefaer bimirk.

En nou... Hja wit it al! O God, hjar earne bern!
 Hwet scil hja for dy earne stimpers nou bigjinne?
 Hjar steun, hjar heit is wei; hwêr moat ik mei
 hjar hinne?
 Hja sels: hjar brave man, hjar styp' hat hja forlern...

't Is Moandei, Sinteklaes; me sjocht rjue berntsjes
 gean
 Mei koerkes yn de hân: Sint hat goed by hjar riden.
 Dêr komt in deafet oan - hja gean bided fen siden,
 En bliuwe, om'tnei to sjean, yet op de wei hwetstean.

Hetsjemoi.**fen****P.J. Troelstra.**

Hetsjemoi wier sechstich jier,
- 't Jongste wier der ôf! -
Ronflich 't fel, en griis it hier,
En dêrby hwet dôf.
Do 't hja faem wier, jong en derten,
Hien' de frijers hjar forgotten.

't Kin al mâl, seit jamk myn heit,
En det 's siker wier;
Hetsjemoi waerd yet de breid;
Breid fen sechstich jier.
En hja boaske, kin 'k fortelle,
Mei in âlde widner, Jelle.

Bodsjend strample er oer it paed,
Gammel, âld en stiif;
Do 't er sa krebintich waerd
Tocht er om in wiif;
Hwent hy koe him net mear warre;
En in faem - det mocht net barre!

't Wier in moaije simmerjoun;
 Hetsje skim're hwet,
 Lykme allinne; en op de groun
 Sliepte in skiere kat.
 Oer de griene fjilden trille
 't Lêste sinneljocht fol wille.

Hetsjemoi, de hannen gear,
 Seach ta 't finster út;
 En de tank oan God de Hear
 Blonk hjar d'eagen út.
 En de strielen fen de sinne
 Donsen, boartene om hjar hinne.

Dêr kaem Jelle-om oan de doar;
 Hja rekke út de soes;
 Heal forbjstre kaem hja foar;
 Hy gyng yn de hûs.
 Gau wier'n kopke en pantsje helle,
 En dêr siet ús âlde Jelle.

Deales wirk; syn mûledoar
 Siet mar fêst op 't slot;
 't Hege wird det siet 'er foar;
 Mar it waerd net flot.
 Do 't er op syn dré wer rekke,
 Sei er: 'k Woe jou efkes sprekke.

Jy en ik, wy wirde al âld;
 't Rint nei 't alderlêst;

Ja, sa giet it yn de wrâld,
 En dat is ek bêst.
 Mar, foar 't wy oan d' ein ta reitsje,
 Kinn' wy 't ús yet nochlik meitsje.

'k Henkerje sa'n tweintich jier
 Al allinnich om;
 Mar det wirdt my nou te swier;
 'k Ha 't sims neat to rom.
 Gau bin 'k wirch en ôf; hwent wrammels,
 'k Stean net fêst mear op myn skammels.

'En it libben, det jy ha,
 Is ek alles net!
 Dêrom - 't liket mâl - mar ja,
 't Mat my nou fen 't hert:
 Lit ús, foar 't w' alhiel forslite,
 Yet de fodden by 'noar smite!' -

Do wier 't stil in amery;
 Fier oer greide en bou
 Sonk de sinne yn 't Westen wei;
 't Swirk wier suver blou.
 Hetsjemoi, hwaens eagen blonken,
 Like yn al dy pracht forsonken,

Nou, det dûrre dêr sa hwet;
 Mar op 't lêst sei hja:
 't Komt sa hommels my oer 't mat;
 'k Mat bitinktiid ha.'

‘Dat is bêst,’ sei Jelle-omme,
Scil 'k den moarn mar wer ris komme?’

Det wier goed; en Jelle foart:
't Waerd him dêr to near;
Hwent in hammerke yn syn hert
Sloech him wakker sear.
‘Mat det sloaf,’ klonk 't yn syn herte.
Diel habbe oan dyn soarch en smerte?’

Gau is nou de lampe al op
Yn de lytse went;
Hetsje slacht de bibel op,
't Nije testamint,
Det it bêste minske ús eren
Neiliet om er út to learen.

Hin, 't âld minske blêddet om
Yn det heilich Wird;
En hja lêst, en 't wirdt hjar rom:
't Tsjuster wirdt toskûrd.
‘Lieafde,’ lest se, ‘is 't heechste en bêste,
Lieafde is 't earste en 't alderlêste!’

- Wippe 'r ingels yn de flecht
Efkes by hjar oan?
Pronkje s' âlde Hetsjen op
Mei in himelkroan?
Stri'elen struije s' om hjar hinne;
Ljocht, sa suver as de sinne! -

‘Tank, o Hear!’ seit hja op ‘t lêst;
 ‘k Scil myn bêst wol dwaen,
 Om him by syn soarch en lêst
 Lieafde en treast to jaen.
 ‘k Scil yn ‘t goeddwaen nea net rêste;
 Lieafde is ommers ‘t heechste en bêste!’

D'oare jouns: ‘Der wier ‘k al wer,’
 Sei âld Jelle-om; ‘nou,
 ‘k Scoe my goed bitinke, hear!
 ‘t Bêste is fen my ou.
 Wol jy mei my oer de planke?
 Mannichien hie daelk bitanke.’

Glimkjend sei hfa ‘k Nim it oan;
 ‘k Bin det libben ba
 Op my sels; wy kinne ‘t skoan
 Mei ús beiden ha.
 “Wy kinn’ ‘t wol togearre fine,”
 Sei de kreuple jin de bline.’

Do ‘t dit nijs bikind waerd, sjoch,
 Lyk as diggelfjûr
 Fleach it tel de burren troch;
 Mannich gobbe er oer;
 En de wyfkes, jonge en âlde,
 Koen’ de mûle er net fen hâlde.

Nou, hja troude yn ‘t lêst fen ‘t jier;
 ‘t Fjild wier wyt en kâld;

Mar de sinne ljochte blier
 Oer dy keale wrâld:
 Sa barnde ek yn Hetsje siele
 'n Hearlik ljocht mei suvre strielen.

Hetsje húske kamen s' yn;
 't Oare waerd forkoft;
 Earst gyng 't wakker foar de wyn,
 En det dûrre in skoft;
 En, wier Jelle-om simmes senrich.
 Hetsje makke 'm wol wer fleurich.

Mar de simmer wier yn d' ein;
 Hearstwyn skûrde oer 't lân;
 Unwaersboijen, stoarm en rein
 Hied er yn de hân.
 Jelle siek; de minsken seijen:
 'Nou bigjint for Hetsje 't lijen.'

Sint dy tiid hat d' âlde man
 Nea net soun wer wêst;
 D' ein wier fen syn lijen wei;
 Hetsje hie nin rêst.
 Mar al mocht hja skrippe en skûrre,
 Jelle-om grynde en grande en gnoarre.

D' âlde bodder waerd sa koart
 As in hiemhoun; stiif,
 Stymisk en noartich; 't wier in lot
 For syn warber wiif.

Mar hja bleau der fleurich ûnder,
Soun en sterk; it wier in wûnder!

't Waerd al minder: tweintich kear
Rôp er op in dei:
'Hetsje, 'k liz my wer sa sear!
Gean net by my wei!
Tweintich kear kaem 't âlde minske.
En forlei him, sa 't er 't winske.

Drankjes koed er net mear ha;
't Holp dôchs ek nin bean.
Hetsje, det getsjirm al ba,
Liet det gûd mar stean.
En hja sei: 'For jou is 't bêste
Drankje: in steech gedild en rêste.

Jy ha dôchs net om de nocht
Libbe op disse wrâld?
't Hat jou dôchs hwet fierder brocht? -
Wirdt in minske âld,
O, den kin er wol tofreden
Wêze yn ûnk en swierrichheden.

't Skipke silet earst sa blier
Dryst de wrâldsé yn;
Alles liket fleur en tier;
't Is in bêste wyn!
Komme 'r letter swiere boijen,
O, dat 's earst in hopen lijen.

Njunkelytsen wirdt det oars:
 Fêster wirdt de hân,
 Dy 't it roer fen 't skipke hâldt;
 Krasser is 't forstân.
 Greater mei de stoarmen wirde,
 Stjûrman kin 't nou hiel wol hirde.

‘As er den de lêste ich
 Frjeunlik gloarjen sjocht,
 En syn reize oer libben's sé
 Koarts al is folbrocht,
 Scoed er den yet grine en kleije
 Om 't sa wyld de weagen jeije?’

De earne bodder seach hjar oan:
 ‘Jow my dôchs dyn hân;
 Hetsje, wiif, wy habbe 't skoan
 Mei ús beiden hawn.
 Dou forsoargest' my yn 't lijen,
 Sûnder ea dy sels to mijen.

‘Frjeunlik sintsje fen myn joun,
 Moantsje fen myn nacht,
 'k Hab yn dy in herte foun,
 Dat fol lieafde slacht.
 Bêste siel, dou heste wakker
 Skript en wrot for d' earne stakker!

“k Wier yn 't lêst hwet al to hird,
 Al to koart jin dy;

'k Sei sa mannich noartich wird:
 O, forjow it my!"
 Hetsje, dy 't oan 't kriter rekke,
 Sei: Der mastou net fen sprekke,' -

Neijer kaem de dea, en song
 Fen in lân fol njue;
 Alles, hwêr syn herte oan hong,
 Foun er dêr sa rjue.
Stearrend drôge er fen in *libben*
 Sunder leed, mei al syn sibben.

Sa forgiet de hope nea
 Yn it minskehert;
 Sels yn 't kampjen mei de dea
 Steart dy hope net.
 Mat hja *disse* wrâld forlitte,
 Oer it grêf, dêr bloit hja yette.

O, in dream is 't libben dôch,
 En in dream de dea!
 Dreamend is me hjir in toch,
 Dreamend giet me dea.
Alde dreamen mei' forstouwe,
 Iwich scil me *nije* bouwe!

't Is wer simmer, 't is wer joun.
 Foar it finster sit
 Hetsjemoi; 't is stil yn 't roun;

Hiel natûre bidt.
 Dauwe dampet fen de greiden,
 Fûgels tsjotterje yn de reiden.

Fier oer 't fjild sjocht, waerm en rea,
 't Sinke Hetsjen oan;
 't Kleed fen dauwe om de lea,
 Op de holle in kroan.
 't Slûge sintsje bûgt it holke, en
 Winkt hjar ta út gouden wolken.

'k Bin sa slieprich, 'k jow my del
 Yn it koele bêd;
 'k Bin sa wirch fen 't deiske wirk,
 'k Bin it reisgjen sêd.
 Swiete slomme scil ik smeitsje,
 Dreamen scille my formeitsje!

Hastou ek nin sin oan rêst?
 Kom, o kom den, ju!
 Libben is it selde as lêst;
 Rêst it selde as njue!
 Scoestou, âlde, yette weitsje?
 Sliep, wy wolle wille smeitsje!

Hetsje glimket, o sa blier.
 Oer hjar ronflich fel
 Ljochtet sinneskyn fol tier...
 D' holle fâlt fordel.

D' eagen ta for d' iiwge slomme...
 Súntsjes - súntsjes... 'Ja, 'k scil komme!'...

Yn it smoute bed der sé
 Krúpt de sinne wei;
 Hiel natûre leit yn fré
 Nei de swiere dei.
 Golle frede is ek to lêzen
 Yn de loaits fen Hetsje wêzen.

Do 't me kaem de oare dei
 Foun men Hetsje dea.
 'Hearink, Hetsjemoi is wei!'
 Sei men yn it gea.
 Nei 't hja hjar nei 't hôf ta brochten
 Wiern' er gjin, dy 't oan hjar tochten...

Mar dou libbest yn myn liet;
 Libbest yn myn hert.
 Garen stypje yn leed en striid,
 Wier dyn hege wet!
 Om dy selme tochst' it lêste;
 Lieafde wier dy 't heechste en bêste!

Mannichien poft op syn jild;
 Oaren op forstân;
 Oaren siikje in hege steat,
 Ynfloed yn it lân.
 Hwêr binn', dy 't oan Hetsje lykje?...
Riken, learden, greaten - SIIKJE!

Oarsaek en Gefolch.

fen

J. Jouwersma.

Ik hab in aardich famke kind;
Of aardich... hja wier net biming;
Meast om hjar freamdichheden.
Hja droech los hier - det heart nou sa -
In *smel* earizer woe se n't ha,
Mar 't praet gyng, wol in *breden*.

Hja wier hwet oars as d'oaren klaeid:
Mei lint en flinten swiid binaeid;
In jûp' mei greate ruten
Die hie hja nôch al folle oan;
Mar al hjar freamd, ûthiemske fortoan,
Die lykwol nin fortuten.

Dôchs hie der mannich sin oan hjar;
Ja, 'k doar hast sizze, hja hie kar
Ut feinten, wit ho folle.
Mar mannichien roun by hjar blau;
De measten sâlte hja wer ou;
Den hie se 't yn de holle.

Us frijers, tocht hja, bin ik sêd. -
 Op 't lêst - dêr kaem ien út de stêd.
 Ik leau, wol helte langer
 As wy; hwet bleek en skrael, mar oars
 In hiele banjer; ûnd're noas
 Hie hy sa'n mûzefanger.

Dy wier ús Pierkje wol nei 't sin;
 Nou leau ik siker, tocht se, kin
 'k My earst forgoed formeitse;
 Ik leau, hy mient it my ek goed!
 Nou ha jimm' lins, Jan Ates Sjoerd;
 En fral dy droege Feitse.

Hjar heit wier oars hast op 'e fles,
 Mar nou kaem dêr de boel yn d' es;
 Hwent foar de finsterruten
 Der kamen nije kleeden foar;
 Yn 't koart, sa gyng it ien nei 't oar,
 Fen binnen en fen bûten.

De stedman kaem er Sneins ek trou;
 Den praette'r Fransk tsjin d' âlde ljuw';
 Dy mochten det wol hearre;
 En - wier oars d'âlde man hwet kloek -
 Nou koft er 'Kramers Woordenboek',
 En 'n Franske *dictionnaire*.

Dêr stamm're Pierk den deis yn om;
 Fen sels, it sloaf wie tige dom;

Hwet scoe s' er mei bigjinne'
 Licht kaem s' is op in *societeit*,
 En scoe hjar, sa 't me den wol seit,
 Net goed 'biwege' kinne.

Gyng 't den '*gearmd*' de bûrren lâns,
 Den praetten hja nin Frysk, mar Fransk;
 Hy neamd' hjar *Mad'moiselle*;
 Den hie 'r it drok oer *rendez-vous*;
 Dêrfen bigriip hja ba noch boe;
 Mar och, det mocht me n't felle.

Hy makke den hjar heit ek wys:
 'Ik hab yn Londen en Parys
 Rjue fen dy neven wenjen;
 Dy jowe rike posten wei;
 Ek faek wol oan de ljuwe, dy
 It oars net heal fortsjinje.'

Hy sels wier al in reed yn 't foar:
 Hy wier oan 't Telegraefkantoar;
 - 'k Leau yn de toalfte klasse. -
 Lykwol hy wier de chef syn pop;
 Licht kaem er ringen heger op.
 Det scoe him tige passe.

Sok praet stie Pierkje heit wol oan;
 Hy wier forgulde mei syn soan
 En sei tsjin hjar: 'Nou fanke,
 Is hy sa goed ek nei *dyn* sin,

Pak den mar ta, om myn part kinst'
Wol mei him oer de planke.'

Sa frijde Pierkje det 't hwet die;
Lykwol, hjar Piet de stedman wie
't Net heal to dwaen om krijen.
Mar dêr seach Pierk nin grevel fen;
Hja die him alles nei it sin,
En hy wie lang net mijen.

Det dûrre sa in hiele set;
Mar do - hwa 't kaem, de stedman net!
'Hwet mei der nou oan skele?'
Sa frege Pierk, en mannich mei.
De stedman bleau mar jimmer wei;
It moast hjar wol forfele.

Hja waerd nei 'n hoartsje al gau net goed;
Me sei: 'Hja hat to folle bloed,
En mei wol litten wirde.'
Dat waerd ek dien, mar 't holp hjar net;
Dy stedman tocht hja om mei smert;
Hja koe 't hast net mear hirde.

Hjar Piet wier lykwol flink en soun;
Forskate, dy 't yn skimerjoun
Him yn de stêd wol metten;
Den roun er mei in stedske faem,
Dêr 't hy ek earder al by kaem;
Nou hied er Pierk forgetten.

Hjar heit dy hearde dit al gau,
 En sei: 'Dit fait my danich ou!
 Mar Pierk det wier yet slimmer;
 Dy tocht oer 't jinge er bard wie, nei,
 En grynde en kwynde nacht en dei,
 En skriemde en snikk're jimmer.

De feinten waerd it ek bikind;
 Dy sprongen út it fel omtrint,
 En sei 'n: 'Soa, *moaie selle!*
 Ho is 't nou mei de *rinnende poes?*
 Hest' yet dyn boeken yn de hûs?
 Kom, wol 'is hwet fortelle!'

Hja waerd allinken âld en stiif,
 En nimmen frege hjar ta wiif,
 Al mocht s' er ek om skrippe.
 Mar siz 'er net tofolle fen.
 Hwet hjar bireind is ommers, kin
 Yet mannichien bidrippe.

Nôch djûrder.

Hast wol fen dy dame heard op it fancy fair?
 Hja forkoft for goud in tûtsje oan in rike hear.

'Ja, 't stie yn de krant; sa djûr krijstou mines net.' -
 Né?! - Mei 't earste, dest my joechst, ûntnaemst my al
 myn hert.

PIETER JELLES.

Al to grien.**fen****J. Jouwersma.**

Ik hab in fnjend pearke kinnen;
 Det frijde 'r bare drok op ta.
 Hja wierne ek altiid iens fen sinnen.
 Me seach it omtrint nearne sa.

Hy woe for hjar wol libje en stearre;
 En hja woe altiid sa 't hy woe;
 Hja koe it noait by him bidearre,
 En 'k leau, det hy 't by hjar net koe.

't Wier freamd en bryk, sadet de minsken
 Der suver nin forstân fea hien';
 In hopen wierne 'r, dy 't al winsken:
 'Och, det wy ek sa lokkich wiern!'

It sprekt fen sels, sa'n pear moast trouwe;
 Hwet alden hien' dêr hwet op jin?
 Hwent ommers, 't scoe altiid sa bliuwe;
 Det koe me hjir foarút wol sjean.

Hja trouden, en it gyng ek tige,
 Me spriek er allegearre fen.
 Nea hie der ien sa'n wyfke krige;
 Nin famke krige ek ea sa'n man.

Hja hiedene oars in bulte wille;
 Mar *ien* ding wier altiid biroerd,
 Me mocht er swier of licht oer tille,
 Der wie gjin modder oan de kloet.

'Det wier sa slim net,' scil me sizze.
 'Hja wierne jong; mar dôch, 't wier slim;
 Hwent, op it wirk hjar út to lizzen.
 Wier noait it wyt fen hjar of him.

Mei wirk koen' hja hjar net bimoije:
 Moarns bleau me tige lang op bêd;
 Deis die me neat as boartsje on djoije,
 It frijerslibben yet net sêd.

Det kamen d' âlde ljue to witten;
 Dy teagen ris nei hjarren ta.
 Hja seagen hjar dêr by'noar sitten,
 En fregen: 'Berntsjes, kin det sa?'

Mar hy sei: 'Ja, ho scoe 't oars kinne?
 Wy binn' nou ommers man en wiif;
 En moast hja 'n hiele dei allinne,
 Det joech tofolle ûngeriif.'

Do teagen d'âlden mar wer hinne;
 Dêr koene hja nin byt oan dwaen.
 Al sein' hja: 'Det 's nin wiere minne' -
 Hja wiern' net by'noar wei to slaen.

Lang hat it lykwols sa net dûrre;
 Hwet spil bliuwt sa ek foarelkoar?
 Al waerden s' earst fen d' âlden foerre,
 Ga[u] stien' hja foar de earmfâldsdoar.

De moaije Maitiid brocht my lok.

De moaije Maitiid brocht my lok;
 Mar lok, mei ûnk formingd.
 De simmer naem myn dreamen mei -
 Hwet my de hearst nou bringt?

De giele bledden stouwe wei,
 En keal stiet ringen 't wâld.
 Binn' sa myn dreamen ek forflein?
 Wirdt nou myn herte al kâld?

Nôch stean 'k net foar myn libbenshearst;
 Scil 'k nou al ôfstân dwaen
 Fen jonkheids dreamen, lieafde en lok?
 God, wol my lieafde jaen!

Yn lieafde fyn 'k myn Maitiid wer;
 Fyn 'k steun yn libben's striid;
 En lieawjend wirdt my 't hert wer rom;
 Wirdt my de wrâld wer wiid.

ONNO.

Merke.**fen****P.J. Troelstra.**

‘O hearink mem. hwet is 't nou mâl!
 Ik kin myn kroantsje n't fine!
 Hwêr scoe 'k it snein dôchs dellein ha?
 Hwet sit ik yn de pine!' -
 ‘Wel ju, dou hast it om 'e hâls;
 Hwet bistou dôchs oerstjûr.
 Dy merke, och, och, det is hwet mâls!
 Fij, wier det spil mar oer!' -

‘Heit, wyt j' ek, hwêr 'k myn pypke brocht?
 Det mei dy silv'ren dingen.
 'k Hab ek yn 't kammenet al socht;
 't Leit oars by memme ringen.' -
 ‘Ei ju, hast mei dyn noas wer socht?
 Dêr leit it; sjochst it net?
 Dy merke hat fen 't spoar dy brocht;
 Fij, wier det mar biredt!' -

De bisten binne al lang to plak:
 Dêr om de tsjerkhôf beammen;
 De fammen binne ek al yn 't jak,
 En tsjogge nei de kreammen.
 Hja glimme as bûter yn it fet,
 En glimkje as 't sintse blier;
 De feinten binne allike glêd,
 Mei oalje en fet yn 't hier.

Dy kypsen fen it fynste strie
 Mei blommen dêr om hinne;
 Dy floddermûtsen, wyt as snie;
 Earizers as in sinne;
 Dy wankjes, sêfter as ferwiël,
 En read wol as in kjer;
 Dy eachjes as in sinnestriel...
 't Is allegearre yn d' es!

Det rint en draeft dêr op en del
 To laeitsjen en to gobjen;
 Det fljucht sa rimpen en sa tel;
 Det wirdt net ba fen 't snobjen.
 Det krielt en kringt dêr troch 'noar om;
 En mannich feint, sa smûk,
 Pakt mannich famke loddrich om,
 En lústert hwet to mûk.

Nou is it joun, en feint en faem
 Gean dounsjeende nei boppe;

In sule, dy 't nin famke naem!
 Elts dounset mei syn poppe.
 Den wird' de stoellen by 'noar set:
 Ien glês for feint en faem;
 Den triuwkje en tútsje en flaeikje: 'Hert,
 Ho bliid bin 'k, det 'k dy naem !'

Op 't lêst nei hûs; it hert sa fol,
 By 't swietst petear allinne;
 It famke, och sa goed en gol,
 De earmen om him hinne.
 Hjar holke nei syn skouder giet,
 Heal yn de dod hast wei;
 Mar tútsjend yet en lústrjend yet:
 'Ho lieaf, ho lieaf ha 'k dy!'

Det is ús Fryske merkenocht;
 Hwêr is sa'n nocht to krijen?
 Us fammen binne rjucht en sljucht,
 En noflik yn it frijen.
 Mei 'k ienkear nôch sa'n famke ha,
 En den út Fryslân wei,
 Den bliuwt my 't libben, wol ik ha,
 In iiwge merkedei!

Foarjiersmoanne, 1880.

Allinne op de wrâld.**fen****T.E. Halbertsma.**

In grize sit klomsk yn syn wente,
 Sa tsjuster, sa leech en sa kâld.
 Syn libbenswei rint for him hinne -
 Hy is sa allinne op de wrâld!

Rjue bylden fol lok fen 't forline
 Dy tsjoent him syn geast wer tofoar.
 Hy sjocht wer syn wiif, do 't hja bern wier,
 As faem, en as wiif - do 't hja stoar. -

Hja boarten as berntsjes togearre,
 En hieden allinne gjin rêst.
 Al hwet s' op it spylplak ek diene,
 Hja diene 't togearre it best.

Hja pleagen, hja hunen, hja narren,
 Hja troaiden en treastten elkoar.
 En kaem it ek wol is ta fjuchten,
 Dôch hongen hja tige oan enoar. -

Hja sieten by jountiid foar 't finster
En wisten hjar wille gjin ein.
It reaunte fen iwige trouwe,
Fen lieafde en fen lok sûnder ein.

Yn Maimoanne wierne hja boaske;
Hja krigen 't nei winske en wâld.
Hja skripten en bodden mei wille,
En hiene 't sa rom as de wrâld.

Hja fierden hjar silveren brilloft;
Hy sprong mei syn bern yn it ronn,
En helle syn breid yn de govert.
Hwet hiene s' in wille dy jonn !

En wol mocht it lokkich him fiele,
Det fleurige silveren pear;
Al 't lok, det it trouwen yen jaen kin,
Det tôle 't yn oerfloed hjir gear.

In heislik fordylgjende siekme
Brocht ûnrêst en leed, ja, de dea.
En eltse dei bromden de klokken
Oer 't neare en it delbûke gea.

En 't pear fen de silveren brilloft,
 Teach kritend de bern êfternei.
 Hjar bern, 't wier in soan mei in dochter,
 Hjar lieafste, det brochten hja wei. -

Yn skimerjoun sieten dy âldsjes
 Togearre by 't útbarnde fjûr.
 Hja wieren hast fyftich jier trouw wêst
 En tochten hjar libbensrin oer.

'Hwet ik ek forlern ha, myn bêste,'
 Sa spriek er, 'dou bist by my bleaun!
 Don hest it fortriet mei my parte,
 In diel fen myn soargen fordreaun.' -

In grêf het de deagrawer makke;
 In deafet sinkt 'er yn wei.
 't Waerd brocht fen in strampelige âlde;
 Hy sjocht it forbûke êfternei....

Nou sit er yn d' útstoarne wente,
 Sa akelik leech en sa kâld.
 Hwa scil him syn leed nou forswietsje?
 Hy is sa allinne op de wrâld!

**Frysk binnenhûs.
Oan myn frjeun Johannes Baarda.
fen
P.J. Troelstra.**

De mûrren, fen stientsjes opset,
Binn' nuvere himmel en skjûn;
De minsken twisken dy mûrren
Ha 't wûndere bêst nei 't sin.

Heit het al grize hierren,
Dy tsjûge fen leed en striid.
In fleurich wyfke makke
Syn libbensmiddei bliid.

Hja wier it goudne sintsje
Det troch de wolken kaem,
En fen syn libbensfjilden
De tsjustere dampen naem.

Hja libbet yn syn libben;
Syn wînsk det is hjar sin;
Hja kin hjar man nôch better
As hy him selme kin.

By 't finster yn de kakstoel,
Sit al hjar hope en lok;
Det lytse springerke makket
It d' âlden tige drok.

It is sa blank en sa mûtel
As 't wite wollige laem,
En kipet sa nij as it knopke,
Det krekt út de tûke kaem.

't Het yn hjar ljochtblane eachjes
In parradiis fol nocht;
Dêr lêze heit en mem yn
Fen lieafde, lok en ljocht.

Heit neamt it lytse famke
Syn 'libbene gedicht';
For hjar en 't wiif to skreppen,
Det fâlt him och sa licht.

Mem wit net, hwa 't se 't lieafst het,
Hjar man of 't lytse bern;
De ljochtskyn fen hjar herte
Kin m' yn hjar eagen sjean.

It is in hearlik toanieltsje,
Dy trije mei elkoar,
Nou 't yn it West de sinne
Stiet for hjar gouden doar.

Heit, d' earm op memme skouder,
 Wiist nei it mûtle bern;
 Hja wirdt net wirch, om d' ingel.
 H j a r ingel, oan to sjean.

Troch 't finster kipet it sintsje,
 En forgiet hast fen de nocht,
 En struit oer 't blanke berntsje
 Syn lieaflik gouden ljocht.

'Dou bern, ljocht fen dyn âlden,
 Dou minske, yet yn de knop,
 O, groei ta 'n blom fen ús fjilden,
 Ta 'n hearlik pronkbyld op!

Biwarje altiid yn d' eachjes
 Det kleare djippe blau;
 O bliuw sa lang ast libbest,
 Oan dyn berne-ienfâld tron.

'Wird ienkear in flinke Friezinne,
 Fen holle en herte soun;
 In sintsje for dyn âlden
 Yn 'e libbens skimerjoun!'

Det lústert de sinne under 't sinken,
 En laket en winkt sa blier;
 Troch 't keammerke rûst in lofsang
 Fol himelwille en tier.

It Libbensdoel.**fen****O.H. Sytstra.**

Hwet strielt it antlit fen de heit fen blydskip;
 Hwet sjocht de mem nei 'n glimp fen silligens
 Op 't, bern dol, det hja 't wêzen joech mei smert!
 Hja sjean for him op ierde neat as lok. -
 Mar ef it bern it wist, det, hwet syn âlden
 Hjar fen him dreame, him net barre mei;
 En det troch lijen 't komme scil ta eat...
 It fiert syn komst op dizze wrâld mei triennen.

Mar né, it wit yet net, ho boas de wrâld,
 Ho fol ten striid en fen fortriet hja is.
 Bitroufol kin 't him oerjaen oan 'e soarch
 Fen d' âlden, dy 't mei lieafde for him weitsje;
 Hy giet syn paradiis yn, 't lokkich berntsje,
 Hwêr net de libbensearnst him fiele lit.
 't Is sûnder noed, yet laket alles blier
 En frjeunlik him tomjitte: blij kin 't boartsje.

Wol kostet sims it berne-ûnk him triennen,
 Mar memmelieafde hat se dalik droege;

Hja litte net hjar pynlik printsel nei,
 Djip yn 't gemoed, lyk as de bittre triennen,
 Dy 't hy yn letter tiid licht skrieme scil.
 't Wit net fen kwea, en binn' syn berneplichten
 Him swier to dragen, yette hat er net
 To kampjen jin in wrede wrâld, dy 't inkel
 Mar soarget for him sels en nin forgryp,
 Ho lyts, forjit of troch de fingers sjocht.
 Hy mei yet leauwe oan in goede Heit,
 Dy, ja, wol 't kweade straf, mar graech forjowt,
 As hy 't birou yn triennen blinken sjocht.
 En hwet it bern elts leed sa tilber makket:
 Hy hat in mem, om dêr syn need to kleijen.

Mar 't berntsje moat nei skoalle ta, en dêr
 Leart hy al ringen stranger masters kinnen;
 Dêr krijt er al in foarpreau fen hwet iens
 De wrâld him bringe scil; hy kriget plichten,
 Dy 't hy net koe; der wirdt him folle leard,
 Dêr hy yet net fen wit, hwêr 't goed for is.
 En ef er ek al seit: 'Hwêrom mat 'k leare?'
 It jowt him neat; me preket him tofoar:
 'It komt yn 't letter libben dy to pas.' -
 Mar hwet wit fen it letter libben 't bern,
 Det alles mei syn berne-each oansjocht?

Mar as det libben komt, as unforbidlik
 De paradiisdoar for him sletten is,
 Den fielt er earst, hwet lok er dêr forlear.
 Ho jerne gyng er net det paradys wer yn,

Hwêrfen er nou de silligens earst sjocht!
 Sa tinkt er; mar it gleaune swird fen d' ingel
 Keart by de poarte 'm ôf. Nou fielt er earst,
 Ho neaken hy dêr stiet to midden fen
 De wrâld, hwêr 't kwea fen alle kanten grymt,
 En hwêr it roafdjier rounstrúnt om syn bú.
 Hy sjocht it klear: nou moat der bodde wirde
 Om 't brea to krijen, det him fiede scil.
 De witnis, dy 't er hat fen goed en kwea,
 Seit him, det hy in striid to striden ha scil
 Hwêryn er great gefaer rint to biswiken.
 Allinne! - Né, hy moat in helper ha,
 As hy net ûndergean scil yn dy striid.

Mar - hwêr dy help to finen? By syn likens,
 Dy lyk as hy mei stoere mannekrêft
 It jin 'noar opnimm'? Né, der moat in hert,
 Fol troue lieafde, det oan him hjar oerjowt,
 Him stypje. - En hy siket om in wiif,
 Det yn 'e swiere striid him skoarje scil;
 Det him forpleegje scil, as swier forwoune
 Hy thús komt út 'e slach, him hope jaen scil
 As him it moed alhiel ûntsonken is.
 Den fielt er, hwet it seit, for 'n oar to libjen.
 En as syn berntjes him nou lokkich meitsje,
 Den fielt er, det er krêftich wirden is;
 En selsfoldien tinkt hy nou oan de rite
 Dy 't hy trochwrax'le is; mei 'n bliere loaits
 Kin hy tobeksjean, hwent hy fielt syn krêften.

Mar nou bikerûpt him 't meilij'n mei sa folle
 Dy 't yette net, as hy, hjar krêften fiele;
 Hy wol hjar helpe; hy is striden wend.
 Nou scil er ek mei nije krêften stypje,
 Hwa driigje to biswiken. En syn bern
 Moatte ommers letter ek hjar kamp yet kampje...
 Nou is er lokkich, hwent hy foun op 't lêst
 It libbensdoel.

Foarjiersmoanne, 1880.

Slieprige Frijery.

't Wol net einje mei dy beiden:
 Hja sa stiif, en hy sa 'n sûch;
 As frou Lot, sa steil sit Maeike;
 Wopke wirdt ôfgrysluk slûch.

Hwet to dwaen? - Op 't lêst seit Maeike,
 Wol for d' âlfte of toalfte kear:
 'Wopke nôch is rooke?' - 'Rooke?
 Tankje, ik rook... ik... rook net mear.' -

'Den in broadsje?' - 'Tankje,' - 'n Pofke?' -
 'Tankje.' - 'Den hwet rûkersgûd?' -
 'Nou' - hy gappet - 'k wird sa slieprich!
 'k Woe... of né, ik mat mar foart.'

PIETER JELLES.

**De repetysje for dea.
fen
G.L. van der Zwaag.**

Frjeun Himke scoe for d' earste kear
Hwet oan komeedsjespyljen dwaen;
En hie it by him sels al klear:
Dêr scoed er nou 'is glâns oan jaen!

Hy hie wol net in greate rol,
Mar 't wie doch ien fen gân's effekt.
En elts dy spilet wit it wol,
Det faek i t lytse 't nauste stekt.

Dit wie syn rol: hy moast for dea
In skoftsje lizze op 't toaniel;
't Wie nou de kinst, mei stiwe lea
To lizzen, stil en kâld as stiel.

Elts dy der hwet forstân fen het
Wit, hwet sa'n rol bitsjut, net wier?
Al sit it yn de wirden net,
It spyljen, asjeblicft, is swier!

Det hie ek Himke foar 't bigryp;
 Hy wist, hwet oan syn spyljen hong,
 Sadet er faek 'is yn 't genyp
 Allinne oan 't repetearjen gong.

Sa lei er ienkear wer rjuchtút
 Op souder, det me swarre scoe,
 Dy fint is wrammels 't libben út;
 Sa, det m' er hast om skrieme koe.

Mar - dêr ropt oan de tred de stim
 Fen Himke heit: 'Hwêr biste, hwêr?' -
 Gjin andert. - 'Wês mar net sa slim!
 Ik wit, dest boppe biste, hear!' -

Mar Himke lei mar altyd stil,
 En bleau allike stiif en stom.
 'Wost ha, det 'k boppe komme scil?' -
 Gjin andert. Himke hâlde 'm dom.

Nou komt syn heit moai lik omheech,
 Al flokkend oer sa'n mallichheid.
 Dêr sjocht er, mei forwondere each,
 Ho 't Himke stil dêrhinne leit.

In kjeltme rint him oer de lea.
 Hy freget mei in triljend lûd:
 'Och Heare, jonge, biste dea?' -
 'Kom,' tinkt ús maet, 'sa giet it goed.' -

‘Myn jonge, wol doch andert jaen!’ -
 Hy swijt. - ‘Mar God, dy jonge is min!’
 ‘Al klear,’ seit Himke, ‘sa mat 'k dwaen,
 As 'k det nou mar ûnthâlde kin.’

Tael.

Wirten kinne in bulte sizze;
 Mar dôchs sizze s' alles net.
 Meast bliuwt êfter 'e mûledoarren
 't Moaiste wird, de tael fen 't hert.

Den moat' faek de hannen helpe
 Mei hjar triuwkes, waerm en sêft.
 Sprekt de mûle kâlde wirden,
 Hannetael het greater krêft.

Och, me mei net alles sizze.
 ‘Mem het altiid sa'n gemael!’
 Faek moat m'ûnder 'e tafel prate:
 Det 's d' ûnsichtbre foettetael.

Faek ek barde 't, det in wirdke
 Q e r de tafel hinne fleach;
 Nimmen hearde 't, mar twa herten
 Sprieken dêr de tael fen 't each.

Wirten binne kâld en noedlik;
 Faem, gjin jellenlang forhael!
 Praet dou, sûnder eat to sizzen,
 Yn dyn goudne lippetael!

PIETER JELLES.

Jong sémans ôfskie.**(Mei Muzyk.)****fen****P.J. Troelstra.**

Farwol, farwol, myn heitelân,
Dou bêste lân fen d' ierde.
Ik ha hjir lok en wille hawn;
Nou moat ik fen dy skiede.

Farwol, farwol, dou lytse klûs,
Hwêr lieafde en frede wenne;
Dou trou en himmel âldershûs,
Ik moat fen dy fen dinne.

Farwol, dou tsjerkhôf, grien en stom,
Hwêr heit en mem nou binne;
De sé is wyld en djip en rom...
Ik fiel my sa allinne.

Farwol, farwol, lieaf plakje groun,
As moat ik dy forlitte,
As swalkje 'k wrâld en séen roun,
Ik kin dy net forjitte.

Net Rêste.**fen****O.H. Sytstra.**

'k Bin wirch fen it striden;
 Langhalzjend sjoch ik út nei hwet rêst. -
 'Né foart, to! yn 't fjûr; dou moast kampje,
 En wraxelje seilstou en fjuchtsje ta 't lêst.'

Och efkes, oars moat ik biswike! -
 'Biswyk, 't is my goed, mar né, rêste scilst net;
 Biswyk yn 'e striid, min scil laitsje;
 Gjinn ien, dy 't in meilijend wird for dy het.'

Mar siker, ik kin net mear; efkes,
 Hiel efkes mar, det scil my krêften werjaen. -
 'Hwet sjoch ik, dyn wapens litst sinke?
 Witst wol, hwet min wend is mei lefferts to dwaen?'

Genade, myn krêften bijaen my!
 Hwêrfor dochts dy swiere, dy einleaze striid? -
 'Hwa jowt dy it rjucht om to freegjen,
 Hwennear min foar 't each fen 'e fyan dy liedt?'

Och siz my it doel fen det kampjen. -
 ‘Don sciste 't wol sjean op syn ûre en syn tiid;
 Brûk dou mar dyn krêft om t' oerwinnen;
 In romfolle frede is it ein fen 'e striid.’

Mar och, my ûntbrêkt it oan krêften! -
 ‘Hwa hat op 'e wrâld ea wol krêften to min,
 As hy mei d' oerwinning foar eagen
 De kamp tsjin 'e fyan ta 'n ein bringe kin?

‘Gryp moed en dy wachtet de sege,
 En den, nei dy sege, de frede en de rêst!
 In minachte slaef wirdt de leffert;
 In kening windt hy, dy 't it folhâldt ta 't lêst.

‘Striid den, striid tsjin slawernije;
 Striid de swiere libbensstriid;
 Ienkear scist d' oerwinning krije,
 Rêst en frede, o goudne tiid.’

Klachte.

Sa swietsjes binne myn dreamen
 Fen nocht en wille forroun.
 It skipke dreau yn de streamen,
 En 't lân fen soargen waerd foun.

TABO WIGER.

Widzesang fen 't Sémanswiif.**(Mei Muzyk.)****fen****P.J. Troelstra.**

Sliep sêft, myn berntsje, ei slomje sa swiet!
 Heit is dêr bûten op 't skolperich wiet.

Swalkjend yn
 Rein en wyn
 Dreau er fier wei -
 Sliep sêft myn berntsje, mem is dy nei!

Smûk leit myn boike, mei 'n mûlke as in kers;
 Prûs as in blomke, det weikrûpt yn 't gêrs.

Soarch en noed,
 Leed en tsjoed
 Binne fier wei -
 Smûk leit myn boike: mem is sa nei.

Ynlieawe jonge, ho glimkest' sa blij?
 Dreamst fen in ingel, dy wacht hâldt oer dy?

Kypje mar
 Blier nei hjar;
 Glimkje tsjin my -
 Ynlieawe jonge, mem is by dy.

Nou hest gjin soargen, mar gau komme hja.
lenkear mast ek nei de wetterkolk ta.

Den mast yn
Rein en wyn,
Fier fen my wei -
Nou hest gjin soargen, mem is dy nei.

Tink om my, lieawe, as ienkear dyn skip
Swalket oer 't libhens wyld skomjende djip.

't Wetter walt,
Stoarmwyn balt,
Dea is neiby -
Tink den myn lieawe, mem is by dy!

Ynlieawe jonge, as 't swalkest op 't wiid,
Kin 'k dy net hoedsje tsjin ûnk en fortriet.

Ut dyn hert
Wyk ik net,
As bin 'k ek wei -
Ynlieawe jonge, mem bliuwt dy nei.

Stjerren.

Oan de himel blinke frjeunlik stjer by stjer;
Mei it deiljocht sinke, sjoch, hja stean der wer;
Leit oer lân en wetter 't tsjuster fen 'e nacht;
Sjoch, den winkt omhegens blier det stjerreljacht.

PIETER JELLES.

Hidde ôfskie.
(Mei Muzyk.)
fen T.E. Halbertsma.

‘Matrozen, oan board!’ hear ik roppen,
 ‘Seilen mar ré; kom, ringen nei boppen!
 Fanke, 't is wier,
 Skieden falt swier;
 Mar op it lân het dyn Hidde gjin tier.

Moarn kliuw' wy de brûzende weagen,
 't Waljende djip, de dea faek foar eagen.
 Anke, farwol!
 't Herte sa fol?
 Fij, net mear krite, myn lieawe - farwol!

Ei skielik - kom wol yet ris harkje,
 Bin ik kaptein en kinst mei my farkje.
 Sjoch den wer blier!
 Fanke, 't is wier,
 Triennen dy meitsje my 't skieden sa swier!

Den swalkest en tsjochst oan myn side;
 D' ierdbâl yn 't roun litt' wy ús den glide.
 Den hab ik dy
 Altiid neiby.
 Fanke, sa'n libben!... Kom, laitsje ris blij!

En lit him de stoarmwyn den hearre,
 Moatt' wy forgean, wy bliuwe togearre.
 Lieawe, gjin nosd!
 Hâld dou mar moed!
 Glimkest, myn famke? - Sjoch, det docht my goed!

'Matrozen, oan board!' hear ik roppen.
 'Seilen mar ré, en ringen nei hoppen!'
 Fanke, 't is wier,
 Skieden falt swier;
 Mar op it lân het dyn Hidde gjin tier.

Fiskermansfaem.

Oan sé sjocht dreamend de fiskermansfaem,
 Ho 't de baren nei 't strân ta skouwe;
 Hja tinkt oan hjar fisker, en laket fol nocht;
 't Is Maeije; gau scille hja trouwe.

Dêrjinsen yn sé leit in fiskerman's lyk,
 To nacht yn it wetter sonken;
 Oan 't strân stiet laitsjend syn lokkige breid:
 Hy leit dêr jinsen - fordronken.

Yn 't Easten hâld' wolken de sinne biskûl;
 De himel is swart klaeid fen rouwe;
 Oan sé sjocht gimikjend de fiskermansfaem
 Ho 't de baren nei 't strân ta skouwe.

PIETER JELLES.

Sankje nei 't Swyljen.**(Mei Muzyk.)****fen****P.J. Troelstra.**

It wirk is dien,
 En elk en ien
 Nimt nou syn spillen op.
 Ho 'n moaije joun!
 't Is stil yn 't roun;
 Forstomme is eltse rop.

It sintsje dûk
 Sa gleaun en smûk
 Djip wei yn 't koele nest;
 Ek mosk en ljurk
 Rêste út fen 't wirk,
 Geane ont moarnier to rêst.

Nou sjonge wy
 Sa blier en blij
 Ta tank for disse dei;
 Wy swilen 't hea
 Mei flugge lea
 Fen gear en ekers wei.

Fûleindich het
 De sinne bredt:
 It dripte ús fen de lea;
 Mar 't minske het
 As fêste wet:
 To skrippen om syn brea.

Nou het de boer
 By 't winter foer
 For hynzers en for kij;
 Gjin broei of skea
 Bidearre 't hea;
 Det hoopje en bidde wy!

Hwet ef me bout,
 As 't fruchten jowt
 Den falt it wirk yen licht;
 As 't wierje wol,
 As 't waechsje wol,
 Den docht me graech yens plicht.

Lyts binne wy,
 Mar soun en frij
 As 't fûgeltsje yn de loft;
 Wie 't wirk ek swier,
 Ho'n wille en tier
 Jowt den it itensskoft!

Allyk in bij,
 Sa wrotte wy,
 Sa lyts is ús bistan;

Mar dêrom kin'
 Mei 'n fleurich sin
 Wy frij troch 't libben gean.

Dêr stekt de toer
 De fjilden oer
 Syn hege grize kop;
 Gau skeppe wy
 De tsjokke brij
 Mei folle leppels op.

Den gean' wy sêd
 En wirch op bêd,
 En slomje swietwei yn;
 Heech oan de loft
 Dêr stiet fol noft
 It moantsje yn silverskyn!

In Tsjerkhôfblom.

Het de wintertiid syn wille,
 Ek it foarjier het syn leed;
 Oer de teare, griene knopkes
 Komt de froast sims, einleas wreed.

Yn it liet fen 't opstien libben,
 Det sa bliid rûst oer it gea,
 Sjongt in flymjend skerpe stimme
 Fen de kâlde, stomme dea.

Sjoch, de knopkes blinke en pronkje;
 Fleur en libben is rounom;
 Mar ik skriem om dy, myn sister,
 Jonge, bleeke tsjerkhôfblom!

PIETER JELLES.

**De hope.
fen
K. Sytsma.**

Al binne 'er net folle dy skatten bisitte,
 Al hat frou Fortún lang oan elk net hwet jown,
 Al kinne w' ús net op ús kreften forlitte,
 Al is sels de sounens oan elk net iens jown..
 Dochs, hwet wy ek hawwe of hwet wy ek misse,
 En hwet oan ús jown waerd of hwet ús ûtnomd,
 By 'n herte fol ûnskild of 'n tergjend gewisse,
 Ien skat ha wy fêst, dy gjin minske ea ûntkomt;
 En wylst det wy skreppe, en wylst det wy stride,
 Stiet altiid d' ûnmisbre, de Hope, oan ús side.

Dêr leit hja, de kleur fen de dead op de wangen,
 En suchtsjend stiet neist hjar de lieawjende mem;
 Hja tinkt, ho 't hja eren mei laits en mei sangen
 Hjar 't libben forgilde: hja heart yet dy stim.
 Is 't tarring? En moat hja den 't slimste net freze?
 Hja skrillet... Mar stil, hwent der libbet yet Ien.
 Is Dy net almachtich; kin Dy net geneze,
 Dêr minsken 't net kinne? Hwet het Dy net dien!

Sa tinkt mem, en wylst fâlt er hjar yn it herte
In strieltsje fen hope, de treast yn hjar smerte.

‘Ho is 't nou, myn bern?’ - ‘O, ik fiel my gâns better!
De dokters dy hawwe de kwael yet net foun.
Dêr is yet wol hope; as in wike of hwet letter
De maitiid werom komt, den wird ik wer soun!
As den yn de fjilden de blommen wer binne,
As d' eiber werom komt en kleppert op 't thek,
Den gean ik nei bûten! Ik fiel 't wol, den winne
Myn krêften wer oan, en det leaut mem wis ek.’
Earm fanke! De tarring mei 't lichem ek slope,
Hja hopet, en fielt hjar wer soun yn dy hope.

Dêr doarmet in skip op de skolprige weagen:
't Fljucht op en fâlt del: 't is in fearke op de sé.
't Wirdt minder en swakker, mar wylder de weagen
Dou fisker, och sjochste den nea wer de ré? -
‘Mar kin den it ûnwaer net hommels bidarje?
Kin 't lek net wer stoppe?’ - 't Is hope, oars neat.
Dy 't moskje n't forjit kin syn skip ek biwarje;
Sa hopet de fisker, al neijert de dead.
Strak sinkt er meiskien, mar yet ûnder it sinken
Sjocht, stearrend, hy d' ingel der Hope him winken.

Ja, swier is de kamp faek, de striid om it libben.
't Is wrotten en bodsjen, moarnsier en jounslet;
En yet net genôch for him sels en syn sibben..

Dochs sizze 'm syn krêften: 'Mear kinne jy net.
 Och jow it mar oer, man, det fruchtleaze striden;
 Birêst yn dyn needlot' ... Né, né, hy hâldt fol!
 Hy hopet op better, op fleuriger tiden:
 De bern wirde greater, gau redt er it wol.
 Oerein den de holle, de hân út de mouwe,
 En den mar wer hoopje, op de takomst bitrouwe!

Dêr jinsen is 't plakje, dêr skomm'le syn widze;
 Dêr boarte 'r, dêr minde 'r en waerd er bimind;
 Dêr libje syn frjeunen en migen; der lizze
 Syn âlden neist oaren, him mear as bikind.
 En nou stiet er hjir, sa wyldfreamd, lykm' allinne,
 Sa fier fen syn frjeunen, sa iensom oan 't strân;
 Myn God, en ho sterk is syn langstme dêr hinne!...
 O, scoed er 't werom sjean, syn doarpke, syn lân?
 Hy hopet! Nou kin er syn hertsear forjitte;
 Hy hopet! Nou blinkt him de takomst tomjitte.

O hope, dou roas oan de pylgrim syn staffe,
 Dy altiid him moed jowt op 'e einleaze tocht;
 O hope, dou poalstjer, dy w' allegearr' hawwe
 Foar eagen, yn nacht, by de donkerste locht;
 O hope, jongfaem, dy mei 'n koerke fol blommen
 De kostlikste swietrook forspraet oer ús paed,
 Dou ingel, dy, binne ús de kreften ûntnommen,
 En binne wy fallen, ús ophelpt en laet -
 Al hwet wy ek winskje, hwêr det wy ek stride,
 Dou himelske hope, bliuw dou oan ús side!

Merkeliet.**(Mei Muzyk.)****fen****T.E. Halbertsma.**

Hwet lieaflike dei!
 't Is merke, kom mei
 Hwêr âlden en jongen krioel.
 O hwet in gejei
 En hwet in gegei
 Fen oargel, trompet en fioele!

Det kuijert en gaut,
 Det floddert en skreaut;
 Me sjocht' er yen d' eagen hast blyn.
 En ûnder 't gejoel
 Klinkt wer de fioel;
 De spylman ropt: 'Dounsje, kom yn!'

Feinten, sa prûs en roun,
 Habbe al in famke foun;
 Disse, earst sa blea, sa fij,
 Laitsje nou blij;

Nimme de triuwkes oan,
 Dounsje ta d' iere moarn,
 Habbe sa'n merkenocht,
 Strielje fen ljocht.

Earst foarút, den yn 'troun,
 Slurkjend strak lâns de groun.
 Dêr driuwe wy hinne, heal yn de sûs.
 En myn faem, kreas en kein,
 Het hjar 'ja' niis al sein,
 En meidend bring ik hjar nei hûs.

Húswarjend sit beppe allinne,
 Hja tinkt ho 't de tiden forrinne,
 Ho 't pake hjar frege to merkjen!
 O blide, o sillige tiid!
 Ho swiet!

En as hja wer tinkt oan dy wille,
 Den kin hja hjar pakje wol tille.
 De jountiid fen 't libben is fleurich.
 De soarch út de sinnen fordreaun,
 Fordreaun!

Swak en Sterk.

Swak is wol it minske, mar sterk is er ek;
 Dy dit mar bitinkt, dy oerwint mannich brek.
 TABO WIGER.

**Widzesankje
for ús lytse nynke.
(Mei Muzyk.)
fen
P.J. Troelstra.**

Nynke, dêr ûnder dyn wrynke,
Efter it griene girdynke,
Dûk mei dyn kopke nou wei yn de plom;
Slomje, dou lieaflytse blom!

Poppe, sa prûs yn de gloppe,
Sliepingel wjukkelt fen boppe;
Floddert sa blier en sa gol om dy ta,
Triuwket en tutet dy sa.

Berntsje, sa kûs yn dyn herntsje,
Stil wirdt allinken dyn wentsje;
Efkes noch kypje, 't girdynke op in kier...
Sliep nou, lieaf famke, ont moarnier.

De Stôk by de Doar.**fen****C.W.**

It wier ynspeksjedei; min seach
 Fen fier en hein soldaetsjes
 Opdaegjen, en dêrûnder wol
 In hopen flinke maetsjes.

Mar teffens wierne 'er ek wol by
 Perceelen, stiif as peallen,
 Mei like folle kriichsmansbloed
 En moed, as nochtren keallen.

Elk stie op tiid dêr yn 't gelid,
 'n Kernel en twa serzantsjes
 Der foar. *Hy* wier in stringen knaep,
Hja wierne in pear parmantsjes.

De baes rôp alle nammen op
 Mei'n foarse, sterke stimme;
 Elk sei, sa gau as 't koe: 'Present!'
 Oars mocht minhear ris brimme.

Sa kaem 't oan 'Lamstraal Egbert!' ta;
 Mar nimmen wie 'r, dy kikte.
 Wer: 'Lamstraal Egbert!' en sa lûd,
 Det elk 'er hast fen skrikte.

Nou stie der ien yn 't foarst gelid,
 En dy sei, hiel biskromme:
 'Kernel, die man is dood.' - 'Hm, hm;
 Dat kan mij niks verrdomme.
 De tucht eischt, als ik kommandeerr,
 Dan mot zoo'n negerr komme.'

Rein.

As nei in droechte oer 't keale lân
 In hearlik reintsje komt,
 Den stiet wer ringen d' ierde yn bloi,
 Mei gêrs en nôt en blomt'.

't Is ef út eltse stobbe en tûk'
 Op nij wer 't libben brûst;
 't Is ef in machtich skeppingswird
 Op nij oer d' ierde rûst.

Sa gyng it my. De lieafde foel
 As simmerrein m'yn 't hert;
 Hja ropt wer goudne dreamen op,
 En 'k stúnje en suchtsje net.

De sangen scjitte as blommen op,
 In hearlik siichje rûst;
 't Is ef in nije skeppingskrêft
 Wer troch myn herte brûst.

R i s p m o a n n e , '81.
 PIETER JELLES.

**Krúsjassen.
(Mei Muzyk.)**

fen

T.E. Halbertsma.

Snjeuns om in ûre of saun,
Den gean ik nei it weardshûs ta;
't Is den for my healjoun,
En 'k moat ris wille ha.
Myn frjeunen roppe den: 'To gau!'
Hja roppe den: 'To gau, to gau!
Hwêr bleauwen jy sa bjuster lang?
Mar gau oan 't jassen nou!'

En d' earste kaem wirdt skreaun;
De kaerten geane troch eltsjoar;
Dielt lochter bûrman s' út,
Den moat myn maet earst foar.
Ei sjoch, ei sjoch, troef nel leit bleat,
Kom, dy is moai, de nel leit bleat.
Fang ik dy dalik mei de boer,
Den krije hja hast neat.

Wel deales, det wie mis!
 Myn bûrman hie de nel biset.
 Nin hûndert ha wy nou,
 En fege kinn' wy net.
 In âld spil; ha, myn maet de boer?
 Hwa hie det tocht, myn maet de boer!
 Nou dogge wy twa streekjes hear,
 Der scjit for jimm' neat oer.

Det giet is moai fen d' ein!
 En is troef nel nou net biset,
 Den bleauwe s' ûnder Jan;
 Sa lokkich binn' se net!
 It rint al moai; dêr leit de frou;
 Wel stom noch ta, dêr leit de frou;
 En d' aes fâlt siker by de nel;
 Ik slach de v o l e nou.

Det neam ik jassen earst!
 Hja bliuwe al op de 'folle' stean.
 As ik mar troefkes ha,
 Lit my den stiltsjes gean.
 Den rop ik: 'Spylders, kom mar op!
 Hwa kin en doar, kom tsjin my op!'
 Mar stil, myn bûrljue wirde noartsk:
 'k Hâld den mei narjen op.

**Fol Hertke.
fen
G. Halbertsma.**

WIZE: *Du hast Diamanten und Perlen.*

Ho swier moat it wêze to dragen,
Lieaf famke, sa mûtel en gol,
Hwennear ast der tûgest mei 'n hertke,
In hertke fen lieafde sa fol.

Ja, fol moat dyn hertke wol wêze:
Ik fielde 't, do 't rêstten op my
Dyn eachjes, blier strieljend fen lieafde,
Dy frjeunlike eachjes fen dy.

Ja, fol moat dyn hertke wol wêze;
Hwent seine dyn hankes my net
Dy 't sêft triuwkjend mines omklamden:
'Wy triuwkje út namme fen 't hert.'

Ja, fol moat dyn hertke wol wêze;
As joech ek dyn mûlke nin lûd,
Dyn lipkes, hja seine stiifriuwkjend:
't Fol hertke, det hat ús hjir stjûrd.'

Nou binn' noch dyn lipkes sa roazich,
 Dyn wankjes sa mûtel en glêd.
 Folhertke, ho lang scil 't sa bliuwe?
 De roazen forgeane sa rêd!

Snjeuntojoun.

Klokken hear ik klinken
 Yn de stille joun;
 't Sintsje sjoch ik sinke;
 Wolkjes sjoch ik blinken
 't Hiele swirk yn 't roun.

Kij stean yn de greiden
 Heal yn dauwe wei;
 Feinten gean to meiden;
 't Fûgeltsje yn de reiden
 Jowt hjar sankjes mei.

Klokken sjonge d' ierde
 't Lieaflikst widzeliet;
 Soargen moatte skiede;
 Frede glydt oer d' ierde,
 Frede, ûntinkber swiet!...

D' ierde lei yn slomme,
 't Klokkeliet wier dien:
 't Fûgelt wier forstomme. -
 'k Bin, it hert forromme,
 Stil nei hûs ta gien.

PIETER JELLES.

De Tiid.**fen****O.H. Sytstra.**

Elts siichje, det troch 't beamte giet,
 Skûrt dêr de blêdden ou,
 Ont det it ringen neaken stiet,
 Sa deadsk, yn djippe rou.

Wy minsken binn' det beamte allyk:
 Us jierren stouwe wei,
 As giele blêdden oer de dyk.
 De Tiid nimt alles mei.

Faek, as min tige lokkich wier,
 En om yen hinne seach
 In libben fol fen wille en tier,
 Sa hearlik moai for 't each,

Den naem de tiid ús det wer ôf,
 En teach 'er hird mei foart,
 En bleau for al ús bidden dôf,
 Al waerd ús 't hert toskûrd.

Faek, as it libben neat as ûnk
 En bitter lijen brocht,
 As ús de libbensmoed ûntsonk,
 Het Tiid ús útkomst brocht.

Sims as de kâlde grime dea
 Yens wente binnenkaem,
 En, sûnder t' achtsjen op yens bea,
 Yen 't djûrste wreed ûntnaem,

Den blette wol de wonne nei,
 Dy 't ús syn seine sloech,
 Mar Tiid naem wer de pine wei,
 Dy ek it lijen joech.

Mar bliuwt er ús nin grytsel oer
 As alles is forflein?
 Wirdt alles weiskûrd troch tiids kloer,
 En sjean wy neat as d' ein?

Né, né, sa toar is 't libben net!
 Wol stouwe ús jierren wei,
 Mar alles nimt de Tiid ús net.
 Hy lit ús wol hwet nei.

Wy meije tobeksjean op hwet wy forlearen.
 En det is in foarrjucht, det mindert ús smert.
 Al is earst it missen hast net to fornearen,
 Op 't lêst jowt det hieljende balsem oan 't hert.

O, earst as wy smeekjend de hannen útstekke
 Nei hwet wy forlearen, as fregen wy 't wer,
 Den moast it ús hast wol it herte tobrekke,
 To sjean, det 'b forgees is: den misse wy 't wer.

Mar sjooge wy noch mar de Tiid yn de fierte,
 Mei hwet er ús nomd het, den witte wy 't wol;
 Den wolle wy ek wol ús smerte forjitte,
 Den wirdt ús syn antlit wer frjeunlik en gol.

Den dûkt 'er in grize op mei 'n print yn 'e hannen,
 Sa wûnder fol bylden, en lit ús dy sjean.
 't Wirdt klearder: wy sjogge, 't binn' bylden fen mannen,
 Fen frouljue, fen feinten, fen lammen, fen bern.

't Wirdt klearder: wy sjogge, 't binn' Ijue dy 't wy kinne;
 Hja libje, hja prate, hja komme op ús oan.
 Non binne hja by ús, hja sweve om ús hinne;
 Wy sjogge 't nou klear, ja, wy kinne se skoan.

't Binn' Ijue dy 't foar tiden ús wille en ús smerte,
 Us lok en ús lijen faek partten mei ús.
 O, det docht ús goed det forrommet ús herte;
 Hja prate wer lyk as foarhinne mei ús.

Sa hawwe s' ús dochs net for altiid forlitten;
 Sa sjean wy se doch by ús yet ris werom?
 Dos litte hja doch net sa iensom ús sitte.
 Hwet wirdt it ús nou om it herte wer rom!

En wylst wy mei hjarren wer libje as foarhinne,
 Klinkt sêft yn ús earen in frjeunlike slim,
 En seit sa yngol: 'Sjoch it nou, dou forblinde,
 Sa faek, ast it wost, jow ik wer, hwet ik nim!'

Oan de Nieteam.

Ne forte credas interitura quae
 Verba loquor socianda chordis.
 HORATIUS.

Ik sjong net for de dei fen hjoed,
 Mar, neiteam, ek for jimme.
 Jimin' scille, nei myn dea, myn lûd
 Yn ear en hert fornimme.

Myn harp wirdt stom, ik sink yn 't grêf,
 En 't gêrs waechst oer my hinne.
 Mar, lit it stof forwirde as tsjêf,
 De geast bliuwt, as de sinne!

As Fryslâns folk syn tael forjit,
 Den scil in gonger komme
 Dy gromjend yn de nacht rounget,
 En 't basterskaei fordomme.

't Hôlgromjend skynsel, det bin ik!
 My scil nin berch forsette.
 'k Slach, mei de swipe fen de skrik,
 It bloed jimm' út it herte.

En is hjir den in dichterhert,
 Jong, brûzend lyk as mines,
 Him siz ik: 'Op! for tael en wet!
 Nim oan, myn harp wird' dines.'
 PIETER JELLES.

Oan Conscience

by it yn 't ljocht kommen fen syn 100ste boekwark.

Lok, eale Flaming, hwaenis romrofte namme
 Djip YII 't Folks hert stiet, goud yn moarmer lyk!
 Jy ha jins sprake great makke, eal en ryk;
 In treflik erfskip erft fen Jo d' erfnamme.

Lok, iwich jonge twiich fen d' âlde stamme!
 Jins wirk is seinge, myld en wûnderlyk.
 Sjoch, Flaendrens tael kleau op út monde en slyk;
 Hy sprekt hjar, dy 't him eren for hjar skamme.

Bid, bid for ús! Wy, frije Friezen, stride
 For 't selde as Jy, for ús ein goudne tael.
 Hja seol net op tiids weagen ús ûntglide!

Rjue skalden songen fen hjar krêft en prael;
 Hja is de tsjepste blom der Friezene ierde;
 Wy lieawje s' as d' âld strider 't ear-metael!

De âlde Toer.
(Mei Muzyk.)
fen
P.J. Teoelstra.

Mids yn 't dorp stiet, stoer en steech,
 D' âlde skiere toer.
 Sjocht de wide fjilden oer,
 Sjocht omheech, omleech.
 En de minsken, fier yn 't roun,
 Sjocht er dei oan dei,
 Al hjar wrotten en gejei
 Op de lege groun.

Earder nôch as mosk en ljurk,
 Eltse nije moarn,
 Ropt er mei syn swiere toan
 't Hiele gea nei 't wirk.
 As de sinne krûpt yn 't nêst,
 Yn de stille joun,
 Ropt er 't alle fjilden ronn:
 'Minsken, kom, to rêst!'

Ienkear einget lieafde en niid,
 Alle wol en wé;
 Ienkear kroant in stille fré
 Ek ús swierste striid;

Frjeunen drage, swart en stom,
 Us it tsjerkhûf oer,
 Mar den komt út de âlde toer
 Frjeunlik, fol gebrom.

‘Wolkom, wolkom, kom mar, kom!’
 Ropt er, myld en gol;
 ‘Liz dyn wirge holle dol;
 Rest yn sêfte slom!
 Wier dy d' ierde meast t' ûnrom,
 't Grêf is wiid en myld;
 Oer dyn holle groit yn 't wyld
 Gêrs en krûd en blom.

Lang al hest nei slomme socht,
 Lang al socht nei rêst.
 Frjeunlik wonk de dea op 't lêst.
 Het dy útkomst brocht.
 Mar al is ek kâld dyn hert,
 Ienkear waerm en fol,
 Hwa dy koe, sa goed en gol,
 Dy forjit dy net.

Kom den, welkom, wolkom nou!
 Frjeunen skrieme om dy;
 Yn hjar hert - ho goed, ho blij! -
 Deade, libbestou!
 Frede, frede oan hwa 't hjir leit
 By Gods heilichdom;
 Ut it grêf sprút as in blom
 Blier d' ûnstearflikheid.’

Tinzen**fen****M.H. Bakker.**

Stêdden en doarpen, bosken en fjilden,
Alles foroaret op disse wrâld.
Frjeunen, frjeundinnen, ynlieawe sibben,
Bringt min to hôf, yn 't tsjustere skâd.

't Paed wirdt sa ienlik, 't wirdt den sa tsjuster;
Bylden, sa trou, seach 'k skriemende nei;
Smert waerd ta wille, wille ta smerte;
Alles foroaret en.. alles wirdt wei.

Mar lyk as wolken driuwe oan de himel,
Bliuwt ek de striid by 't minskdom yn stân;
Doch ek de lieafde, as in iwige sinne,
Skynt ûnforgonklik oer sé en oer lân.

Fryslân.**fen****K. Sytsma.**

Is my myn sjongster sims to wille,
 Den sjong ik fen it Fryske lân,
 Den sjong ik fen it Noarderstrân;
 Hwent wyld, lyk as de Noardsé rûst,
 Is 't bloed, det my troch d' ieren brûst.

Hear 'k foarjiers 't skeppingsliet wer klinken
 Oer Fryslân's fjilden, rom en frij,
 Sjoch ik natûr sa jong en blij,
 Den, wylst dy fleur myn hert forheft,
 Fiel 'k yn my ek wer nije krêft.

En eagje 'k oer dy bounte greiden,
 Is wer natûr yn pinxterpronk,
 Giet ljurkje al sjongende fen honk,
 Sûst sudewyntsje sêft en bol,
 Den is myn hert fen wille fol.

Skynt simmerdei it goudne sintsje,
 Sjocht himel's each sa myld yen oan,

Den rust in liet troch 't, rypjend koarn:
 'Forgiet de blom, de frucht bliuwt nei!
 En o, myn hert det sjongt i t mei.

't Wirdt hearst; de giel forwile blêdden
 Fâlle ôf; ik sjoch se suchtsjend nei;
 De hearst spielt simmer's lykkleed wei.
 Mar, moast hjar fleur forgean as tsjêf,
 Gjin need, hja stiet wer op út 't grêf.

Den komt de grime foarst fen 't Noarden,
 En leit de wetters oan 'e bân;
 't Is winter yn it Fryske lân,
 En wy fine op it speechlich iis,
 De heechste wille for in Fries.

O Fryslân, lântsje fen myn herte,
 Dêr 'k berne, dêr ik opfied bin,
 Dêr 'k mem Natûr hjar stimmen kin,
 En mei hjar diel yn wille en smert -
 O Fryslân, dy forjit ik net!

In Himel yn 't Hert.

Minsken, siikje jimm' in himmel,
 Eagje den net fier yn 't roun.
 As wy flink ús plicht, bitrachtsje,
 Wirdt er yn ús herte foun.
 Den, hwet stoarmen om ús âlje,
 Of hwet lok ús mei omwalje
 Wenje 'r, ûnder nocht en smert,
 Ingels yn ús himelhert.
 M.B.

In weitsjende Dream.**fen****T.W. Sytstra.**

Stil wier de jountiid en effen de mar;
 't Sintsje sinkt al, towyl ik yet far;
 Stil is 't rounom, en 't ropt alles ta rêst;
 Farkjende driuw ik, 'k forgeat alle lêst.

Mimerjend sit ik en roikje net mear;
 Weitsjende dreamend is 't each wei en 't ear;
 Slop binn' de hannen, of dreame wol mei
 Sûnder bistjûr, hwent, it tinzen is wei.

Hark, hwet is det? O, dêr klinkt yet in liet!
 't Liet, o sa moai, glierket súntsjes oer 't, wiet;
 Rûst yn myn ear, en strielt herte en sin...
 'Sjongfaem; hwêr bistou? Kom neijer, as't, kin!

Sjongster, o kom; kom dôch harren, hy my!
 Lit my dy sjean; 'k ha sa'n langstme nei dy!
 Don sjongst' sa moai en sa suver en frisk!
 'k Lieawe yet nea, mar dy, dy lieawje 'k wis.'

Farkjende kaem dêr in famke út it reid,
 Moai as in ingel. 'O, wird dou myn breid!'
 Rôp ik en roike myn boat nei hjar ta;
 'Dy, en oars nimmen as dy wol ik ha!

Famke, kom harren, en lieawje dou my!
 Skatsje, ei liz dou dyn boatsje hwet by!
 Kom oan myn herte, det jaget sa fel.
 Ringen, ja ringen bin 'k by dy, o tel!'

Mar wylst ik roike fordwoun wer dit bern,
 En ek it liet gyng al stadich forlern;
 Stoar sûntsjes út, waerd mei hjar ek al wei...
 Ik, as forbûke, ik stoarre se nei.

Einling wier 'k wekker: 't wier gau middennacht;
 Mids yn de stjerren stie 't moantsje op 'e wacht;
 'k Tocht vet ris nei oer de dream fen de joun;
 Driuwend nei hûs seach ik faek nôch yn 't roun.

Ierde en Himel.

As ik nei dyn lippen seach,
 Seach ik blommen bloijen;
 As ik dy yn de eagen seach,
 Seach ik stjerren gloeijen.

Ierde en himel, faem, bistou;
 Sink, o gleaune sinne!
 Op dyn blommen, faem, blinkt dau;
 Yn dyn stjerren - minne!

PIETER JELLES.

**Op 't Iis
fen
O.H. Sytstra.**

't Wier iis, 't wier moai waer en de baen wier fol folk;
Hwet ride koe ried, sa ried ek moarje Lolk.
 Hja wier op de baen,
 Om, woe 't hwet bislaen,
In frijer nei 't sin disse dei op to dwaen.

Hja wist, bûrmans Pieter, dy hie hiel wol smucht,
Om hjar ris to freegjen, mar doarste net rjucht.
 Hja tocht: 't kin net mis,
 Nou freget er wis,
Al is 't ek, dêt hy wol hwet mijend oars is.

En Pieter dy seach hjar al oan en al nei;
Hy tocht hast, det Lolk wier fen him net sa fij;
 En dêrom tocht hy:
 Kom tichter by my;
Jowstou nou hwet bliken, den freegje ik dy.

En Lolkje dy seach ek, det Pieter wol woe;
 Hja rekk'ne, det hy hjar wol oplizze scoe;
 Hja wist tige goed,
 Hy wie net sa'n bloed;
 Hy doarst hiel wol freegje, joech hja him mar moed.

Mar Lolk, al 't oerdweaisk, tocht: ik narje him hwet.
 Hy wirdt om my sijucht as er lang wachtsje mat.
 En as hja fornaem
 Det hy der oankaem,
 Den stiek hja fen d'ein en laei op for in faem.

Mar Pieter dy hie det al ringen fortret.
 Hy tocht by himsel: 'k Bin dyn boarntsjelap net.
 Hâldston my for gek,
 Dy hin ik net brek;
 Greult nijboers kreas famke, dy is der yet ek!

Nou frege hy Martsen, en sjoch, det wier klear.
 Do joech hy om. Lolkje hjar kuren net mear.
 Hy kaem op d' oare ein;
 Do seach hja forslein,
 Det Pieter hie nou for syn Martsen oplein.

Nou hie hja wol spyt, mar it holp hjar nin byt;
 Hja wier nou tor altiid hjar Pieterman kwyt.
 Hja seach mâlle skean,
 Mar 't holp hjar nin bean.
 Sjoch, sa moast it al sokke fammen mar gean!

Soun en dôchs Siek.**fen****J. Jouwersma.**

Langlêsten op in middei
 Hie 'k my to sliepen lein;
 Ik mymre, en hie al ringen
 De wrâld farwol ta sein.

Ik sliepte net, ef 'k dreamde,
 'k Wier siek, en ek mar min.
 Ho freamd, det just in feintsjen
 As ik sa dreame kin!

Sjoch, foar my stoe in famke,
 In famke, och sa kreas;
 En op de dyk in feintsje
 Mei hynzer en mei sjeas.

Hja scoen' togearre ride;
 Lykwol, hja hie net heard
 Det 'k siek wier, ef hja winske:
 'Wier 'k by him, foar 't er steart!'

Hja laei hjar hân do op my,
 En kaem al tichter by,
 En seach my djip yn d' eagen,
 En snikkre, en pafte my.

'Ik leau forsiker,' sei hja,
 'Wy ha deselde kwael;
 Salang astou der biste,
 Kom 'k nea wer op 'e hael.

It feintsje, det der wachtet,
 Wirdt hjoed de dei myn man;
 O, mocht ik dy mar habbe;
 Ho lokkich wier ik den!' -

Hjir waerd ik kjel to wekker;
 Ik seach forheard yn 't roun,
 En frege, alhiel forbjust're:
 'Bin 'k siek of bin ik soun?'

Maeije op it Iis.

Joech de Maitiid folie wille,
 Ek de winter is my djûr;
 As 'k dy sjoch, sa moai en krigel;
 D' cageu fol fen heger fjûr.

Mei de faem der oer to waeijen,
 Hwet in wille for in Fries!
 Binn' de beammen keal en neaken -
 Det is: Maitiid op it iis.

PIETER JELLES.

**Twa blautsjes en bruijen ta.
fen**

W.G. Hoeneveld.

Net fier fen Snits fen dinne,
Oan 'e mar by Gerben Jans,
Dêr het in lytsfeint wenne,
Dy wier in bulte mânsk;
Gjin ien koe better meltsje
En flugger boarne as hy,
En hwêr mar hwet to dwaen wie,
De lytsfeint wier der by.

Klaes dos, lyk as er hiette,
Wier tige by der hân;
Mar fen ien ding - it frijen -
Hie hy mar gjin forstân.
Hy wist to riddenearjen
Oer hynzers, keallen, krj;
Mar nimmen hearde 'm praten
Oer frouljue en frijery.

De boer scoe noait him pleagje,
 Dêr houd' de man net fen;
 Mar oars wier 't mei de greatfeint,
 In earste mâlle Jan:
 Jouns, as min nei it, meltsjen
 It iten binnen hie,
 Den moast Klaes iwich hearre,
 Ho'n bloarre as hy wol wie.

Op 't lêst tocht Klaes: sok pleagjen
 Wirdt my nou dôchs to min;
 Kom, lit my hjar 'ris toane,
 Det ik in keardel bin!
 Do sei er tsjin de greatfeint:
 'Och Pieter, woston my
 Hwet op de hichte bringe
 Fen frouljue en frijery?'

'Hwet seiston dêr?' sei Pieter;
 'Don frije, jonge? Och kom,
 Der hast dôch gjin forstân fen;
 Dêrfor bistou to dom.
 Dou kinste wol bigripe,
 Det is nin wirk for dy.
 Lit dy fen my doch riede,
 Bleau dou stil by de kil.'

Do andre Klaes: 'Né, Pieter,
 Sok praet forstean ik net.

Mar wost' my nou net helpe?
 Dêr hie 'k my sa nei set.
 To, siz my, hwêr scil 'k hinne?
 Hwet fammen binne frij?
 Hwent ik wol nei de frouljue,
 Det stiet nou fêst by my.'

'Wel nou,' sei do de greatfeint,
 'Ik scil dy helpe, man!
 'k Scil dy in famke wize,
 Mar praet er nearne fen.
 Dou moaste gean nei Tryntsje
 Fen Sape Sjoerds to Gauw;
 Astou der komste, feintsje,
 Den krijst forfêst gjin blau.'

'De deale,' wier it andert,
 'Det liket skoan my ta.
 Mar siz my nou 'is, Pieter,
 Ho mat 'k det sawet ha?
 "Welnou," sei disse unnoazel,
 Don rinst 'er sa mar yn;
 En as me dy hwet freget,
 Siz den: ik kom om Tryn.'

De Sneintojoun wier kommen;
 Klaes stiek fol fjûr fen wâl;
 Hy hie syn bêste jas oan,
 En like lang net mâl.

Yn 't fesjebûse droech er
 De doaze fen de boer,
 En yn de binnenbûse
 In fless' '*parfait amour*.'

Hy tochte: 'Sa'n swiet slokje
 Scil siker sines dwaen,
 As Tryn det sjocht, den scil hja
 My grif gjin blautsje jaen.'
 Nei det er 'n urke roun hie,
 Stie 'r foar it hûs fen Tryn,
 En, nei de rie fen Pieter,
 Roun hy der sa mar yn.

De foardoar die er iepen,
 En do de keamersdoar;
 Hy tochte: nou koeraezje!
 En sette 'm flink to skoar.
 It folk wie krekt oan 't iten,
 Do 't Klaes dêr binnen kaem.
 Hy sei: 'Joun allegearre,
 Ik kaem hjir om de faem.'

Mar och, do wie 't in herrie,
 In laeitsjen sûnder ein!
 Klaes seach, de kâns op frijen
 Wier nou for him forflein.
 Hwent hwa siet oan de tafel
 Neist Tryn, dy tsjeppe faem?

De greatfeint Pieter wier it,
Dy lang al by hjar kaem.

En Klaes? - Hwet scoed er sizze?
Hy like wol bistoarn;
Hy koe nin wirden fine;
It wier for him bidoarn.
De feinten, Tryn en Pieter,
Elts die der sines ta,
Om Klaes-man út to laeitsjen.
En hy sei boe noch ba.

Op 't lêst sei Tryn: 'Nou feintsje,
Dou sjochste, ho 't hjir stiet;
Ik kin dy joun net brûke,
Mar, wiste, gean nei Griet,
De dochter fen de nijboer;
Hja wennet tichte by,
En 't is in aerdich famke;
Ik leau wol, hja is frij.'

Klaes wier nou hwet bikommen,
En sei: 'Ik leau dy, Tryn;
Ik sjoch 't wol oan dyn eagen,
Dêr sit nin fâlskens yn.
Ik bin hjir lilc forryfle,
En gean nou mar nei Griet.
Ik hoopje, dêr fyn 'k oars hwet
As skande en fortriet.'

Klaes die, lyk as er sein hie;
 Hy winske 't folk goêjoun,
 En nei in bytsje siikjen
 Hie hy de nijboer foun.
 Hy stapte troch de hikke,
 En kloppe op de doar;
 Hy hie net lang yet wachte,
 Ef Griet kaem selme foar.

Klaes sei: 'Ho stiet it, fanke,
 Mei 'k bliuwe joun by dy?
 De greatfaem Tryn fen Sape
 Sei my, dou wierste frij.'
 Dêr kaem de boer oanstouwen,
 En rôp: 'Hwet scoestou, dief?
 Myn stôk scil dy wol leare,
 To frijen mei myn wiif!'

En Klaes? Hy fleach de dyk op,
 En êfter him de boer;
 En twisken beiden rôlle
 De fless' '*parfait amour*.'
 De boer kriich him to pakken,
 En joech him hou op hou,
 En fiertsien dagen letter
 Wie Klaes de rêch nôch blau.

Hy teach nou mar nei hûs ta,
 En lei al gau op bêd;

Gjin iten woed er habbe:
 Hy wie fen klappen sêd.
 Dêr lei er nou to kreunjen
 Fen pine en swier fortriet,
 En 't hiele keassen rekke
 Fen Klaes syn triennen wiet.

Hy tochte: 'Det is iennis;
 In twadde kear net wer.
 Ik scil nou iwich swije,
 As ik oer frouijne hear.
 Noait wol 'k er wer om tinke,
 En 'k leau, it is mar bêst,
 Forgoed âld feint to bliuwen.
 Den het min ek nin lêst.

Nou, feinten, mei 'k jimm' riede,
 Wês net as Klaes sa'n blei;
 Woll' jimme nei de frouljue,
 Fyn den jimme egen wei.
 Ik leau wol, det it frijen
 Scil den mear wille jaen.
 Wol noait oan nimmen freegje:
 Och, siz my, ho mat 'k dwaen?'

**Minne en Mintsje
fen
J. Jouwersma.**

It wier in moaije en stille,
In alderlieafste joun,
Do 't Minne, ús koaiboers soantsje,
Lâns d'ich fen 't wetter roun.

Hy seach de fiskjes djoijen
En boartsjen fol fen nocht;
Hy seach... mar ek det húske,
Dêr jinsen yn de bocht.

Hwa is 't, dy dêr sa hastich
Foarby de finsters teach?
Hwa is 't, dy dêr sa glûpsk dôch
En skean it paed oer seach?

't Is 't mûtle famke Mintsje,
Just tûzen wiken âld;
Fen binnen en fen bûten
In pronkstik fen de wrâld.

Hja seach him wol wer kommen,
 En set syn stoel al klear;
 En gau sit hy to kâltsjen
 Mei 't froede âlderpear.

Dy habbe op Minne komste
 Alhielendal net jin,
 Lyk as út 't ien en oare
 Hy wol formimme kin.

Hja geane sokke jounen
 Ornaris gau nei bêd,
 En pleagje, lyk as mannich,
 It jonge pearke net.

Den sitte Minne en Mintsje
 Togearre yn in hoek,
 En kâltsje dêr sa aerdich,
 Sa nuver smout en smûk.

Dêr bowve hja den húskes
 Mei túntsjes der om ta,
 En roppe, yn lok forsonken:
 'Hwet scil w' in wille ha!'

De hearst fleach tel dêr hinne,
 De winter gyng him nei;
 De bliere Ijurkjes kamen
 En namen 't foarjier mei.

En yn dy selde Maitiid
 Waerd ek in húske boud,
 En yn dy selde Maitiid
 Is 'i jonge pearke troud.

It is in himmel húske
 Mei 'n túntsje der om ta,
 Mei blommen swiid bisiedde;
 En o, dy blone sa!

Mar folle moaijer plantsje
 As yn it tútsje stean,
 Fyn jimm' dêr binnen bloijen...
 Wol mar is fierder gean.

Ien blomke draecht it nou al,
 En nie 't ik er fen hear,
 Den krijt it al wer knopkes;
 Des komme 'r licht gan mear.

In Ingel.

De wyn rúst om yn de beamen;
 De baren brúze yn de sé.
 Sa rúst it liet yn myn herte;
 Den fleurich, den fol wé.

Faek skolpere it om yn det herte,
 As in byljende, bold'rijende sé;
 Mar in ingel striek del op de baren,
 De lieafde, fol lok en fré.

PIETER JELLES.

Teaco en Gerbrich.
In forhael út de toalfte ieuw
fen
P.J. Troelstra.

De haet twisken Douwe fen Harns en Sicko Gratinga, dêr Winsemius fen skriuwt yn it fyfte Boek fen syn Kroniken, hab ik brûkt as êftergroun tor dit forhael, det, útseid dy âlde fete, net skiedkindich is. Douwe stins lei op Dyksheerne, det lyk as Westerbjirrum, hwêr it net fier ôf lei. yn 1237 fen de sé oerstreamd is. Douwe fen Harns hie in iwich skeel mei Edo Edes Gerbranda en Sicko Douwes Gratinga, det einlik syn groun foun yn Douwe greatskens en syn lytsachtinge fen de oare edelljue, mar det útboarst is yn 1130 troch it tsieren oer in reed, dy Gratinga, naem troch Donwe syn mieden en greiden hinne. Dit roun sa fier, det Douwe op in kear Gratinga soan, dy 't him mei in weide hea foarby kaein, mei 't swird trochstiek, hwet Sieko sa ta 't uterste brocht, det er, mei help fen frjeunen en migen, Douwe mei wiif en bern yn syn ein stins formoarde, en dy stins delsmitten het, det er nin tael of teiken mear oerbliuwe scoe fen det forflokke slachte.

De Fryske skiednisse is ryk oan foarbylden fen dit slach. De frijdomsmin en ûnforsettelikens fen de foarfaer gyng mar al to faek oer yn hearsksucht en stiifkoppigens, en dêrfendinne faek det iwige skeel oer dingen, dy 't neat om de hakken hiene, mar hwêrby it 'er einlik om to dwaen wie, hwa ef de baes bliuwe scoe. Dit het de dea wêst for de Friezne frijdom, en it âlde sizzen 'De skiere piel bringt Fryslân yn de wiel' is mar al to goed neikomd.

Gebbrich.

Allyk in Noarman stoer en grym
 Sjocht, yn de skimerjoun,
 De sterke stins fen Gratinga
 It griene fjild yn 't roun.

De poarte kreaket; gudzen spring'
 It brede foarplein út;
 Hja draye trije edelljue
 Ta 't âlde stamhûs út.

't Is 't eale team fen Gratinga,
 It âlde frije bloed;
 Mei Fryske stiwens, Fryske krêft
 En Fryske heltemoed.

Op 't hiem stiet Sicko Gratinga,
 En sjocht syn neven nei,
 En jowt hjar mei syn iizren lûd
 De gleaune warden mei:

'Ja, wei mei Douwe op 't Hûs to Harns!
 De bloedhaet bliuwt ús by.'
 Hja kear' hjar op de gudzen om,
 En ropp': 'Det swarre wy!'

Yn 't greate seal fen d' âlde stins
 Stiet Gerbrich, Sicko bern,
 Troch 't lyts binypte finsterrút
 Hjar migen nei to sjean.

De sinne, dy 't omlegens giet,
 Skynt troch it finsterrút,
 En teikent op it sket hjar skaed
 Mei swarte ferwen út.

Al blinkt hjar troanje yn sinneskyn,
 Mei wangen, roun en rea;
 Swiersettich dikert d' edelfaem
 Oer Westerbjirrum's gea.

Dêr wirdt, krekt êfter 't Hûs to Harns,
 De sinne allinken wei,
 En lit it yn in gleaune sé
 Fen bloed en lôge nei.

Mei driuwt it each fen d' edelfaem
 Yn triennen, klear en hjit:
 O God, hwêr Teaco, Douwe soan,
 Hjar lieafde en hope, sit?

Mei 'n iizren stap komt Sicks nou,
 En tel, de treppen op;
 Hja giet forheard by 't finster wei;
 Sjocht sûnder triennen op.

En komt hjar heit de keamer yn,
 En set him swijend del,
 Den bringt hja tsjilk en krûk to plak;
 Mar 't herte slacht hjar fel.

Striid en Frede.

't Is nacht. Mids oan de sonder barnt
 In spûkige oaljelamp',
 En Gratinga tinkt wapens út
 For d' izerhirde kamp.

'Ja Donwe', bromt er, 'naemste my
 Myn hertebloed, myn soan;
 En hest myn hiele libbenslok
 Yn iwichheid bidoarn;

Naemstou myn laech de kroane ou,
 Myn libben 't ienichst wyt -
 Ta straf sa rekkest mei dyn skaei
 Bistean en namme kwyt.

Fordylgje scil dy Gratinga
 Fen Fryslans frije groun.
 Tel hestou troch myn help en my
 In ein yn skande foun!' -

Sa praet er; 't Ijochtgriis each scjit fjûr;
 Syn antlit stiet yn gloed;
 In djippe groede op 't iene wang
 Wirdt hjit, en read as bloed.

It giele skynsel fen it Ijocht
 Falt oer syn griizjend hier. -
 Der kreaake hwet - hy skrilt: it sticht;
 De doar kaem op in kier.

Hy docht him wer mei foarsje ta:
 ‘Dêrêfter loert de nacht,
 En yn de fâlden fen hjar klean
 Forstekt de Hel syn macht!

En as er letter flokkend ropt:
 Ik bin it wachtsjen sêd!
 Den wirdt er eang fen 't egen lûd,
 En strampelt skril nei bêd. -

It lieaflik bern fen Gratinga
 Socht jouns de wrine ek op;
 Mar sliepen wol net; 't herte slacht
 Hjar fel, mei klop op klop.

En as hja tinkt, hwêr det hjar heit
 Nou mei syn help op sint;
 Ho 't spûk der wrake yn wylde feart
 Op 't Hûs to Harns oanrint;

Heal dreamend bloed en lôge sjocht,
 En kermjen, gûlen heart;
 Al sjocht, ho Teaco mei syn folk,
 Syn hiele slachte, steart. -

Den dûkt hja yn de keassens wei,
 En krimpt fen flymjend leed,
 En snikkert wyld en stint en kleit:
 ‘O God, hwet binn' Jy wreed!’ -

It flugge hert, fen honnetosk
 Tobiten en toskûrd,
 Det opspringt - delfâlt - fierder rint -
 En dôchs wer fongen wirdt;

En 't goarrich reau al kommen sjocht,
 En dôchs net fierder kin;
 Hjar wite tosken grimen sjocht;
 Hjar azem fiele kin. -

Det eale djier, sa fyn, sa kein,
 Nou driuwend yn syn bloed,
 Det fierder wol - net fierder kin,
 En dwyt fen eangstme en noed...

Mear as it bern fen Gratinga,
 Mear lije kin it net;
 Yn swierder striid, yn djipper smert
 En deadseangstme is it net.

O sjoch hjar der, dy blanke blom,
 Op 't ikenhouten bêd,
 Hwêr 't moantsje silverskyn oer jit,
 In Ijocht, sa klear, sa glêd!

O sjoch hjar dêr, in hearlik byld
 Fen jonkheids swiidsste pracht;
 Mar wei yn smerte, yn triennen wei,
 Omwoelend yn de nacht.

O sjoch hjar der, de mûtele earm
 Om 't wite keassen slein;
 De holle yn 't gouden hier fortiisd,
 Mei silverljocht oertein.

O sjoch! en hear dy snik op snik
 Ienteanich yn de nacht,
 Lyk as oan sé, hwêr baer op baer
 Aloan tsjin d' iggen slacht. -

Sa bûgt yn stoarm en boijen rein
 De roas it kopke del;
 En brekt, forwirdt, fortrape yn 't slyk,
 Wirdt hjar de stoarm to fel....

Mar as de faem it each
 Tafallich iepen docht,
 Den blierket hjar it moantsje ta,
 En sjocht hjar oan en winkt hjar ta,
 En digert sa, en glimket sa,
 As lake hjar, mei himelsk Ijocht,
 Marye selme ta.

Stille frede, golle lieafde
 Dauwet út de himel wei;
 Hwa mei 't each nei boppen libbet,
 Him is iwich treaste nei.

En de moanne mei de stjerren,

Fonken fen it iwich Ijocht -
 Hwa hjar treaste yn leed bijearren,
 Ha hja altiid frede brocht.

Ef de grize Zoroaster
 Dêr syn Ormuzd gloarjen seach;
 Blonk de Joad der syn Jehovah,
 't Iwich great biwald yn 't each;

Sjocht de Kersten yn dy himel
 D' iiwge lieafde fen in Heit -
 Alle minsken fyn dêr boppe
 Lieafde en treast en sillichheid! -

Oan 't finster knielet d' edelfaem,
 En digert nei omheech;
 Hwet is it moai, det kleare swirk!
 En hwet is d' ierde leech!

Mei tûzen stimmen roppe hja,
 Dy stjerren oan de loft,
 Hjar siele nei de himel op,
 En jowe frede en noft.

Hja sucht' wol swier, mar glimket blier:
 Sjocht mem fen boppen dol?
 Och earm', hja is sa lang al wei!
 Hja wier sa sêft, sa gol!

Heech yn de himel, einleas heech,

By God yn 't himelryk,
Is mem dêr net, yn silligens
Oan Jezus' mem allyk?

Marye, djipbisochte frou,
Hwa hie sa'n leed as Jou?
Hwet wiif, hwet faem, hwet lieawjend hert
Moast lije lyk as Jou?

Mater dolorosa!
Dou fordroechste tûzen pinen;
Alle smerten wierne dinen;
Mar dyn stele bûgde net.
Jezus, 't lieafste detste hieste,
Dy forlearste,
O, hwet flymjend djippe smert!

O Marye
Sjoch myn Iijen,
Hear my kleijen
Foar Dyn troan.
Sjoch myn lieafde, klear as wetter;
Lieawje kin gjin skepsel better;
Hwent sa lieaf het God de minsken,
Dou, Mary, Dyn soan!

't Blomke keart him nel de sinne,
Mar myn hert nei him;
't Sintsje spegelt yn de dauwe;
Sa myn hert yn him.

Alles, hwet Dyn soan my learde:
 Lieafde en trou en selsforjitten,
 Alles, alles woe 'k folbringe;
 Mar om him, om him!

Mater dolorosa!
 Ho wierstou to moed,
 Do 't Dyn soan, Dyn ien en alles,
 Weikromp yn syn bloed?
 Do 't de krêften Him bijoechen,
 Do 't min Him trochstiek...
 Mater dolorosa, wier 't net,
 Ef dy 't herte briek?

O Marye, sjoch myn lijen!
 Alles wol ik dwaen!
 'k Wol myn goed, my sels, myn alles
 Oan de Heare jaen.
 Tûzen deaden wol ik stearre,
 Alles wol 'k birstean,
 Mei mar 't ûnk syn holle oerdriuwe,
 En wer fierder gean....

Wol God, myn heite hert bisêftigje!
 Wol mei Jou lieafde him bijeftigje!
 God, brek det hege moed!

Mar 'k ha sa'n noed!
 'k Seach fjnr en bloed;
 It kriichsswird seach ik blinken.

Syn folk waerd wei;
 Hy gyng hjar nei -
 'k Seach him yn lôge sinken.

Mater dolorosa!
 Sjoch myn leed, sa djip en near.
 Goede blanke stele;
 Wês myn foarspraek by de Hear!

Dy súvre bea kleau op nei 't swirk,
 It offer fen in herte;
 Hja fierde in stele wjukk'ljend op
 Ut d' ôfgroun fen de smerte.

En strak - lyk as in wite swan
 By jountiid op de mar,
 Sliapt fredich Sicko lieaflik bern;
 De himel sjocht nei hjar.

Teaco.

De moarn komt op oer 't Hûs to Harns
 En oer Dyksherne's gea;
 Ut dampen kliuwt de sinne op,
 Dy fyan fen de dea.

Hjar Ijocht falt yn de hege stins
 For Douwe in ingel lyk;
 It jaget al syn dreamen foart
 Nei 't swarte deadenryk.

Hy liket ek in skynsel hast,
Det oerblean fen de nacht,
Sa bleek, forwyldre en ûngedien
Fynt him it sinneljocht.

Hy klaeit him oan en sit den del,
En mimert lang oanien;
En seit, djip suchtsjend, yn him selm':
O God, hwet hab ik dien!'

De treppen kreakje, en Teaco komt
Syn heite keamer yn.
'Moarn,' wol er sizze; mar hy hâldt
Forheard syn wirden yn.

Hy scil wer foart; mar Douwe wiist
Mei 't each in sit him oan;
Hy stoarret suchtsjend nei dy feint,
Sa frisk as d' iere moarn.

Nou wirdt ek Teaco's iepen each
Mei 'n swarte wolk oertein;
Troch heite woeste died naem ek
Syn moaiste dream in ein.

Ho faken mette 'r Sicko bern!
Hja wiern' elkoarren goed;
Mar for hjar lieafde wier de haet
Fen d' âlders kant to tsjoed.

Dy skoattle hjar de muien ticht;
 Mar dúdlik spriek it each,
 In tael, dy teller as de tins
 Fen d'ien nei d' oare fleach.

Sa foll'ste súvrer wie de min,
 Dy 't yn hjar herten lei;
 Klear, as de dan yn 't blommehert
 By d' opkomst fen de dei.

Sa wier hjar boask, hwet mmnien wist,
 It dreambyld fen hjar hert;
 Sa hiene hja, elts fbr him selm',
 Elkoarren troue sward.

Mar alle dreamen wierne reek.
 Fordwoun wier alle Ijocht,
 Do Douwe Sicko stege soan
 Forwoed om 't libben brocht.

Sint skaette in ôfgroun, djip en swart,
 Dy herten fen enoar;
 Dôchs woe hja nimmen habbe as him,
 En hy gjin ien as hjar. -

Det alles gyng yn Teaco om.
 O, Douwe wist it net
 Ho 't hy de dei foroare hie
 Yn nacht, yn Teaco's hert!

Hy mymre aloan, mar sei op 't lêst:
 Der hinget oer ús laech
 In swarte wolk fol wé en ûnk;
 Ien útkomst sjoch ik skraech.

Yn swiere dreamen lei 'k tonacht:
 'k Seach Sicko Grratinga
 Dy lôge en bloed brocht oer ús Hûs;
 Hy moarde 'r wyld op ta.

Ik seach my selm', mei wiif en bern,
 Fen grime dead omjown;
 En ho 't ik, ûnder Sicko hân,
 De dead yn 't fjuchtsjen foun.

Ek seach ik dy; de moardners heap
 Socht goarrich ek dyn dea;
 In gjalp fen bloed bismodze dy.
 Bidobbe dy de lea.

En op de gruzels fen ús hûs,
 Ut walm en reek en bloed,
 Kaem op: in ingel mei in swird,
 En rôp mei tongerlûd:

'Toplettre is 't leffe moardners laech!
 De lêste leat is wei!
 Hjar namme is wei; det 's bloed om bloed;
 Gjin minske folg' hjar nei!'

Hy swijde, en 't sintsje wie sa ljocht!
 It fûgelt floite blier;
 En bûten om dit faeije hûs
 Wier alles fleur en tier.

‘Nou wol ik net,’ sa farde 'r foart,
 ‘Dê't 't âlde slachte steart,
 En 'k hab op dy for ús bihâld
 Non al myn hope set.

Gjin kriger bistou; hwent dyn hert
 Is wûnder sêft en myld;
 Dou hest in mear oan alle skeel:
 De kriich is dy to wyld.

In sjonger bistou: great en sterk
 Yn sangen bistou wol;
 In learde bistou: skerp en tuk
 Yn tinzen bistou wol.

As oaren goaiden mei de bal,
 Of roaiden mei it swird,
 Hong'stou as jonge meast oer 't boek;
 Sa waerdest in man fen 't wird.

Al bliuwstou hjir, ont det ús hûs
 Fen hjar bisprongen wirdt,
 Sa bistou yn dy felle striid
 Ta neat dyn slachte nut.

Wy binn' de lêsten fen ús laech;
 Us namme steart mei ús.
 Astou net fluchtest, fâlt mei 't Hûs
 Us namme ek wei yn grús.

Né, gean om utens; fâl ik den,
 Den libje 'k yet yn dy.
 Set dou troch kinde en wytnis, glâns
 Oan d' âlde namme by.'

'Det net,' sei Teaco, nimmer net!
 As 't moat, gryp ik nei 't swird.
 For d'eare is my gjin striid to stoer,
 Fâlt my gjin wirk to hird.

'Ho! scoe ik glûpe fen myn erf?
 Né, dûbeld skande oer my,
 As ik myn âlders groun forliet!
 Heit, ik bin Fries en fry!

Al is de striid myn libben net,
 Dôchs is myn hân net slop!
 Ik nim mei njue it swierste swird
 For eare en frydom op.

En bûge wy de hirde kop,
 Heal ôfbeund, for hjar macht;
 En leit de dead oer jou en my
 Syn iwich tsjustre nacht;

Den fynt m' it swird vet yn ús hân,
 Den priisget elts ús moed;
 En 't fierste neiteam rommet yet
 Us krigel heltebloed.

Sa binn' w' oan d' âffaers drege sin
 For eare en frydom trou!
 Heit, hwet er barre mei, ik bliuw.
 By God, det swar ik jou!'

Do seach de heit syn soan yn 't each,
 En helle 'm nei him ta;
 En oer dy beiden foel it ljocht
 Der sinne, en glânsge sa.

De Pylgrim.

Yn skimerjoun sit Gratinga
 Mei Gerbrich yn it seal;
 De lêste reade sinnestriel
 Forljochtet hjar mar heal.

In tsjinstfeint komt de keamer yn:
 'Der is in pylgrim foar,
 Dy freget om in ûnderdak;
 Hy wachtet by de doar.'

'Hy komme harren,' is 't biskie,
 En Gerbrich set in sit,
 Hwêrop in pylgrim, âld en griis,
 As wirch, hun fâlle lit.

Hja bringt him flesk en skinkt him wyn;
 Mar 't measte lit er stean.
 Hja fielt, as s' yn syn eagen sjocht,
 In kjeltme oer hjar gean.

Al ringen het er 't iten dien,
 En tanket for it miel.
 'Ik krige,' seit er, 'fen jou ginst
 Moai ryklik jouns myn diel.

Ik woe wol graech, as 't barre mei,
 Jou dêr jou lean for jaen.
 Goud hab ik net, ek oars gjin goed;
 Mar sjonge, det kin 'k dwaen.

As 'k jimme dos in deugd dwaen kin
 Mei 'n sang, det doch ik jern';
 In Noardske balke hinget dêr?
 Hawar, wy kinne 's sjean.'

Hear Sicko weitst út dreamen op:
 Ei ja, det mei 'k wol ha.
 In lietke, fromme broeder; sjong
 Der mar fol fleur op ta.

Nou kriget Gerbrich 't instrumint
 En jowt it Teaco oer;
 Wyld taest er yn de snaren om;
 Heal doelleas, mar fol fjûr.

‘In fleurich sankje?’ seit er den,
 O hear, det kin ik net.
 My is de sang de tael fen 't hert;
 Net fleurich is my 't hert.

‘Né, 'k swij den lieawer, en bidear
 Jon fleurich sin mar net.’
 ‘Helje op jou sang,’ seit Gratinga;
 ‘En sprek de tael fen 't hert.’

De jonkfrou trillet as in blêd,
 En hâldt de siken yn;
 De pylgrim sjocht hjar siidlings oan,
 En set in sankjen yn.

It is in sljucht, ienfâldich liet,
 Det fen it spyltúch rúst.
 Mar elts fornimt de sé fen leed
 Dy 't yn de toanen brúst.

Hwêr det ik kaem,
 Gjin oare faem
 Koe sa myn hert bilêze;
 Yn fleur en noed,
 Yn goed en tsjoed
 Mocht ik by dy wol wêze.

Myn wille en smert,
 Myn hiele hert
 Woe 'k dy wol iepen lizze.
 Myn stele en sin,
 Al hwet ik bin,
 Det woe 'k oan dy wol sizze.

Ik leau for fêst,
 Myn leed en lêst
 Dy scoestou wol wer helpe.
 De swierste sucht,
 Dy 't hert ûntfljucht,
 Kin troue lieafde stjelpje.

As 't moed m' ûntsonk,
 Fortiisd yn 't ûnk,
 Binypt troch libbens pleagen; -
 Ik foun wer ljocht
 En libbensnocht
 Yn 't blierkjen fen dyn eagen.

Dou seachst my oan,
 En 'k fiel it skoan:
 Dou mienst it my sa tige.
 Al sei 'k it net;
 Dou kinst myn hert:
 Ik woe wol, det 'k dy krige.

Mar 't kin net ha;
 En 't moit my sa;
 Wy kinne elkoar net krije.
 Dou mast om my,
 En ik om dy
 De swierste pine lije.

Nou doarmje 'k om,
 Forbûke en stom;
 Gjinn faem kin my bilêze;
 Hwent hwêr ik bin -
 Myn stele en sin
 Wolle iwich by dy wêzel! -

It liet is dien; de sanger swijt
 En set it spyltúch del;
 Stil sit it bern fen Gratinga;
 Hjar boarst giet op en del.

Mar as s' elkoar yn d' eagen sjean,
 Den brûst er troch hjar lea
 Ien fieling: Iiwge lieafde en trou
 Ont d' ûre feu de dea.

Hy seit jin Sicko, dy 't er ek
 It hert oan 't triljen brocht:
 Det is in sankje út d'âlde tiid;
 Ik ha 't as feint bitocht.

Do ha 'k troch 't woedsjen fen de haet
 Myn bêste faem forlern;
 Gjinn moaijer faem as Teatske, wier
 Yn 't hiele gea to sjean.

Blank wier hjar siele, waerm hjar hert,
 En kras en fluch hjar hân;
 Mar 'k ha dy lieawe faem forlern
 Troch heite ûnforstân.

Hy wier in man fen krigel aerd;
 Mar hird en rou fen moed;
 Syn wachtwird wie: troch 't swird ta rjucht;
 Syn kinspreuk: bloed om bloed.

Hjar heit hie krekt sa'n aerd as hy;
 En altiid hien' hja skeel.
 Det makke 't libben hjar ta lêst,
 En lijen waerd ús diel.

Hja fjuchten iwich; moard jin moard;
 En barnden det 't hwet die.
 En woestens folge woestens op;
 Neat, hwêr de wraek foar stie.

Myn faem waerd dêr it offer fen;
 Hja stoar, dy blanke blom.
 O God, wier haet en wraek er net,
 Hwet wie de wrâld den rom!

‘Dêr wit ik ek in sankje fen;
 Ik leau, it bleau my by.
 It sprekt fen lieafde en 't sprekt fen haet;
 O, harkje is goed nei my!’

Mei 'n lûd, det opstekt as de stoarm,
 Dy giert troch 't wintrich wâld,
 Dy mei syn near gebolder sjongt
 In deasang for de wrâld;

Sa ropt de pylgrim, as er grypt
 Yn 't machtich spyldersark,
 En lege toanen rôlje lit:
 ‘Fen haet scil 'k sjonge; hark!’

Grym as 't roafdjier, det omglûpt troch tsjustere wâlden,
 Helske lôge yn it each, en de tosken heal bleat;
 Wyld de hierren oerein, en de neilen al klear
 Om it laem to forskûrren, it douke to knoijen;
 As in pod sa feninich, dy omkrûpt oer 't paed,
 Is de haet.

Haet is 't bern fen de divel, út lieafde faek berne;
 Haet is sister fen 't leed, det yens libbenslok fret;
 Haet is maet fen de sonde, fen brân, moard, forgif;
 Haet is mem fen de wroechwjirm, dy 't hert yen tofiket.
 In wolk fen fordjer walmt er op út de saed
 Fen de haet.

Haet is 't swarte fenyn, det de divel yen yndriipt.
 Yn it hert falt ien drip, dy 't him dalik forspraet.
 't Waechst aloan, en de siele, dy blank wier en skjîn,
 Wirdt fen 't gleaune fenyn nou bismodze en trochkankre.
 Gjîn fjûr, det sa barnt, det sa'n walmen forspraet
 As de haet,

Earm, ja earm neam ik dy, al hest skatten en troanen,
 Hwaem de haet ta syn slaef het; dyn libben is nacht;
 Dyn hert is in tsjerkhôf, hâl, tsjuster en kâld,
 Dêr gjin blommen op bloije, gjin fûgels oer floitsje.
 Bleeke dea strampelt orn mei de seine, op it paed
 Fen de haet.

Hy swijt en sjocht Hear Sicko oan,
 Dy stiif to harkjen sit;
 Hwaems ljochtgriis each, oars strang en kâld,
 Yn freamde lôge stiet.

Syn noasters stean wild út enoar;
 Rêd beeft him d' ûnderlip;

Hy fielt de pine, djip yn 't hert,
Fen dy feninedrip.

Der giet hwet om yn Gratinga!
Hy sjocht him selme, en - trilt;
Wykt for syn egen byld tobek;
Bitinkt syn lot, en - skrilt.

En hja, det byld fen lieafde en ljocht,
Dy stille, bleeke faem,
Hwaem by dy sang in neare wolk
Fen freze ya 't herte kaem;

Hja hinget oer nei Gratinga,
Hjar antlit by syn wang,
En sjocht him troch hjar triennen oan,
Skril, freegjend, lang en bang.

‘Hwet oars,’ seit Sicko, ‘fromme man!
Dit liet bifâlt my net.
Wy moatte fleurger sangen ha.
Dit krijt yen freamd by 't hert.’

‘It oarde part fen disse sang,’
Seit Teaco, ‘is fol fen tier.
Dit wie de haet, det is de min;
Dy makket gol en blier.’

Do naem er wer it spylwark op,
En d' eagen fjurken him;
Syn wêzen lei in himel oer;
In ingel spriek út him.

Bûg, ierde, for de himel del,
 En lit dyn sangen driuwe;
 Lit as in ljurk nei 't hege swirk
 Dyn hertelofsang kliuwe!
 Mei snareklyngklang, harpnelûd,
 Lofsjong de lieafde, 't heechste goed!

O, wirch fen 't bodsjen, minskneskaei,
 Sjoch op, tsjoch op fen d'ierde;
 Lit himeldau oer jimme hert
 Syn koele frede spriede.
 Forjit, forjit, o wjirm, dyn striid!
 Wês, minske, yn God nou einleas bliid!

't Sy jimme treast by goed en noed,
 Det, boppe 't swirk, de Heare
 Syn ear net for jimm' sletten het,
 En 't kwea goed scil biteare.
 Det oer jimm' fjuchtsjen, rou en hjit,
 Gods lieafdesinne yn gloarglâns stiet.

It swirk is Gods blaustrieljend each,
 Werkeatst yn 't klearre wetter;
 Sa fâll' Gods lieafde yn 't minskehert,
 En meits it ljochter, better.
 Sa hinget ek Gods albiwâld
 Great, machtich oer de minsknewrâld.

Bisocht troch 't tsjoed, o gryp wer moed!
 God scil dyn suchten stjelpe.
 Bisocht troch 't kwea, o wird wer goed!
 Gods lieafde scil dy helpe!
 Ut nacht fen sonde, út jinspoeds sé
 Kliuwt laeitsend op Gods goudne fré!

Ut Jezus' dwaen op Golgotha
 Scille alle minsken leare,
 Det lieafde 't wyt fen 't libben is.
 'Forjow,' sa sprekt de Heare.
 Det, hwa 't him sels forsmyt, forjit,
 As GOD yn 't Boek fen 't Libben stiet.

Nêst tûzen jier sonk Jezus wei
 Yn 't grêf, mei skande oerditsen;
 Nou wirdt oer him as oer in God
 Fen miljoen en spritsen.
 De lieafde for Gods bêste soan
 Wiist him in sit yn 't Gods hûs oan.

DE LIEAFDE is GOD! hja makket ryk,
 Foldocht de djipste winsken.
 Hja makket d' ierde in himel lyk,
 Ta ingels sljuchtwei minsken.
 Wy siikje rêstleas om nei rêst...
 Hab lieaf! dêr einget alle lêst.

Hab lieaf! - 't Wirdt ljocht! Wyk, swarte haet!
 Nou moatte d' ûlen skiede.
 Wyk nacht, dou mei dyn tsjuster skaed!
 De sinne komt oer de ierde.
 Tsjilp, tsjotterje op, swel, mosk en ljurk!
 Bûg, minske! God stiet selme oan 't swirk.

'En nou,' sa sprekt er mei in lûd,
 Det trillet, himelblij,
 Nou scil ik fierder, eale Hear;
 Gods lieafde stean jou by.

Ik winskje jou dy frede ta.
 't Wêz' yn jou siele dei.
 As dêr de haet gjin wenpleats het
 Is 't hearlikst lok jou nei.

Het faek in minske jou misdien,
 Forgeat er fen jou bloed,
 Den winskje ik jou as wrake ta:
 Forjild it kwea mei goed.

‘Forjowing jowt allinne rêst
 Oan 't hert, det siz ik jou;
 En alle wirken fen de haet
 Jowe iwich neibirou.’

Mei jowt er Gratinga de hân;
 Mar disse sjocht him oan -
 En skrilt - en lûkt de kap him óf...
 Ja wis, 't is Douwe soan!

Nou wykt de frede yn 't flamjend each,
 Det read birint mei bloed;
 De hân oan 't swird, sa stiet er dêr;
 In lieuw, sprongklear, forwoed.

De faem, dy 't mei in skreau fen skrik
 Him yn de earmen fleach,
 Dy stompt er mei ien dúst tobek;
 Oer Teaco broeit syn each.

Mar disse bliuwt dêr rêstich stean;
 Stoer as in ikenbeam
 Dy sûnder bûgen 't haed opsteekt
 Yn 't unwaer oan wâld's seam.

't Is stil - hja steane foar elkoar;
 Hjar mûlen binne stom.
 Skrik, woede en lieafde's fêste moed
 Brûze yn dy herten om.

'Ja, ik bin Teaco, Douwe soan,'
 Seit disse, ik song for jou.
 Nou witt' jy *alles*; op nou, op,
 Nim wrake, dei my nou!

'Myn heit het jou in soan ûtnomd,
 Nim wrake; dei jy *my*;
 Den binn' jimm' lyk; stiet ta, stiet ta!
 Mar lit den d' oaren fry!'

'Stil,' lústert Sicko, heas en rou,
 Jongfeint, ik dei dy net;
 'k Biklei dy en det earme bern.
 Foart, foart, my brekt it hert.

Ik - God, hwet wird ik swier bisocht -
 Ik kin net mear forjaen.
 Foart, wachtsje ús ôf, tel komme wy.
 Dêr is neat oan to dwaen.

Der is in wet, strang, kâld as stien,
 Mar ûnforbidlik wier:
 It bern moat lije om d' âlders skild;
 O bern, jimme ûnk is swier!

'Ik hab in eed fen wrake sward;
 Dy brek ik nimmer net.
 Forlit dit hûs, sa tel as 't kin.
 Disse ûre kaem to let.'
 'Heit,' bidt nou hja mei mylde stim,
 En fâlt hjar heit to foet,
 Jy witt', jy brekke my it hert;
 Forjild it kwea mei goed.

'Jou egen bern, det neat misdie,
 Scoe lije troch jou hân? -
 Jy wilt' nou alles; siker, heit,
 Jon wrake is ûnforstan!'

'Stean op,' seit Sicko, 'bern, stean op.' -
 Né heit, earst hear my oan.
 Wit, al myn libben en myn lok
 Det leit yn Douwe soan.

'Mar' - en nou komt hja tel oerein -
 'Him bliuw ik iwich trou.
 En Teaco dea is ek myn dea.
 By God, det wik ik jou.'

‘Feint, út myn hûs,’ falt hy nou út,
‘Nou dalik, dalik foart!
Forwachtsje 't ûnk foar jimme stins.
Det is myn lêste wird.’

Mar Teaco ropt yn triennen út:
Faem, iwich farrewol.
Forjit my, dy 't dy nea forjit,
Blank hert, sa trou en gol.

Mar brek dyn skildleas libben net;
Laed op dy sels nin nok.
Farwol, faek bloit er yet for dy
Op ierde in hearlik lok.

‘Licht fâl ik; mar myn lêste sucht.
Myn Gerbrich, is for dy;
As my de lêste sike ûntfljucht,
Den faem, yet seinje ik dy!’

Hôl klinkt syn stap den troch de gong;
Hôl klinkt er yn hjar hert;
Sa beart it, as de hammer slacht,
For 't lêst, op 't swarte fet.

Hja fâlt; swart sjocht hjar Sicko oan;
Ek him is 't moed sa fol;
Mei triennen sjocht dy hirde man
Op Gerbrichs lijen dol.

Mar teffens bromt er: 'Douwe fâlt,
 Hwet as der den ek bart;
 Hy scil forgean mei wiif en bern.
 Det scil! - ik hab it sward.'

De Kriich

De moarn wie komd mei blauwe loft
 En mylde simmersiichjes;
 Lyk as in breid mei kante lea
 Blonk 't sintsje, klaeid yn moarntiidsrea,
 Wylst hja tomûk hjar sels biseach
 Yn 't daudripke op de twiichjes.

Oerdei kaem yn it West in bank,
 Mei wolkjes, grize en wite;
 Near broide 't swirk oer 't waerme gea;
 Hjir dodde ien loai yn 'f rûkend hea,
 Dêr angle in fisker oan sleatswâl,
 Mar 't bearske woe net bite.

Sleau warde it gûd de brimzen ou,
 Wyl 't yn de sleur wei kôge;
 De gies lein' slûch oan wetters ich;
 Ienteanich gounzen brims en mich;
 It lânfolk wier sa stil by 't wirk,
 En hiel natûre drôge.

Nou 's 't lette joun; it swirk is' swart
 Mei donkerreade rannen;
 Stil! d' ierde hâldt de siken yn. -

Nou rûst it; wylder wirdt de wyn.
 In stoarm komt op; it reint; 't is nacht.
 It ûnk taest oer de lânnen.

Wês wolkom, stoarmwyn; wolkom, nacht,
 Yn Westerbjirums gea!
 Sjoch! Sicko bringt mei man en macht
 Oan 't Hûs to Harns de dea.

Op hynzers ride fjouwer man:
 Det 's Sicko mei syn folk.
 Hjar giet in kliber kriichsljue nei,
 Swart as in tongerwolk.

De wein, dy 't oars de boer it hea
 Of 't nôd de skûrre yn bringt,
 Draecht nou in heap droech hout en strie,
 Mei pik en tar en oar gerie,
 Hwêr Gratinga, lils as in lieuw,
 Syn fyan mei bispringt.

Hjar sjocht troch 't finster fen de stins
 Syn dochter Gerbrich nei;
 Mar yn dé stoarm wirdt alle lûd,
 't Folk sels yn 't tsjuster wei.

Hwent nearer, tsjokker wirdt de nacht;
 De stoere stoarm boast oan;
 It ljochtet boppe 't Hûs to Harns...
 Nou sjocht se 't kriichsfolk skoan. -

Earm fammehert, wol slachste wyld:
 Dêr giet hwet yn dy om!
 Blau each, dou hest gjin triennen mear;
 Moai mûlke, dou bist stom.

Dr kleur is fen de wangen wei,
 En oer de roune lea
 Rint sims in kjeltme, rimpen, as
 Yn d' ûre fen de dea.

Hwet is hja yn disse ûre moai,
 Dy echt Fryske edelfaem;
 Sa great, sa kein: hwaem nou in nacht
 Fen leed de fleur ûntnaem.

As 't bleeke moantsje, yn walken wei,
 Mei 't waes der smerte oertein,
 Sa sjocht de faem ta 't finster út,
 Troch stoarm en nacht en rein.

It jak, det twang it boarst omslút.
 Giet hastich op en del;
 Dêrûnder brûst in wylde sé;
 Dêrûnder stoarmt it fel.

En 't needwaer boast aloan; it West
 Spijt fjûrge slangen; wolken
 Brekk' jin 'noar: tonger beart; de rein
 Ploft del út himels kolken.

Yn lôge stiet de wrâld; wyld, freamd
 Is 't swirk - den is 't wer nacht.
 Hwet seach hja? - Om it Hûs to Harns
 Krielt heite legermacht,

Jâ, brek nou frij yn snokjen út!
 De felle striid bigjint.
 Hark, ho 't in kriichsskreaan, skril en rou,
 Oan stoarm's hân 't gea troch rint.

Hark, ho 't dêr ûnder op de groun,
 En boppe yn 't himelrom,
 De wylde striid oan 't bearen is;
 Ho 't stoarmt en giert rounnom.

't Komt neijer; sjoch, ho 'n slang fen fjûr
 Omkrôllet troch it swirk;
 De tonger rôll't him efternei,
 Nimt oer de stins syn kronkelwei,
 Dy droanet; alles skoddet mei.
 Gods woede is fel oan 't wirk. -

Earme faem; kjel, heal bidwelme,
 Ho, dou stiest dêr yet?
 God, det each! 't Sjocht stiif nei 't Westen,
 Wyl 't yn freamde lôge stiet.

Lôge leit om 't Hûs to Harns.
 Hark! troch tonger, rein en wyn,

Klinkt in skreau om help oer 't lân.
 't Fjûr spat op as gleaun fenyn.

't Wetter mei fen boppen eaze,
 't Fjûr is al to folle mânsk;
 En de stoarm waeit wyld de fonken;
 Sjoch it Hûs: ho'n skrille glâns!

Dêrboppe krôll't de wearljocht om;
 De tonger boldert lûd;
 De wrâld, út alle foegen skûrd,
 Stiet yn in freamde gloed.

En Gerbrich stiet foar 't finster; docht
 It iepen, sjocht oer 't gea; -
 Mar lûkt de holle skril tobek;
 Sa'n sprong - det wie de dea!

'De dea?' - Né, libje! - 'Mar for hwa?'
 For heit! - 'For heit? de man
 Dy 't al hjar lok mei foetten skopt?
 Mei heit?' - Dêr skril se fen!

'O, 't libben is sa rou en wyld,
 Sa fol ten haet en striid.
 De lieatde fen in man - det 's lok;
 Ja, sielnjue jowt it houliksjok;
 Mar libje, allinne, sûnder wyt...
 Den better, út de tiid.

‘Is sliep net 't swiet út libben's tsjilk?
 Is hearlik net de rêst?
 En dea, det opstean út it leed,
 Is dea den net it bêst?’

God, sjoch dy fjûrgloed; hark dy skreau!
 Yn fjûr stiet ek it swirk.
 Hwet 's det? De poarte is iepen? - Nou
 Bigjint it moardnerswirk.

Né, nou de dea; mei Teaco dea;
 Togearre yn 't himelsk lok. -
 Hwet? - Teaco sei: ‘Laed op dy sels
 For iwich net in flok!’

‘Né, wyk, o wyk den, grouksom spûk,
 Det my forliede wol!
 'k Scil libje, o God, mar 't fait sa swier;
 De dea is myld en gol.’

Nou fljucht it swirk yn wylde feart;
 Oer bergen springt it fjûr.
 De tonger boldert fen fordjer,
 En skoddet d'âlde toer.

It wirdt hjar dêr to bang, to near.
 Hja wol, hja moat der út.
 Hwêrhinne? - O, nei 't Hûs to Harns!
 De lôge slacht er út.’

Hja strampelt troch de lege stins,
 En komt op 't hiem; de doar
 Waeit ticht; de linebeam
 Set kreakjend him tsjin 't waer to skoar;
 Hja stiet er helpleas foar.

Wyld waeit de wyn hjar yn de klean,
 Dy flodderje om hjar lea. -
 't Is efkes stil, 't waer jowt him del...
 Mar...'t wearljocht... help! - it tongert fel..
 De beam spat út'noar - Gerbrich fâlt -
 God ! Sicko bern is dea!

Ja, raes nou, bylje, o bolderwyn,
 Rûs, reagje yn Fryslân om!
 Dea, dea, toplettre is Sicko bern;
 Wei is dy moaije blom.

Towyl 't de heit mei grime haet
 Dea bringt yn Douwe hûs,
 Leit dêr syn bern, de pronk fen 't gea. -
 Raes, stoarmwyn, bylje en rûs!

Tiis wyld yn Teaco hierren om,
 En jow him koelte en krêft.
 It Hûs leit del yn moude, fol
 Fen deaden is de grêft.

Hast is de striid ta 'n ein; syn heit
 Foel ûnder Sicko swird;

De straffe for syn roue died
 Wier binlik, rjucht, mar... hird.

En as in reus, sa strydt syn soan.
 To, Teaco, moed, hâld stân!
 Hja scoen' dy fine, kâld en dea,
 Mar 't swird yet yn de hân.

Sjoch, trije man rinne op him yn;
 Hjar knyften binne rea;
 Hy wykt, de helt; hy stroffelt - fâlt;
 En 't roue kriichsfolk raest en balt,
 En skattert om syn dea.

Sa sonk de lêste, fen dit laech
 Yn bloed en loġe wei;
 Lyk as de sinne, omjown fen mist,
 Rêst fynt nei 'n neare dei.

Djip yn de nacht giet Sicko foart;
 Syn haet foun hjir in ein;
 Biwoelle yn kleeden leit it lyk
 Fen Teaco, op in wein.

Tel is er op de stins; syn bern
 Wier fen de boaden foun.
 Hja leit nou op it deadebêd;
 De boaden sitte yn 't roun.

Hy neijert. - Stil is 't... Stoere man,
 Hwet trillest! - Sjoch, dyn bern!
 Dy mûle scil gjin lûd mear jaen,
 Det each scil net mear sjean!

Dea! - 't Treft him as in bliksemslach,
 Dy 't swirk brekt, skerp en fel;
 Hy snikkert, hastich, woest en wyld...
 Sa fâlt er foar hjar del.

Teaco en Gerbrich.

De tsjerke fen Westerbjirrum
 Naem Teaco en Gerbrich op;
 En hjar ûnk waerd djip biklage,
 En fier oer 't lân gyng hjar rop.

Laei Douwe syn Hûs ek yn gruzels,
 En bleau Sicko syn stins dêr ek stean,
 Oer dy beiden liet letter it wetter
 Syn wylde weagen gean.

De sé het it lân oerditsen
 Mei wetter, heech en leech;
 En alles is tobritsen,
 Ho hecht it wier en ho dreech.

En oer Westerbjirrums tsjerke
 Skolpert nou de skomjende sé,

En de weagen fortelle elkoarren
Fen Teaco en Gerbrich's wé.

En as hja tsjin 't strân oan stjitte,
Den sjonge s' ienteanich hjar liet,
En fortelle fen Teaco en Gerbrich,
Fen hjar lieafde en hjar fortriet.

LJOUWERT, Haimoanne, 1881.

Foarjier.

Sjochste, ho 't de fiskjes sejitte
Troch it wetter fen de mar?
Sjochste, ho 't de doukes sitte,
Hja netst him, en hy neist hjar?

Hearste, ho 't de fûgels floitsje,
Lokjend, lieawjend, yn it wâld?
Hearst', ho 't lieafdesangen rûze
Troch de blide, jonge wrâld?

Sjochste 't, hearste 't? - Faem, fornim den,
Hwet ik net mear swije kin,
Det for my gjin blommen bloije,
As ik dy net knje kin.

PIETER JELLES.

Ploeijen.**fen****O.H. Sytstra.**

Det ploeit hjir sahwet yn de wrâld,
 En elts hat, nei 't min heart,
 Altiid in tige swiere groun,
 Dy 't hy biploeije moat.
 Ja, hear by elk en ien mar roun,
 En siikje hein en fier:
 Eltsien, by hwa 't me komme mei,
 Moat ploeije like swier.

Jan Lapkeman dy toarket faek
 Yn rein en ûnwaer om;
 Mar altiid krimmenearret hy:
 ‘k Fortsjinje net in krom.
 Fij, sa'n geswalk troch waer en wyn;
 Fortsjinje kin 'k gjin sier!
 Ik wit net, hwet ik lieawer die.
 't Is ploeijen, det 's mar wier!'

Jan Fedzes stiet for Rimmertboer
 To slatten yn de sleat.
 It wirk is slop, en dêrom ek
 Fortsjinnet hy hast neat.
 ‘Hê,’ stint er, ‘nou, sok bodsjen, man,
 En det for 'n lyts deihier!
 As 'k oars hwet hie, den die 'k it net.
 't Is ploeijen, det 's mar wier!’

Piere Auk hjar man is timmerfeint:
 Ier troud, mei 'n hûsfol hem.
 Dy sit de snjeuntojoune let
 It wyklean nei to sjean:
 ‘Dêr moat nou wol in goune hast
 Nôch on for ús húshier,
 En om den roun to kommen... nou
 't Is ploeijen, sikerwier!’

Klaes Pennega, dy 't jierren lang
 Al ûndermaster is,
 Docht alle jierren wer op nij
 Examens - iwich mis.
 Hy komt altiid mei 'n greate koer
 Wer thús, en suchtet swier,
 As hy op nij oan 't blokken giet:
 ‘t Is ploeijen, det is wier!’

Baes Bakker krijt hast nea nin rêst
 En hast nin sliep genôch;

Skript foar de gleaune owen om,
 Of foar de bakkerstrôch:
 ‘Sok skrippen, man, faek nachten troch,
 Of jouns let en moarns ier,
 En den nin sliep genôch... nou 't is
 Wol ploeijen, sikerwier.

Frou Stamsma kin net sûnder faem,
 Mar krijt gjin ien nei 't sin;
 De iene is smoarch, en d' oare licht
 En slynt hwet hja mar kin.
 In oaren wer is to brutael -
 Sa hat hja tsien yn 't jier.
 ‘Fij, sucht hja, hwa 't sa boaden hat,
 Moat ploeije, det 's mar wier!

Sa ploeit det hjir al oan al wei;
 Mar elts foar oar mient wis,
 Det hy it swierst to ploeijen hat,
 Syn fjild it dreechste is.
 Nou, 'k winskje aiiegearr' jimm' ta:
 In guds net al to licht;
 In plakje groun net al to swier,
 Net al to taei en ticht.

**De Dream fen de Spylman.
fen
S.S. Koldyk.**

Nôch moat d' earme spylman rinne,
En hy is sa wirch, sa kâld;
Hwêr mat nou de stimper hinne,
Sûnder thûs, hy, al sa âld?
Mei it frieze, mei it snije,
Hwêr scil hy in plakje krije,
Dêr 't hy fredich rêste kin?
't Is sa kâld, syn foetten prykje;
Doch, hwer moat er waermte siikje ? -
Nearne is in hûs to sjean.

En de joun bigjint to kommen,
En de stimper kin net mear;
Al syn krêft is him ûntnommen,
Al syn lidden dogge 'm sear.
Hwa scil him in plakje sizze
Om syn holle dol to lizzen?
Kâlde jachtsnie fljucht yn 't roun.
Hwet hy docht, dy earme âlde,

Hy kin 't net op foetten hâlde;
Krêftleas fâlt er op 'e groun.

En hwet leit er goed yn ienen
Op de skjinne wite snie;
Krekt ef 't fearren keassens wierne,
Dêr 't er him op dollein hie;
En it wite snieflok-lekken
Is him as in wollen tekken,
Dêr 't er warem ûnder leit.
Mei it nou yet hirder frieze,
't Let him net mear; d' alde grize
Sonk yn sêfte slomme wei.

En hy tocht oan earder tiden;
Alles kaem him foar de geast:
Folle soarch, mar ek forbliden,
En hy dreamde, 't wier in feest.
En syn spyljen klonk de pearen
Sa forloklik yn hjar earen,
Det hja moasten fen 'e groun.
En hja hipten en hja sprongen,
En hja laken en hja songein
Det it dawere yn it roun.

Mar do waerd it stil yn ienen,
En fordwoun wier alle ljocht;
Hwêr ef nou de douners wierne,
Hwêr dy sjongers, sa fol nocht?

Mar ef al syn eagen sochten,
 Hwêr de gasten wêze mochten,
 't Wier yn ienen stil en dea;
 En hy heart de hearstwyn razen,
 Troch it hege beamte blazen.
 't Giet him húvrich oer de lea.

Oare dingen sjocht er kommen:
 't Is nou oarloch, hjitte striid.
 Under 't roffeljen fen trommen
 Sjocht er syn soldatetiid.
 Do wier hy in baes trompetter,
 En gjin ien dy blaesde better,
 As er foar syn folkje stie.
 Ungefoelich for de smerte,
 Blaesde 'r elk wer moed yn 't herte,
 Sadet elkmes dapper wie.

En hy sjocht de ruters fleanen,
 En hy is al wer foaroan;
 Sjocht de dea de striders meanen,
 As de sichters 't ripe koarn.
 As hja by de fyân binne,
 Sjocht er ho 't s' yn oantal winne,
 En genade jow' se net;
 Mar den wirdt er hjar wer bjuster,
 Wylst fen fierren hy yn 't tsjuster
 Hjar fiktorie roppen heart.

En op nij forriist de sinne,
 En wer sjocht hjar strieljend each
 Bloedread oer it slachfjild hinne
 Op de liken der omleech;
 Op hjar, dy 't mei brekkende eagen
 Hoopjend vet nei help útseagen,
 Oan 't de dea s' ûntsloech fên lêst.
 En dy 't jister fy'nen wierne
 En elkoar nei 't libben stienen,
 Lizz' dêr nou yn iw'ge rêst.

Mar - wer foart binn' alle deaden;
 't Is al wer in oar gesicht:
 Hy sjocht nou de berntsjes learen
 Yn 'e skoalle. 'n Ald gedicht,
 'n Berneliet klinkt, him yn d' earen,
 En 't werklinkt wer tûzen kearen
 Yn syn binnenst, yn syn hert.
 O, die goudne bernetiden,
 Fol fen wille, ten forbliden,
 Frij fen soarch en djippe smert!

Mar - hwet wize is det yn ienen?
 'n Widzeliet gounst him yn 't ear,
 Krekt as det it ingels dienen.
 't Klinkt sa sêft, sa ynlik tear.
 Siikjend slacht er 't each nei boppen,
 En der heart er oan him roppen,
 Mei sa'n golle, lieawe stem;
 't Bounzet wyld him yn 'e holle

En hy scoe hast skrieme wolle;
Ja, nou wyt er 't: 't is syn mem!

O, dy mem, nea to forjitten,
Ja, hy sjocht hjar nou sa klear.
Op hjar skirte hat er sitten,
Lang forlyn - wol tûzen kear.
Twisken goeden, twisken kweaden,
Op it tsjerkhôf by de deaden,
Och, dêr brocht er hjar for 't lêst.
By syn heit en by syn sister
Sliept se dêr, yn 't swarte tsjuster,
Nou de lange deadenrêst.

En hy sjocht hjar foar syn eagen,
Krekt sa 't s' yn syn jonkheid wie,
Goed en gol; syn bliken fleagen
Hjar tomjitte, dêr 't hja stie.
En hjar wirden, nea forgetten,
Dy 't him altyd 't goede redten,
O, dêr tinkt hy nou wer om,
En hy mient, hy heart fen boppen
Nou syn mem wer oan him roppen:
‘Kom, myn soan, myn jonge, kom!’

En syn bloed stiet stil yn d' ieren,
't Wirdt him nou sa wûnder licht.
Sjoch, syn mem winkt him fen fieren,
Mei in laits op 't gol gesicht.

Sjoch, hja winkt him om to kommen.
 Hja, sa ier him al ûntnommen,
 Hwêrom gong er hjar net nei?
 En syn siel' fljucht hjar tomjitte,
 O, hja scil him wolkom hjitte;
 Ut syn lijen is er wei.

D' oare moarns, do founen mannen
 Kâld en dea him yn 'e snie,
 Wylst er yet syn beide hânnen
 As in biddende yn 'n noar hie;
 Weitein wier er út syn lijen,
 Om in iiw'ge rêst to krijen;
 D' eagen wiern' for altyd ticht.
 Sêftkes út it libhen skieden,
 Lei er nou, nei soarch en striden,
 Mei in g]imke op 't bleek gesicht.

O Lokkich!

O lokkich hy, dy 't oan in lieawjend herte
 Wer rêst fynt fen syn libbens swiere striid;
 Dy 't dêr forjit al, hwet sa djip him smerte;
 Dy 't dêr forjitte kin de wrâld fol haet en niid.

Yn lieafste's eagen lêst hy súvre minne;
 Hjar amme jit him wer in krêftich libben yn.
 Hwêr binn' de soargen nou, dy 't him ûntmoed'gje kinne;
 Mei hjar, sa stiet er fêst yn libben's stoarremwyn.

Lit my den net to gau de lieafde fen my wize,
 Det my myn jonkheid ek myn maitiid bliuwe mei.
 Hwent gau genôch komt wol de hearst, dy kâlde grize,
 En skûrt de bledden ou, en struit dy oer de wei.

ONNO.

Triennen.**fen****G.L.v.d. Zwaag.**

Hwennear in minske alhiel oerstjûr
 En oandien is fen binnen,
 Den rinne jamk syn eagen oer,
 En steane fol fen triennen;
 Mar hwet him op det stuit nou let;
 En d'oarsaek fen syn triennen,
 Det 's altiid lang it selde net:
 Me sjocht s' yn soarten rinnen.

It bern, det pas mar yn de wrâld
 Op memme skirte spertelt,
 Of letter, inkle jierren âld,
 As 'n joelich foaltsje dertelt,
 Stiet by de minste tsjinspoed klear
 Mei skriemen to bigjinnen;
 Dy triennen dogge it hert net sear;
 It binne *bernetriennen*.

Mar as det bern op it bedsje leit
 En kleit en skriemt fen pinen;

As doktersdrank en kindichheid
 Gjûn útwei witt' to finen,
 As den de sein'man kâld en wreed
 Det libben driicht t' oerwinnen,
 Den skriemt de mem fien herteleed
 Rjue suv're *memmetriennen*.

Mar leit in âlde izegrim,
 Dy skat op skat forgearre,
 Yn siekme, en het er 't wakkre slim,
 En kin er dælk wol stearre,
 Den sjocht me jamk in neef of nicht,
 Mei 'n fleurich sin fen binnen,
 Mar tsjokke triennen op 't gesicht;
 't Binn' *krokodilletriennen*.

In wyfke, dy 't it ien of 't oar
 Hjar man tinkt ôf to twingen,
 En 't blykt, det hy it weagje doar,
 To striden tsjin dy dingen,
 Dy skimerje ek al d' eachjes gau
 Fen triljende edelstiennen;
 Neat bringt in man mear yn it nou
 As al dy *frouljuestriennen*.

Sa mannich famke, dy 't de wet
 Yn 't houlik scil forbine,
 Kinn' as hjar hân de namme set,
 As stjerren d' eagen skine.

Den komt de earnst fen dit forboun
 Hjar helder foar de sinnen;
 Hjar triennen habbe 't lok ta groun;
 It binne *lieafdetriennen*.

In oare faem, dy falsk en kwea
 Nocht fynt yn rabberye,
 Ropt faken út: 'Dy feint, och hea,
 Mei 'k út nôch yn net lije!'
 Mar tinkt dêrby: 'Och kaem er mar!
 Den wier er net sa'n minnen.'
 Det hy net wol, det kostet hjar
 Forskate *slangetriennen*.

Ek binn' der dames, tear en fyn,
 En swak fen simmeltriedden,
 Dy tsjogge by in dead kenyn
 Oan 't kleijen en oan 't bidden.
 Hja falle dalik oer de wjuk
 En wirde wyt as linnen;
 Hja snikje freeslik, en - o skrik! -
 Den reint it *modetriennen*.

Ja, as in minske alhiel oerstjûr
 En oandien is fen binnen,
 Den rinne 'm faken d' eagen oer,
 En steane fol fen triennen.
 Mar hwet him op det stuit nou let,
 En d' oarsaek fen dy triennen,
 Det 's altiid lang it selde net:
 Me sjocht s' yn soarten rinnen.

Hwet moatte ús jonges wirde?

fen

P.J. Troelstra.

It sinneljocht det trillet
Oer blêd en blom en krûd;
Foar 't iepne finster boartsje
Twa bern sa wyld en Iûd.

Dêr wraxelje twa jonges
Fen âlwe en trettien jier;
Hja rôlje oer gêrs en blommen,
En krije enoar by 't hier.

By 't finster stean hjar âlden,
En laeitsje yn sill'ge nocht.
't Is alles fleur en libben,
't Is alles simmerljocht!

‘Hwet moatte ús jonges wirde?’
Sa freget mem oan heit;

Hja wiist nei 't rimp'ne foltsen,
En glimket wylst hja 't seit.

‘Us Jan moast master wirde.
Hy hat in kop, dy Jan!
It fljucht 'er yn as wetter;
Sels master ropt er fen.

‘Den is er gjin gelearder
Yn 't hiele doarp as hy!
Ja, master moat er wirde,
As 't ús hwet barre mei.’

‘Gjin master scil er wirde,’
Seit heit; ‘hja wirde boer.
Ik hab in aerdich spiltsje,
Det nimt Jan letter oer.

‘Hwet scill' de bisten glimme,
Dêr 't hy syn hân oer het!
Ja, 'k hoopje, det de jonge
Syn sin op 't boerkjen set.’

De jonges linke om neat mear
Yn al hjar dertne noft -
Fen 't swart súdwesten neijert
In tsjokke tongerloft.

‘Nou is 't ek sa,’ seit mem wer,
 ‘Sa'n skoalle is alles net.
 Den moat er altiid sitte,
 Fen moarnsier ont jounslet.

Mar boer!... 't scoe sonde wêse
 Fen sokken snoade kop.
 Set Hindrik yn ús spiltsje,
 Mar Jan moat heger op.’

‘Ei wiif, ho kinst it sizze?
 Ho komst' sa mâl der by!
 'k Bin sels in boer, myn bern scil'
 Ek by de boerkery!’

Sa praetten dêr dy âlden.
 't Waerd hommels stil om 't hûs;
 Den rôllen greate wolken;
 Do reinde it by de rûs.

Mem sei: ‘Hwêr binne ús jonges?
 't Wirdt my sa near om 't hert!
 Hja wiern' hjir niis oan 't boartsjen;
 Mar nou - ik sjoch se net.’

It wearljochte, en de tonger
 Dy bold're lûd en fel.
 Do gyng de man it hûs út.
 De rein foel eazjend del.

Dêr briek in striel fen fjûr wer
Troch 't swarte wolknethek;
Hy, kjel en heal forblinde,
Gyng skril in trêd tobek.

Dêr hearde'r ûnder 't tong'rjen.
In rop fen 't djipste wea.
Hy riidboske, en in kjeltme
Gyng hommels oer syn lea.

Hy rôp, mar neat gjin andert.
Do kaem syn wiif him nei;
Hja gyngen yn de leane;
Dêr kaem det roppen wei.

Hja strofflen oer de tûken,
Dy 't foar hjar toetten lein'.
'O Heare, yn 't hege beamte
Is grif de tonger slein!'

En do 't hja neijer kamen,
- Ho skodden hjar de lea! -
Dêr founen hja de berntsjes...
Hjar berntjes wierne dea.

Hja wierne út 't boartsjen weiskûrd,
Nou leinen hja sa stil;
Wyld rattle yet de tonger,
De stoarmwyn gûlde skril;

En wylst de tonger rattle,
De stoarm syn deasang song,
Wylst leinen dêr dy berntsjes,
Yn 'e dea sa moai, sa jong!

Mar mei syn skrille deasang
Bringt nou de bolderwyn
De kleitean fen dy âlden
De swarte himel yn.

It wiif falt op de groun del,
Mei 'n skreau, de wyn to skril.
De man wirdt wyt, bidwelme,
En stiet sêft kreunjend stil.

Den sjocht er nei de himel,
Den op syn berntjes del;
Gjin wirden kin er fine:
De smerte is al to fel.

Mar einling seit er triljend
En snikkert tagelyk:
'Hwet moatte ús jonges wirde?..
Myn God, myn God, in lyk!'

Sa fljucht de hope hinne;
Sa tel binn' dreamen wei!
Hja bloije yn 't ljocht der sinne;
Ien ûnwaer nimt se mei!

Ien Winsk is 't Libben.**fen****T.W. Sytstra.**

‘Winskjend fleach myn libben hinne;
 Winskjend bin ik nou oan d' ein;
 Winskjend gean 'k de dea tomjitte,
 Hwent dy is my nou ta sein'.

Do 'k yet bern wie, woe 'k nei skoalle;
 't Skoallegean bifoel my wol;
 Mar de winsk om feint to wêzen
 Siet ik ringen al fen fol.

Feint to wêzen joech rjue wille,
 Mar ek dêr gyng 't nocht al ou;
 Man en heit - det like better,
 En ik wier it ek al gau.

Mar do kamen earst de soargen,
 En ik winske; ‘Wier 'k mar âld!
 Yn myn bern scil 'k lokkich wirde,
 As 't hjar goed giet yn de wrâld.’

D' âlderdom kaem mei gebreken;
 Naem wer nije soargen mei;
 't Lok, det 'k tocht hie, nou to finen,
 Krige ik net; yet bleau it wei.

Winskjend fleach myn libben hinne,
 Winskjend bin ik nou oan d' ein;
 Winskjend sjean 'k de dea tomjitte,
 Hwent dy is my nou ta sein.' -

Dit sei my in âlde grize,
 Do 't er op syn stearbêd lei;
 Sûntsjes kaem de dea en wonk him...
 Winskjend teach det libben wei.

Trou.

Oan myn Frjeun Ts.

Hy het in famke to hôf brocht,
 Al jierren, jierren lyn;
 Det grêf by de grize tsjerke
 Leit it lok fen syn libben yn.

Dy faem wier 't ljocht fen syn eagen,
 Dy forjit er nimmer net;
 Hjar lichem bigroef er op 't tsjerkhôf;
 Hjar siele rêst djip yn syn hert.

Syn hert is it grêf fen syn lieafde;
 't Is tsjuster, yn djippe rou;
 Mar blier bloit boppe de deade
 De forjitmynet-blom fen de trou.

PIETER JELLES.

Proza en Poezie.**fen****O.H. Sytstra.**

Twa dingen bin er yn 'e wrâld,
 Dêrfen is 't libben fol;
 It ien is as in stien sa kâld;
 It oare waerm en gol.
 Jimm' kinne se allebeide fêst,
 As ik it jimme siz:
 It binne proze en poezie,
 Dêr 't libben fol fen is.

As m' op in joun by 't famke sit
 Det lang yens sin al wie,
 En frijend sa de tiid forjit -
 Den priuwt me poezie.
 Mar as me by det famke komt,
 Dêr 't min sa'n bult fen hâldt,
 En docht me dêr in blautsje op -
 Det 's proza, o, sa kâld!

For syn plezier op reis to gean
 Nei freamde lannen ta,
 As 't yen oan jild net hoecht to stean,
 Det 's poezie, woe 'k ha.
 Mar as me hjir yn rein en wyn
 Omtoarket, dei oan dei,
 Om sa syn brea to krijen - sjoch,
 Den krijt me proza mei.

To lêzen fen in libben, fol
 Fen soargen en fen striid,
 Det fynt min hiel poëtisk wol,
 Det haget yen faek swiid.
 Mar moat me sels sa'n paedse lâne,
 Mei toarmen rjue der oer,
 Nou, den bikomt me faek al gâns
 Fen yens poëtisk fjûr. -

As op in moaije simmernacht
 It moantsje helder skynt,
 Hwa, dy det stille silverljocht,
 Den net poëtisk fynt?
 Mar winters, as 't fûleindich friest,
 Ho 't, m' ek fen 't moantsje hâldt,
 Den stiet me net sa lang to sjean.
 Den is 't prozaïsk kâld.

As min in bernekopke sjocht,
 Mei eachjes as kristal,

En 't wêzen, strieljende fen nocht,
 Det 's hiel poëtisk wol.
 Mar stapt me sims in keamer yn,
 En mem forskjinnet dêr
 Hjar berntjes by 't gewoan muzyk -
 Den fynt me proza wer.

Ho mennich pearke, as it trout,
 En him for 't libben bynt,
 Det den rjue loftkastielen bout,
 En 't boask poëtisk fynt.
 Mar binne d' earste moannen om,
 Den komt it proza gau;
 't Is út mei al hjar poezie:
 It nijs det is der ou.

Sa fynt elk minske yn 't libben wol
 Syn proza en poëzie.
 Dêrfen is 't hiele libben fol,
 En as 't oan 't winskjen stie,
 Den hie me poezie grif lieafst,
 Nou, hie ik 't oan myn kar,
 Elts krige 'n kroadfol poezie,
 En 'n kromke proza mar.

*Nei in Hirdridery.***fen****T.E. Halbertsma.**

Wyn út it Easten
 En heldere loften;
 Fonkjende stjerren,
 As 't sintsje to rêst gyng;
 Kreakjende doarren
 En droegjende flieren;
 Reisgjende rotgies
 En froast yn de kranten
 Sizzz ús: 't wirdt winter.

Knapprige snie, lâns
 Oars smoarrige strietten;
 Drafkjende klûmers
 Mei moffen en oerjas;
 Hongrige rûken
 En gouwende keapljue;
 Glêskleare oesdrip
 En loaikjende skippers
 Jowt ús de winter.

Trienjende eagen
 En splytrige hannen;
 Kjeldige foetten
 En stribbige lippen;
 Prykjende earen
 En rinnende noasters;
 Kriizjende boarsten
 En long'rijende fammen
 Makket de winter.

Triljende âldsjes
 By smeulende fjurkes;
 Lijende berntsjes
 Mei skimlige kleuren;
 Sloppen en sukklers,
 En gûds sûnder rêdding;
 Sliepende wachten,
 En skriele diakens
 Sjogg' w' yn de winter.

Proastige stedtsjers
 Drage den klotsen,
 Opstoppe kûten
 En lint yn de hoksen.
 Jiffers mei geizige
 Poffige wangen,
 Strampelje 'r êfter
 Bienbitige hearkes;
 Det sjocht me hjir net.

Hjir ride bliere
 Folsleine fammen,
 Efter de drege
 Streekhâldende feinten;
 Wite to skouwen,
 As 't yn de wyn giet,
 Jow' mar ien tútsje,
 As lean for it lûken:
 Sa 's hjir de moade.

Earbere, ferme,
 Goedsinde boargers,
 Dy 't graech hjar sels, mar
 Ek oaren hwet ginne,
 Stypje disse iisclub, en
 Laeitse om de skrielen,
 Dy 't hjar ryksdaelders
 For alles to lieaf ha;
 Wy kinn' se misse!

En oer de touwen,
 Spand lâns ús iisbaen,
 Langhalzet eltsien, dy
 Kriich yn it liif hat;
 Skôgjend de riders,
 Dy skrabjend en klouwend
 Fleane as de swellen,
 En sparje nin krêften. -
 Hwa scil it winne?

Dien is de kampstriid.
 Hwa ef it woun hat?
 Hjir sit de drege,
 Krigele rider.
 Kom yet ris wer, om dyn
 Eabele kinsten,
 Dyn moed en krêft oan
 Us doarp sjean to litten.
 Lok mei de priis, hear!

Frjeunen, frjeundinnen,
 'For hwet heart ek hwet,'
 Seit 't âlde sprekward;
 Ha jimm' 't ûnthâlden?
 Kom, tean den joun 'ris,
 Det jimm' 't bigripe;
 Meitsje den wille, hwêr
 'n Oar jimme nocht jowt.
 For hwet heart ek hwet.

Drink den en sjong den,
 En toast mar 'ris tige,
 Alles de nommele
 Striders ta eare.
 Gean net nei hûs, foar 't
 Eltsien hwet dien hat,
 Om disse joun ta 'n
 Feestjoun to meitsjen.
 'k Drink op de fleur'gen!

TERNAERD, 20 Jan. 1879.

Pinxterdei.**fen****K. Sytsma.**

Tiden en minsken forgeane,
 Mar libjend stiet for myn siele
 Iwich en iwich dyn byld.

Omjown fen blommen en fen grien,
 Stiet earne hjir in âlde went;
 Dy het dêr lange jierren stien,
 Sint minske heugenis omtrint.

En yn dy went, al âld en min,
 Seach 't libbenssintsje nea net blier;
 Dêr focht in warber húsgesin
 Tsjin 't hirde lot, en 't foel hjar swier.

Mar yn dy selde wente wer,
 Dêr rein en wyn frij yngong foun,
 Het ek de lieafde wenne; dêr
 Ha 'k wille hawn sa mannich joun.

Ja, wille! Neist my siet in bern,
 Sa lieaflik as de simmermoarn;

Mocht ik hjar yngol wêzen sjean,
Den lake my in ingel oan.

En as 'k hjar hân yn mines sloech,
Hja lûk him net ûnsêft torêch,
En as ik hjar in tútsje joech,
Den blonk in himel yn hjar each.

Foarby is alles, lang foarby,
Al jierren is de tiid forroun
Det ik for 't earst, sa gol en blij,
By 't famke siet op Pinxterjoun.

Nou wirdt de Pinxterdei wer fierd;
Nou geane feinten wer to kar;
Mar ik - ik suchtsje fen fortriet;
Ik sjoch nei boppe, en... tink oan hjar.

Dou naemste myn romer.

Dou naemste myn romer en tapest my yn.
Ho fonkle en ho glinstre dy godlike wyn!

Allyk as 't kristal fol fen hearlike wyn,
Sa gloeide ek ús hert, mei de lieafde der yn.

Wy namen de romers, sa ljocht as in stjer,
En preauden en dronken, en - frijden do wer.

Ho gloeide ús it hert mei de lieafde der yn!
Wy dronken dy lieafde as in kostlike wyn.

PIETER JELLES.

Draeimounte-Sankje.^(*)**fen****P.J. Troelstra.**

Fanke, lit ús nou ris draeije,
 Draeije en swaeije wyld yn 't roun!
 Lit ús lâns de minsken waeije;
 't, Is sa'n moaije merkejoun!
 Stap mar yn!
 Foar de wyn
 Scil wy blij dêr hinne driuwe
 Mei dy fleurge Fryske ljuwe.
 Famke, kom yn disse bak
 Sitte wy op ús gemak.

't Oargel spilet moaije wizen;
 Eltse merkegast sjongt mei.
 Alde wyfkes, stoere Friezen
 Draeije nou de soargen wei.

(*) Wize: *Bij het klinken der bokalen.*

Hwet in tier;
 Los en blier.
 Hwet in laeitsen, gobjen, sjongen!
 Hwet in nocht for âld en jongen!
 'k Sjoch it, d' eagen fjurkje dy.
 O, ho noflik sitte wy!

Skippersfeint mei skippersfanke
 Lizzie nou ris loddrich oan;
 Simens Jan mei bûrmans Anke
 Kinne joun ek wakkre skoan.
 Alles swaait,
 Alles draeit!
 Al it jongfolk is oan 't swieren;
 't Bloed fljucht as in blits troch d' ieren.
 Fanke, mei myn earm om dy
 Bin ik och sa blier en blij.

Foart mar, foart mar! gleskes blinke,
 Ljochten, stjerren glânzje yn 't roun.
 Al de wrâld mei my ûntsinke
 Op sa'n moaije merkejoun.
 Foart mar, foart!
 Hirder, hird!
 Fanke, mei dy oan de side
 Woe 'k sa wol de wrâld út glide;
 'k Woe wol draeije, hei sa sa,
 Oan in oare merke ta.

Ljouwtermerk, 1881,

In Wird op Nijjier.**fen****K. Sytsma.**

Al wer in jier yn 't einleas neat
 Mei al syn leed en wille;
 't Sonk yn 'e stream fen 'e iwichheit,
 Hwer mannich ieuw bidobbe leit
 Wyls't oaren folgje scille.

Hwet het it jown? O, freegje 't hjar,
 Dy iensum en forlitten,
 Diss' ûre it stilste plakje socht.
 Hja het hjar 'steun' to hôte brocht,
 En bleau allinne sitten.

Hwet het it jown? Sjoch efkes ta:
 Dêr sit op memmeskirte
 It boike, nommel, lieaf en blier,
 Det krigen se yn 't âlde jier,
 O, segen boppe mjitte!

Mar bern, hwer binn' dy roazen keard
 Dy 'k op dyn wangen kinde?....
 ... Yn 't âlde jier binn' hja fordwoun;
Hy het hjar libbensnocht forjown,
 Dy falske, dy 't hja minde.

Ho hearlik blinkt yn 't nije jier,
 De talcomst *him* tomjitte;
 Hy frege hjar, en 't sêfte 'ja.'
 Klonk út it ynlieaf mûltsje 'm ta;
 Nea scil er det forjitte.

Sa is it gien yn 't âlde jier:
 Dy tsjinspoed, disse segen;
 En nou wy wer by d' yngong stean'
 Fen 't nije jier, ho scil 't nou gean?
 Hwa andert op dy frege?

Scil falskens under 't fromme klaed,
 De wiere deugd forsmoare?
 Scil hûchlerije op 'e troan?
 Scil wierheid wike tor fortoan?
 Scil haetsje d' iene d' oare?

O minsken, tsjinspoed, ûnk en leed,
 Dêr kinn' w' ús net for wachtsje.
 Mar fij fen onrjucht kinne wy,
 Tsjin haet en falske flaeijery,
 De wiere deugd bitrachtsje.

Lit w' ús den op disse earste moarn,
 Mei *reine deugd* bisibje.
 Struit *leafde* blommen op ús wei,
 Jowt *frede* wille, dei by dei,
 Den scill' wy, hwet ek barre mei,
 In jier fol sein bilibje.

Eastrum, 1 Jan. '82.

Net mear sjonge? ***Oan in wolmienende frjeun.***

Jy seijen faek, ik moast it sjongen litte;
 'k Hie wol hwet oars - hwet nuttigers - to dwaen.
 Me koe gjin goud út sokke fersen slaen;
 Jild, jild wier 't doel, det moast ik net forjitte.

Ik koe gjin andert op dy wirden jaen.
 Jy binn' al âld, Jy scill' 't wol better witte.
 En 'k ha 't bisocht - mar wier, ik kin 't net litte!
 't Brúst yn my om; der is neat oan to dwaen.

Forbied it fiskje, yn 't kleare wiet to djoijen;
 Forbied de sé, to brúzen jimmeroan;
 Forbied de blom, yn 't simmerwaer te bloijen;

Forbied de sang oan Bragi's frije soan -
 't Is om 'e nocht; syn hert bigjint to gloeijen;
 Hy nimt de harp en sjongt op folie toan!

Hearstmoanne, 1881.

PIETER JELLES.

To heech.**fen****O.H. Sytstra.**

It moantsje stiet sa moai oan de loft;
It bern stekt syn hantsjes omheech.
Ho graech woed er 't habbe as boartersding!
Mar it moantsje stiet fiersten to heech. -

Nou sjocht it boike yn it wetter dol,
En - dêr leit it moantsje op de groun.
Nou kin er it krije - hy bûcht er nei -
En 't bern is yn 't wetter fordwoun.

It moantsje stie for it boike to heech,
Do lokke it skynsel him oan;
Mar det lûk him falsk yn it wetter dol -
Yn det wetter is 't boike forstoarn.

Kwa-kwa.**fen****P.J. Troelstra.**

Yn 't earst fen de moarntiid, sa dimmen en from,
 Do hipte út syn nestke, heal dreamrich, in ljurk.
 Rjue blomkroanen stjûrden hjarswietrooknei 't swirk,
 As alters fol wiereek, sa stil en sa stom.

De ljurk waerd oermastre fen lieafde en fen tank;
 Hy sloech mei de wjuk en klean op yn de loft;
 Hy song er syn lofsang, en driuwkle fol noft,
 En geat dêr syn hert út yn godlike klank.

Det hearde ek in froask, dy dêr lei yn de mar;
 Hy reage yn it flaech om en boarst hast fen niid.
 Hy seach nei syn berntsjes, dy slipten yet swiet;
 Hy rôp se to wekker en sei do tsjin hjar:

‘Sjoch nou 'is dy ljurk, hwet forbylding het hy?
 Me scoene doch sizze, sa'n kyk-yn-de-wrâld!
 Ik hâld my yet stil, en doch bin 'k al sa âld!
 Hy wjukkelt hast tsjett'rjend de wolken foarby.

It is hwet to sizzen! Do 'k jong wier as hy
 Wie 'k altiid biskieden, wie 'k stil en bidest.
 Hy sjongt en hy fljucht fiersten t' ier út syn nêst;
 Hy hearde earst to wachtsjen op ljue lyk as wy.'

Nou sloech ek it jongfolk mei kwêkjende stim
 Oan 't balten: 'Kwa, kwa, 't is in griis mei dy ljurk!
 't Is greatskens, to fleanen sa heech nei it swirk.
 Wy bliuwe hjir ûnder, det paste ek for him.'

De ljurk fleach al heger en sloech hjar gjin acht;
 Hy song as profeet fen d' ûntweitsende moarn.
 De meltsfaem kaem bûten; syn liet lûk hjar oan;
 Hja seach nei de himel, mei eagen fol ljacht.

De nacht wier stil.

De nacht wier stil; stil wierne wy,
 Mar simmes klapte der eat;
 Dêr wierne freamde geluden by,
 Dy min oars komselden heart.

Det iene tútsje klonk w o l sa freamd
 Yn de stilte fen de joun;
 Do habbe ús herten for d' earste kear
 Elkoar op de lippen foun.

Do habbe ús herten elkoarren foun,
 En dêr kaem dy tongerslach fen. -
 It klonk sa freamd yn de stille joun....
 Wy skrikten 'er selme fen.

PIETER JELLES.

It bern fen de heide.**fen****T.W. Sytstra.**

Op de heide wenne in berntsje;
 Lykme allinne boarte 't bliid.
 En syn honk, in plaggen herntsje,
 Wier for him moai rom en wiid.

Djoiwend plôke 't dêr fen d' ierde
 Blomkes, ien fen soarte en kleur,
 Dêr 't syn holtsje graech mei sierde,
 't Lieaflik byld fen ljocht en fleur.

Rom en njuefol, sûnder mjitte,
 Wier de heide for it bern;
 Nachts den koed er 't fonkjend stjerre
 Frjeunlik nei him winken sjean.

Deis wier him de heide in seale
 Dêr de sinne in troan yn hie;
 Alles, alles pronke en preale
 As yn 't ryk der fantasie.

Hwêr syn each ek hinne sochte,
Heide seach er yn 't rounom,
En it soarchleas boike tochte:
Hiel de wrâld is heideblom.

Mar det scoe net lang sa bliuwe;
't Bern forlear syn wille en tier,
Hwent hy koe 't hast net mear leauwe,
Det 'er neat as heide wier.

En hy digere om him hinne,
Siikjend nei in oare wrâld;
En de blommen en de sinne
Lieten nou syn herte kâld.

'k Wol,' sa spriek er, 't plak forlitte,
Dêr 'k mei flinters boarte ha,
'k Wol net langer liddich sitte,
'k Mat nei oare plakken ta.'

Mar op iens spriek dêr in stimme:
'Boike, siz, hwêr tinkstou oan?
Hwet mei dy de fleur binimme?
Hwêrom stunest sa, myn soan?'

't Wier in heech bijierre âlde
Dy tsjin him dy warden sei.
Elk en ien moast fen him hâlde,
Hwent syn each blonk as de dei.

't Boike, det earst tige skrille,
 Fette moed, en seach him oan;
 'Och,' sa spriek er, 'alle wille
 Hat it *tinken* my bidoarn.

'Bern,' sei de âlde, 'wotte *witte*?
 Och, bitink doch, hweste dochst!
 Wol it *tinken* lieawer litte;
 Leau mar, leau mar, hweste sjochst.

'Leau mar, det ús hiele ierde
 'n Greate tún fol blommen is;
 Lit dy fen 't Gelove liede;
 't Witten bringt yn tsjusternis.'

En sa practte 'r mei it boike,
 En hja plôken blom by blom,
 En 't Gelove skomm'le en roike
 't Berne-tinken yn de slom.

Ienkear kuire 'r yn it tsjuster
 Oer de heide, o sa fier;
 En hy wie syn herntsje bjuster,
 En hy wist net, hwêr 't er wier.

Wol woe him 't Gelove liede,
 Graech mei him nei hûs ta gean,
 Mar, al mocht er prate en riede,
 't Boike woe him net forstean.

Fierder, fierder roun it berntsje;
 Fierder, fierder wykte 't ôf
 Fen syn âlden, fen syn herntsje;
 For 't Gelove wier it dôf.

Hwent hy miende in paed to finen
 Nei syn âlden en syn honk;
 Fleurich roun er, net to binen,
 Nei de fierte, dy 't him wonk.

En 't Gelove woe him liede,
 Graech mei him nei hûs ta gean,
 Mar, al mocht er prate en riede,
 't Boike woe him net forstean.

En hja gean mar altiid fierder;
 Mar... hwet sjocht er yn 't forsejit?..
 Hastich wirdt er, hy rint hirder,
 Ont er by in blomke stiet:

‘Sjoch 'is,’ ropt er, ‘sjoch dy blom 'is!
 Sa'n ien ha 'k nea earder foun!
 'k Wist net, det de wrâld sa rom is.
 Sjoch, al wer ien op de groun!’

D' âlde socht him mei to troaijen
 Fen dy freamde blommen ou;
 Mar: ‘Al wer ien! hwet in moaijen!
 Sjea, det 's wyt en det is blau!’

Sa wie 't bern alhiel foroare,
 Nou 't er op him selme stoe;
 D' âlde skrille; hy bistoar; it
 Like, det er stearre scoe.

'Hwêrom wegerst, mei to kommen?'
 Sei er einlings; 'wachtsje net!
 Op de heide waechsje blommen,
 Rûkend, moai for each en hert.'

'Mar den disse!' rôp it berntsje;
 'Sjoch, ho moai! dy wyt, dy blau.
 Moaijer binn' 't as by ús herntsje!
 'k Wol se ploaitsje; lit my nou.'

D' âlde woe it bern meinimme
 Det nei alle blomkes roun,
 Mar dêr klinkt in foarse stimme:
 'Is 't Gelove op disse groun?'

D' âlde man, 't Gelove, skrille,
 Mar doch sette 'r him to skrip.
 't Berntsje wier forbûke en trille;
 Foar him stoe frou Witskip.

'Berntsje,' sei hja, 'sjoch, it Leauwen
 Roiket sêft dy yn de slom.
 It forbiedt dy, 't swiet to preauwen;
 't Jowt dy neat as heideblom.

Disse blommen binne mines;
Hjir is, bern, de heide ûntgoun.
Al dy blommen wirde dûnes,
Bist ienkear oan my forboun.

Gean mei my, wy siikje blommen,
Jimmer moaijer, jimmer mear.
Wirdt dy den ek hwet ûntnommen,
't Witten jowt dy folle mear.'

't Bern liet nou 't Gelove allinne;
Joech oan Witskip de hân;
En hy reisge rounom hinne,
Teach mei hjar fen lân ta lân.

Altiid siikjend, jimmer fierder,
Teagen hja fen oard ta oard,
Sûnder rêsten, altiid hirder,
East en West en Súd en Noard.

Mar 't Gelove wier forbûke,
't Stoe forwêzen en forslein;
't Moaiste fiskjen út syn fûke,
Wier nou troch de mesken flein.

Niid en ôfginst naem syn herte,
't Lijen naem syn siele yn;
Lieaf wie 'e nacht; de dei joech smerte;
't Ljocht forfijde 'r as fenyn.

Simmes kaem er yet by 't boike,
 Pratend oer de heideblom;
 En den skommele 'r en roike
 't Bernetinken yn de slom.

Fol fen wémoed koe den 't berntsje
 Yn sa'n dodde, heal yn slom,
 Dreame oer det forlitten herntsje,
 Oer de heide en heideblom.

Mar seach Witskip him sliepen.
 O, den rôp hja: 'Wekker, bern!'
 En hja die him d' eagen iepen;
 Liet him nije blommen sjean.

Feanwâlden.

De Hearst het de Simmer to hôf brocht.

De hearst het de simmer to hôf brocht,
 En de winterwyn bile oer it grêf;
 Nou bin alle blommen fortrape,
 En de dreamen forstouden as tsjêf.

Myn lieafde bloide yn de simmer,
 Mar waerd mei de hearstblommen wei.
 De winterwyn skoddet de tûken -
 Ik tink oer myn simmerlok nei.

De hearst dolde in grêf for de simmer,
 En de winterwyn gierde sa bang;
 Mar ik ha myn lieafde to hôf brocht,
 To hôf brocht mei klang en mei sang.

Wintermoanne.

PIETER JELLES.

**De Fryske Broerremoard.
fen
S.S. Koldyk.**

Dy 't fen 'e Lemmer ou nei Grins
Mei skip of stomboat gjit,
Sjocht, dêr it wetter fen 'e Grêft
It Lange Deel en 't Wiid oantref,
In doarp, det Wartna hjit.

It is in doarpke, lyts for 't each,
En oansjean het it net;
Mar ienkear stie er op syn plak,
En speeg'le 'm yn it wetterflak
In drege handelstêd.

Det âlde Wartna, nei 't min seit,
Foarnaem en great en heech,
Sa det men hast gjin moaijer foun,
Hwêr m' ek yn Fryslân hinne roun,
Sonk yn 'e djipte omleech.

En nei 't it âld forhael fortelt
 Is iens dy stêd forgien;
 Dêr streamde ienkear it wetter oer,
 Hwent dêr het ienkear d' iene broer
 De oar, nei 't libben stien.

Dy dei, hy wier for Wartna-stêd
 De alderlêste dei;
 Do d' iene broer dêr d' oar trochstiek,
 En 't ûnwaer oer de stêd losbriek,
 Sonk alles, alles wei.

En spoarleas gyng it nei de groun
 Mei minske, hûs en toer;
 En neat fen alles is der bleaun,
 Sa stiet yn 't âld kronyk biskreaun;
 Nou streamt 'er 't wetter oer.

Nou bout de reiddomp dêr syn nêst,
 Nou rekt er d' ûl' syn lea;
 En 't iene djier fortelt er 't oar,
 Ho 't Radbods Keningsstam forstoar,
 En fen broer Bouwe dea.

En fâlt de sinne yn 't Westen del,
 Den komt der, swart en âld,
 In man de wetterfjilden oer,
 En grynt oer syn formoarde broer,
 De smid fen Earnewâld.

En 't fûgelfolk krûpt skrutel wei
 As hy dêr hinne gjit;
 Gjin reidmosk heft in sankjen oan,
 't Is alles tjuster en forstoarn,
 Troch Earnewâldes smid.

En 't is al ieuwen, det dy man
 Dêr sa allinne gjit;
 Noait wachtet him de deadenrêst;
 Hy moat dêr rinne, ta oan 't lêst,
 Salang de wrâld bistjit.

En wol jimm' hearre nei 't forhael,
 En wite jimme 't net,
 Hwet d' âlde Kening hie forspeld,
 En hwet it âld forhael fortelt:
 De fal fen Wartna-stêd?

De founling.

Yn âlde, lang forroune tiden
 Do stie der by de Smelle Ie
 In kleaster, det mei syn biwenners
 De rom fen 't âlde Fryslân wie.

De mountsen fen det kleaster wierne
 Bikend troch flyt en troch forstân;
 Hwent d' alderearste turf waerd stitsen
 Troch 'n lodde yn ien der broerren hân.

En yn ús lâns histoarjeboeken
 Is iens mei greate letters set:
 Hja dien' for Fryslân hwet hja koene,
 Dêrom forjit hjar 't neiteam net.

Ien ûnder hjar wier altiid d'earste,
 De gnapste, ûren yn it roun,
 Bikend troch rom, bikend troch greatheid
 En 't aeklik útein, det er foun.

't Wier ienkear, op in kâlde Krysttiid,
 Wylst wyld de stoarm om 't kleaster fleach,
 Det yette in mounts, let yn 'e jountiid,
 Nei 'n earne stearrende ta teach.

Hy strampele oer de keale diken;
 De jachtsnie fleach him yn 't gesicht,
 Mar kearde 'm net; syn doel foar eagen
 Tocht hy mar om syn Kristenplicht.

Mar boppe 't âljen fen de stoarmen,
 Dêr heart er, aeklik lûd en klear
 De needrop: 'Minsk en, wol ús helpe!
 O! help ús dochs, ik ken net mear!'

Noch ienkear ropt dy neare stimme
 En den is alles stíl en dea,
 En d' âlde mounts is glêd forbjustre,
 In kjeltme giet him troch de lea.

‘Hjar striid is dien,’ sa mei er tinke,
 ‘Hja binn' yn 't wylde wetter stoarn.
 O Hear!’ sa bidt er, ‘moat' hja stearre,
 O! nim hjar yn genade oan!’

Mar sjoch, hwet leit dêr foar syn foetten? -
 Hy tilt it op; hwet mei er sjean ?
 Det pakje, oanspield troch it wetter,
 It is in lieaf, oannimlik bern.

It libbe yet, en sloech syn eachjes
 Sa tankber op, it lytse hert,
 As woed it d' âlde mounts wol freegje:
 ‘O nim my mei! forlit my net!’

‘Né, stimper, dy scoe 'k lizze litte?
 Né, sûnder dy scil ik net gean.’
 Hy koeze 't bern, en makke 't warem,
 En dekke 't mei syn prysterklean.

Hy gyng werom en kloppe oan 't kleaster
 En spriek do al de broerren oan:
 ‘Dit bern syn âlden binn' fordronken;
 Wy nimm' him ta ús, as ús soan.’

En bar om bar naem elts it berntsje;
 Hja joegen 't oer, de iene oan d' oar'
 En 't klonk yn 't roun, as fen ien stimme:
 ‘Wy soargje er allegearre foar.’

‘Ho scille wy it boike neame ?
 De Himmel krigen wy him fen,
 Mar Bouwebroer het him biwarre:
 Dos Bouwe neame wy it bern.’ -

De nije feart.

‘Kom mannen! 't is tiid, de lodde yn 'e hân,
 Kom! wol nou de hannen ris reppe !
 De sinne stiet heech en skynt noflik oer 't lân,
 De hannen ris fluch oan 'e skeppe.
 It wirk leant syn master, nou fâlt it ús swier;
 Mar is it biredden, den jowt it ús tier.
 It giet for ús Fryslân, sa tinke wy mar,
 De neiteam seit ienkear yet tank ús derfor.’

Sa spriek in man syn wirkfolk ta,
 Det iverich to graven stie;
 En wylent lake en song it sa,
 Krekt as hjar 't wirk mar boartsjen wie.

De man dy 't jinsen soarchfol seach,
 Mar dochs sa blier en doch sa gol,
 Foel aenstouns elk en ien yn 't each,
 En op in pryster like er wol.
 En frege 'm sims fen 't wirkfolk ien
 Om wirk of wol nei goede rie,
 Den hie in lústrer wol forstien
 Det hy hjar haedman Bouwe wie,

Dy, 't ûndernimmend mei forstân,
In feart groef, dwers troch 't Fryske lân.

‘Kom mannen!’ sprekt er 't wirkfolk ta:
Kom mannen! nou in sang;
Lit ús in noflik lietsje ha:
Us Fryslân libje lang!
Kom lit ús sjonge, blier en klear,
Us wirk en Fryslâns rom ta ear!’

Dirkmanssang.

KOAR.

Us scil disse arbeid stielje;
Hja sterket ús de lea;
Lit elts syn krêften fiele;
It neatdwaen is in kwea.
It wirk ken wille bringe:
Kom reppe wij de hân;
Lit lûd ús ridskip klinke
Ta d' ear fen 't Fryske lân.

DE GROUNDARBEIDERS.

Flitich dolle wy en switte
Fen 'e moarntiid ta de joun;
En ús libben fljocht er hinne
Mei it wrotten yn 'e groun,
't Wirk ken seine jaen
As w' ús bêst mar dwaen;
Him, dy 't deis to graven stiet,
Falt de jounrêst swiet.

O, ús graven en ús switten,
Jowt ús wiif en berntjes brea,

En it jowt by Himmels segen
 Krêft to groeijen oan it gea.
 Dy 't mei flyt en nocht,
 't Swiere deiwirk docht,
 Hellet skatten út e groun,
 Dêr gjin loaije 't foun.

TIMMERMAN.

As de moaije sinne yn 't Easten
 't Strieljend ljocht stjûrt oer it lân,
 Wriuwe wy de sliep út d' eagen,
 Nimm' we 't ridskip yn 'e hân.
 En wy spikerje en wy houwe,
 Meitsje hûs en tsjerke en toer,
 Slûzen om de sé to kearen,
 Brêgen, 't breede wetter oer.

Alle Friezen mei elkoarren
 Bouwe ek oan in Heilichdom;
 't Is 't gebouwen fien Fryslâns greatheid,
 't Is 't gebouwen fien Fryslâns rom,
 d' Alden habbe 't foundemint lein,
 En wy bouwe dêr op foart,
 Ta 'n gebouwen for alle tiden,
 Det gjin stearmwyn út 'noar skûrt.

SMID.

Kom, fixe stoere mannen
 Fâlt noait it deiwirk soer;
 De moker yn 'e hannen,
 It izer yn it fjûr.
 Wy wolle ús wirk bihâlde;
 Wy smeije dei oan dei;
 En fen 't forgiene âlde
 Komt wer in krêftfol nij.

Hwet ienkear d' âlden diene,
 Hwet hjar it heechste lei,
 Hwet hja for Fryslân wiene,
 Det stribje wy yet nei.
 Hjar krêft scil wy bihâlde,
 Dy krêft, dy 't yn ús gloeit;
 Sadet, op 't grêf fen 't âlde,
 't Jong Fryslân krêftich bloeit.

SKÛTMAKKER.

Kom lizze wy de kiele
 For 't skip det strak de wrâld yngiet,
 En lit it farre en sile,
 Hwêr sé en lân bestiet.
 Iens fart it nei it fierste strân,
 En skatten dêr fen dinne
 Dy bringt it skip hjir hinne,
 Ta rom fen 't heitelân.

Waei, grien en giele flagge
 Heech út, fen 't topke fen 'e mêst
 Troch stoarm en bliksemslagge,
 Fen 't Easten nei it Wêst.
 It each yn 'f seil, de hân oan 't roer,
 Lit den de sé mar rôlje,
 Lit den de stoarmwyn âlje...
 It skip komt feilich oer !

KOAR.

Kom lit ús allegeare
 Us bêst dwaen, eltse dei;
 En as wy ienkear stearre,
 Folgje ús ús berntsjes nei;
 En sinke wy yn d' ierde,
 Den klinkt yet d' alde wiis,
 En Fryske klokken liede:
 'Hjir leit in rjuchte Fries.'

Mem en Soan.

Hwa brekt dy ienlykheid fen Earnewâldes petten ?
 Dy deade wyldernis mei syn ûntelbre sleatten,
 Hwêrút it sodzich lân syn rûge reiden stekt,
 Dy't rûze as jouns de wyn der wyld troch hinne brekt?
 't Is as hie nea nin minsk de stiltme hjir forbritsen,
 As wier 'er nea nin skip oer dizze wetters stritsen;
 As wier de Skepper fen de Himmel en fen 'e Ierde
 Sa krekt fen dizze groun, as d' alderlêste, skieden.
 De sinne fâlt al del, en út it wetter kliuwe
 De tichte dampen op dy nei de Himmel driuwe,
 Om oare streken wiette en krêft ta groei to jaen:
 Sa ken disse oarde oan 'e ierd' noch nut en segen
 dwaen.

Hwa binn' hja, dy 't nou yet troch dizze lânnen rinne?
 Hwa binn' dy beide doch, hwêrearne moat' hja hinne ?
 It lykje man en wiif, hwet doch se hjir sa let
 Yn 't rûge reid, dêr oars gjin ien syn foetten set?...
 't Is neare tsjustre nacht, gjin stjerke skynt fen boppen;
 De reiddomp gûlt net mear; allinne d'ûl' syn roppen
 Forbrekt de stille nacht, dy 't him syn wille jowt,
 Omdat er, skou fen 't ljocht, nin klearre dei bitrout.
 It twatal rint mar foart oer sodzen en oer diken,
 En 't lykje spûken wol, as wiern' 't opstiene liken,
 Dy 't sochten om in skat, dy, ûnrinchtfeardich woun,
 Forsonken lei yn 't djip, bidobbe earne yn 'e groun.
 Al wylder wirdt de streek, al stilder 't om hjar hinne,
 En ûren yn it roun binn' beide lykme allinne...

Hwet wolle hja dêr dwaen? hwet 't wyt doch wêzeken
 Fen 't pear? It is nin goeds, itmei nin deiljochtsjean.
 Hja wixelje gjin wird, ont hja bij 'n hichte steane,
 Hwerop togearre nou de twa nei boppen geane,
 En oankomme op 'e grien begroeide top.
 Nou seit it wiif: 'Wy binn' der hjir; hâld op!'

En dêr stean hja den, de swalkers,
 dy 't yn nacht en tsjusternis,
 Wylst de dauwe kâld yen oanslacht,
 omtrêdsje yn de wyldernis.
 d' Iene, 't wiif is griis fen hierren,
 't Antlit groefd fen âlderdom,
 Soarch en leed; fortiisd troch 't stoarmjen
 hinget wyld it hier derom.
 En sa 't hja dêr stiet yn 't tsjuster,
 liket hja in kweade geast,
 Dy 't der stiet hjar klear to meitsen
 for en divelsk hexe-feest.
 d' Oar, in man, is wyld fen wêzen;
 as min dy yn 't oansicht sjocht,
 Wirdt min skoftich fen de lôge
 dy syn loerend each ûntfljocht.
 Smid fen hantwrik moat er wêze;
 hwet er oan him het is swart;
 Swart fen hier, fen holle en hannen,
 donker ek for fêst fen hert.

't Moantsje kipet troch de wolken,
 't sêfte ljocht glydt oer de groun,
 En dy strielen brekke it tsjuster,
 blierkje en glânzje fier yn 't roun.
 Beide steane se op 'e hichte,
 en dêr leit nou, klear en bleat:
 d' Iene kant: de rûge fjilden;
 d' oare kant: in breede feart.
 Yn de fjirte stekke toerren
 út de tichte beammen op,
 Yn 'e grauwe wolken rikkend,
 mei it kriúsbyld yn 'e top;
 En de reade ljochten stekke
 freamd by 't bleeke moanljocht ou,
 Det nou troch de wolken kipet,
 spûklich, skril, by 't nachtlík grau.
 Mar de beide swalkers tinke
 net om 't moaije fen it gea;
 Ne! hjar hert slacht for de wrake,
 yn hjar binnenst broeit it kwea.
 't Alde wiif forheft hjar stimme,
 en hja sprekt op rouwe toan:
 'Kom op dizze hichte, Wibe,
 hear nei myn forhael, myn soan! -
 Iens, yn langforroune jierren,
 do 't dy stêd noch net bistie,
 Do 't hjir noch gjin Kristnen wierne
 en ús Radbod kening wie,
 Is dy greate stêd dêr stichte,
 en, myn soan, forjit it net,

't Wier dyn stamfaer, dy 't him boude,
en hy neamde 'm: Wartna-stêd.
En do 't hy syn wirk biredden,
en syn stêd dêr lizzen seach,
Tilde 't herte 'm op fen heechmoed,
greatskens strielde 'r út syn each.
Mar syn heit, dy âlde kening
spriek: 'Myn soan, kom, hear nei my;
Dizze stêd scil groeije en bloeije,
lange jierren yet hjirnei;
Mar syn tiid scil ienkear komme,
iwich scil er net bistan;
Al it ierdske moat forstearre;
dizze stêd scil ek forgean.
Hwent as út myn neiteam ienkear
d' iene broer de hân forheft,
Mei de skerpe moardprien waepne,
en sa de oare deadlyk treft:
Den scil hjir it wetter rinne,
en forwoesting folget nei,
Alles scil yn 't djip forsinke,
en dyn moaije sted sinkt wei.'
Dit foarspelde d' âlde kening,
en de stêd het altyd woun;
Handel driuwt er, en syn skippen,
stjûrt er Fryslân yn it roun.
Nimmen tinkt mear om de wirden,
dy 't ienkear de kening sei,
Elts mient, det syn slachte is útstoarn,
d' âlde keningsstam is wei.

Wartna-stêd is ek foroare,
 't is hiel oars, as 't earder wie;
 Nou stean greate Kristentsjerken,
 dêr earst Wodans alter stie;
 Us Alfader is forgetten,
 en syn timpels lizze plat,
 Freamde prysters, keal fen holle,
 brochten ús in freamde God.
 Alles habbe se ús onthelle,
 neat bliuwt for ús op 'e wrâld,
 En in breede feart scil rinne,
 dwers troch Wodans hillich wâld.
 Dêrom: flok oer dizze fjilden,
 noait komt hjir wer segen oer;
 Lit Thors hammer se fordylgje,
 mei syn fleanend bliksemfjûr!
 O, Alfader wol my hearre,
 kear dyn antlit ten hjar ou,
 Wol se struije yn alle winen,
 lit se stearre yn djippe rou!
 Lit dyn sinne noait wer skine
 oer 't untaerdge Wartna-stêd;
 Lit gjin reindrip ea wer fâlle,
 nou, en noait en nimmer net.
 Hear, o Wibe! 'k wol dy sizze,
 hear myn soan, hwet ik dy lear:
 Ken dyn hân de stêd fordylgje,
 't is in wirk ta Wodans ear.
 Ienkear Wibe, hiest' en broerke;
 yn it wetter is er stoarn;

Tagelyk bin hja fordronken,
 allebeide: heit en soan;
 Dos, dou hoefst gjin broer to deijen,
 hwent myn soan, dy hestou net;
 Mar dochs hestou yn dyn hannen
 d' ûndergong fen Wartna-stêd.
 Kom, foarút! for ús de wrake!
 dêr 't de feart sa fredich rint.
 Dwers troch bosk en greiden hinne,
 Dêr is 't, det ús wræk bigjint,

De floed.

't Is stil en dea by 't greate wirk,
 Det Bouwe-broer bigong:
 Dêr hjoed sa fleurich as in ljurk
 De blide wirkman song.
 Yn skimerjoun socht elts op 't lêst,
 Nei d' arbeid fen 'e dei,
 De wolfortsjinne swiete rêst,
 En foel yn stomme wei.

Hwa sit dêr yet yn neare nacht,
 As wier 't in byld fen stien?
 Hwa hâldt sa iensom dêr de wacht?
 In nachtspûk is 't meiskien?
 Né! 't Is in minske dy 't der sit
 Yn tsjusternisse en mist;
 De founling, oandraun op Smelle-Ie,
 De haedman Bouwe is't.

As oaren sliepe, wekket hy;
 De nachtrêst fynt him net;
 Hy tinkt aloan om 't great karwei,
 Det hy bigongen het.
 Det wirk, it leit him nei oan 't hert;
 It is syn bern, syn skat;
 Elts strûkelblok jowt djippe smert;
 Eltse oerwinst him genot.

Mar dochs, allinnich is er net:
 Twa hâlde 'm yn it each;
 Dêr hy syn wille en nocht oan het,
 Det 's for dy twa in pleach;
 Hja binn' 't, de swalkers, mem en soan,
 Mei 't moardplan yn it hert;
 Noch foar it daegjen fen 'e moarn,
 Forsinkt de greate stêd.

‘Sjochst, Wibe,’ sprekt it âlde wiif,
 ‘Hwa dêr sa ienlyk sit?
 Hwa is dy man, sa stil en stiif? -
 De haedman,’ seit doeEdition smid.
 ‘Ja hy is 't, dy 'k it slimst yet hâld;
 Him wyt ik 't meast it kwea;
 Hy graeft de feart troch 't hillich wâld.
 Op, Wibe! him de dea!’

Lyk as de wylde wolf it laem
 Yn toarst nei bloed bispringt,
 Sa docht de swarte smid in raem,

Dy moard en dea tabringt;
 Swier troffen fâlt broer Bouwe del,
 Syn bloed rint oer 't gesicht:
 En 't each, sa skrandere en sa gol,
 It giet for iwich licht.

En 't âlde wiif sjocht alles oan,
 As hie se 'n hert fen stien.
 'Kom Wibe!' sprekt se tsjin hjar soan,
 'Dyn wirk is yet net dien.
 'Forniel dy dyk, en 't wetter fen
 De feart, det dertroch fljocht,
 'Streamt oer de stêd, en, Wibe! den
 Is 't hillich wirk folbrocht.'

Wer is de smid yn ienen klear,
 As oandreaun troch dy stim;
 Gjin minskelijen docht him sear,
 Hy heart mar nei syn mem.
 Hja is de holle en hy de hân,
 Hja tinkt, en 't wirk docht hy.
 Dy twa forbynt ien fêste bân
 Fen lieafde, en haet der by.

En wylens det de smid mei krêft
 De lodde yn d' ierde stekt,
 De dyk mei swiere slaggen treft
 En út elkoarren brekt,
 Bisjocht it âlde wiif it lyk,
 Det nou gjin wird mear seit,

En det, bispat mei bloed en slyk,
Sa bleek dêr hinne leit.

Syn hertebloed, sa warem niis,
Det hy for 't wirk forgeat,
Streamt út de woun, en ferwet read
It wetter fen syn feart;
En 't weachje det dêr hinne giet,
Him aeikjend, kear op kear,
Det sjongt yn rouwe in deadeliet:
Broer Bouwe rom en ear.

En sûnder smerte sjocht s' it oan;
Mar dêr, dêr sjocht hja hwet!
Dêr op syn boarat, dêr is hwet skreaun...
Hwet letters binne det?...
Hja fâlt op 't lyk forheftich. oan -
En o! hwet moat hja sjean?...
Dy mounts, formoarde troch hjar soan,
It is hjar egen bern!

Dy letters het hja selme set;
Det wapen det dêr stiet,
Hja kin it skoan; hja fierde 't sels:
Fen kening Radbod wie 't.
'O!' ropt hja, 'Wibe! hwet hest dien? -
O soan! hwet komt ús oer?
Wy habbe ús bloed nei 't libben stien;
O Wibe! 't wier dyn broer!'

Krekt docht de smid de lêste stek.
 Djip stekt er yn de groun,
 En tilt it op mei reuzenkrêft,
 En stoarret wyld yn 't roun:
 ‘Ja mem’ klinkt nou syn woest geklei,
 ‘Jy habbe 't sels sa wold;
 Hwet ienkear d' âlde Kening sei,
 Is hjoed troch ús forfold!’

Hy sprekt. En 't wetter fen de feart
 Brekt woest en wyld dêr troch,
 En streamt de griene fjilden oer,
 Mei bolderjend gefljoch.
 Dea en forwoesting folgje 't nei,
 Heech brúst it wetterskom;
 En 't moaije Wartna-stêd sinkt wei;
 Gjin minske seach 't werom.

Dêr jister 't rike Wartna stie
 Is alles nou forstoarn;
 Folbrocht is nou de swiere wraek,
 De wraek fen mem en soan.
 De weagen rôlje al om en om,
 En patsje, bar om bar,
 Broer Bouwe lyk, det meinomd wirdt,
 En weisinkt yn de mar.

It spûk fen de lange sleatten.

Hwa is dy swalker dêr allinne,
 Yn nacht en dau?
 Hwa mei dêr rinne,
 It hert fol rou?
 Foardel de holle,
 De hannen gear;
 Hwet mei er wolle,
 Sa skou en near?
 Heech binn' syn jierren,
 Syn klean binn' âld;
 Hwet docht er hjirre,
 Allinne yn 't wâld?...

Stil giet er dêr, dy âlde,
 Gjin minske sjocht er oan.
 De smid ten Earnewâlde,
 Foar ieuwen al forstoarn.

Wol faek yn neare nachten,
 As wyld de stoarmwyn raest,
 En oer de wide fjilden
 It skomjend wetter blaest,
 Den is er net allinne,
 In oaren is der by;
 Ald mei de man wol lykje,
 Folle âlder yet is sy.
 Hja strune, en siikje om 'e oarde,

Dêr eren Wartna stie;
 En neare klachten klinke 'r,
 En rûze 'r om Smelle-Ie.

Is yet in skipper bûten,
 Den giet er stil oan board;
 Hark! d' ûlen âlje en geije,
 En mem en soan bikleije
 De Fryske broerremoard.

Grou, Hearstmoanne, 1882.

In Fûgel.

In fûgel het blier for my songen,
 Do 't ik klage: myn lieafde is forstoarn.
 Syn liet is myn sinnen trochkrongen;
 Myn hert is de wynsels ûntsprongen,
 As in blom yn de ûntweitsende moarn.

Hy song fen in iwige sinne,
 Fen de hope, dy skynt oer ús paed;
 Hy song fen in herte fol minne,
 Det kloppet, net fier hjir fen dinne,
 Yn in doarpke, biskûle yn it skaed.

Do liet er allinne my sitte;
 Ik harke, forbûke en forheard.
 Syn wûndersang kin 'k net forjitte;
 Mar minlike graech woe ik witte:
 Hwearerne is dy fûgel doch keard?

PIETER JELLES.

Foar 't Finster.**fen****O.H. Sytstra.**

Ik sit foar it finster to mymrjen,
En dikerje wylst nei de feart,
Dêr blikkert it wetter sa lieaflik,
't Is krekt eft me fjûr der oer geat.

Sa blier skynt de sinne dêr boppe,
Hja stjûrt sa hjar strielen dêr oer,
Det fonkelt en flikkert en glinstert,
It liket hast allegear fjûr.

Sjoch, nou is it hiele ein wetter,
Det wy hjir fen dinne bisjean,
Mei fonkeljend goud as oergetten...
Nou hat it dy glans wer forlern.

It ljocht is nou lang net sa helder,
Mar hjir en dêr flikkert it yet,
Krekt eft der sims stjerren út skeaten,
Ont ek det geflikker forgjit.

Krekt eft nou de tsjustere weagen
 Ek greater en heger yet binn';
 'n Sa rôlje en sa skouwe hja fierder,
 Sa fier ik se neiëagje kin.

Sa giet it hjir ek mei ús, minsken:
 By inklen is 't ljocht, hwet me sjocht,
 Det fonkelt en flickert en glinstert,
 Alhiel sa hjar libbensrin troch.

Doch oaren wer, dy mar ris efkes
 Hjar libbensstream glinsterjen sjean;
 Den wirde de weagen wer tsjuster,
 Sa fier min se neiëagje ken.

Mar ek binne 'er rjue, dy fen bern ou,
 Tadet me se yn 't grêf sinken sjocht,
 Yn 't libben nin inkeld ein hawn ha,
 Det glinstre fen 't himmelske ljocht.

Gjin streamen of stjerkes fen silver
 Forheldren hjar libbenstream ea;
 For hjar hâlden tsjustere wolken
 It sinneljocht skûl ta hjar dea.

Doch allegearr', 't sy det hjar libben
 Ien heldere stream wier fen ljocht,
 Of det dy soms glansge mei stjerkes,
 Of det er it byld wier fen nacht -

Fen nimmen net koe ik biëagje,
 Om 't it klead my it útsicht binaem,
 Hwer eft den hjar weagen bidarren,
 En ef 't den ek oars mei hjar kaem.

Farwol!

Farwol, 'k lit dy driuwe,
 Liet, det myn hert ûntfleach!
 Farwol, 'k lit dy driuwe,
 Fier, fier út myn each.

Yn ûren fen wille,
 As 'k ûnder frjeunen siet,
 Yn dagen fen lijen -
 Myn nocht wierst, o liet!

Bleau stom faek myn mûle,
 Djip yn myn hert songstou.
 Bleau kâld faek myn wêzen,
 Gleaun, brûzend wierstou.

'k Wier nea net allinne;
 Altiid wierstou my by
 De nochlikste dreamen,
 Dy dreamde 'k troch dy.

Nou lit ik dy driuwe;
 Dou draechst myn wille
 en smert;
 Flean, flean as in fûgel,
 Dou, bern fen myn hert.

Flean frij oer ús fjilden,
 Wês fen nin skimpers bang;
 Bliuw Frysk yn dyn wêzen,
 Bliuw wier yn dyn sang.

Sjochst' brimstige jildijue,
 Het min de gek mei dy,
 Sjochst' droege gelearden,
 Flean hastich foarby!

Sjong fammen fen minne,
 Feinten fen Fryske trou;
 Hwêr herten yet binne,
 Dêrhinne flean dou!

PIETER JELLES.